

FERSEN FAN MINNE

Dizze útjefte is mooglik makke troch:
de Boelstra-Olivier Stichting, Stiens
de Boersma-Adema Stichting, Ljouwert
de P.W. Janssen's Friesche Stichting, It Hearrenfean
de Stichting Juckema-Sideriusfonds, Ljouwert
de Douwe Kalma Stifting, Ljouwert
it Arjen Witteveen Fûns, It Hearrenfean

Mei stipe fan de Provinsje Fryslân.

FERSEN FAN MINNE

Tekst: Klaas Bruinsma, Aldemardum
Foarmjouwing: Utjouwerij Frysk en Frij, Ljouwert
Setwurk: Bornmeer DTP, Wânswert
Printwurk: Koninklijke Wöhrmann, Sutfen

© 2001 Klaas Bruinsma, Aldemardum

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde en/of iepenbier makke troch
printsjen, fotokopy, mikrofilm of op hokker wize ek, sûnder skriftlike tastim-
ming fan de útjouwer.

ISBN: 90-73554-72-1

CIP-gegevens Keninklike Bibleteek, Den Haach:

Bruinsma, Klaas
Fersen fan Minne [fert.]. - Ljouwert: Utjouwerij Frysk en Frij.

Mei lit. opj.

ISBN: 90-73554-72-1

NUGI: 312

Stekwurd: Fersen fan Minne/Nederlânske skriftekennisse; tekstútjeften.

HADEWYCH

FERSEN FAN MINNE

ferfryske fan

KLAAS BRUINSMA

FF

UTJOUWERIJ FRYSK EN FRIJ

Piae Memoriae
beati Titi Brandsma O.C. (1881-1942)
dedicata per translationem
in linguam friscam

*Oan de earbiedige neitins
fan de sillige Titus Brandsma fan de Karmeliten Oarder
tawijd troch de oersetting
yn 'e Fryske taal*

*Sa'n frjemde freugde wekket dit kontrei,
dat w' ús ûnwennige ferdreaunen fiele
út nea te kennen kriteren fan de siele,
dêr't mar in diel fan skôge wurde mei.*

Dr Ype Poortinga (1910-1985)

YNHALD

YNLIEDING 9

OERSETTING 24

NOATEN 373

KOLOFON 385

KOARTE LITERATUER-OPJEFTE 387

YNLIEDING

A. HADEWYCH HAR LIBBEN EN WURK

Hadewych wie in Súdnerlânske dichteresse, in Flaamske frou dy't libbe yn 'e 13de ieu. Dat is suver alles wat fan har libben mei wissichheid bekend is. Miskien kaam hja út Antwerpen, miskien wenne hja letter yn Groenendaal by Brussel, mar dat is rieden.

Wol witte wy, dat hja gauris ferhuze is en dat har dat min sinnige hat: hja kleit oer har 'dolen achter lande', swalkjen troch it lân.

Wy kinne dêrút opmeitsje, dat hja gjin 'gewoane' non of begine wie; dy hawwe ommers in fêst plak. As wy mear witte wolle oer persoan en persoanlikheid fan Hadewych, binne wy oanwiisd op har wurk en geskriften fan oaren. Mar in biografy of hagiografy fan har is der net.

Yn har eigen wurk ferskynt hja as in learde frou, dy't neist har memmetaal it Frânsk en it Latyn yn de macht hie. (It earste en it lêste Strofysk Dicht ha Latynse fersrigels). Fierders moat hja teologysk goed ûnderlein west ha, benammen op it mêd fan de mystyk, sa't dy te finen is by Bernard fan Clairvaux, de Frânske skiere muonts (1090-1153)

In oar skaaimerke fan Hadewych is, dat hja de hoaske (hoofse) seden en de 'amour courtois' (leafde as oan it hof) út eigen ûnderfining koe en ek de hofpoëzij fan de minstrelen. Koartsein, hja wie in erudite, foarname, aristokratyske frou fan eal komôf.

Yn har Brieven, rjochte oan it 'lieve kind', sprekt hja mei gesach, ja gebiedt in tal fromme froulju. Letter hat hja – wêrom witte wy net – har by in oar selskip oansletten, mar dat hat har net foldien. Men kin jin bêst yntinke, dat har publyk dat ek sa fûn, dat in frou mei sa'n hertstochtlik aard en sokke

strange easken – net allinne foar harsels, mar ek foar oaren in bazinne, om net te sizzen in fekke – net altyd like noflik is. Sa is hja faak net begrepen en gâns fan har uteringen (fizioenen, iepenbieringen, mystike poëzij) binne yndied tsjuster en net maklik te fetsjen.

En wa kin sa'n libbenslange, strange askeze (ûnthâlding en ûnthechting) folhâlde, as men yn it foar wit, dat it doel, de mystike feriening mei God (unio mystica) nea berikt wurde sil yn dit libben?

Dêrom is Hadewych wierskynlik yn djippe iensumheid stoarn en faak moat hja har fan God en minsken ferlitten field hawwe. In ieu letter wie hja út har geskriften oan Jan van Ruusbroec (1293 – 1381) goed bekend en yn Dútslân waard Sante Adelwip (!) beskôge as in 'grutte hillige dy't yn de Ivige libbet', en yn Flaanderen as 'een heylig glorieus wijf'. 'Zij is een waarachtige lerares, want Hadewychs boeken zijn zeker en geloofsgetrouw, uit God geboren en door Hem ingegeven. Want haar boeken zijn door Gods ogen gelezen en onderzocht, en door onze Heer Jezus Christus op hun waarachtigheid getoetst. Ook door de Heilige Geest zijn ze oprecht bevonden, in overeenstemming met en getrouw aan de Heilige Schrift.' (sic!)

Om 1500 hinne waard yn Noard Nederlân in blomlêzing út har Brieven makke. Hieltid mear waard de klam lein op Hadewych har foarskriften foar in from libben. Hja waard yn dy tiid dus yn it foarste plak sjoen as godstsjintige autoriteit; de literêre wearde fan har geskriften kaam pas op it twadde plak. Sûnt de 16de ieu, de ieu fan de Herfoarming dy't net folle fan de Roomse mystyk ha moast, en de 18de ieu, dy fan it Rasjonalisme, hat Hadewych it lot dield fan omtrint alle midsieuske skriuwers: hja waard net mear lêzen.

Pas yn 1838 ûntdiek de Dútske professor F.J.Mone twa Hadewych hânskriften yn de Keninklike Bibleteek te Brussel. Sûnt hat der altyd in drokke en yngeande stúdzje fan Hadewych

west en op 't heden binne parten fan har wurk oerset yn it Dútsk, Frânsk, Ingelsk en Italiaansk. En dizze oersetting fan Hadewych har Strofyske Dichten besiket har Fersen fan Minne foar Fryske lêzers tagonklik te meitsjen. Jo hoege net sels mei it Middelnederlânsk te wrakseljen, in taal dy't sân ieuwen fan de hjoeddeiske lêzer ôf stiet. Dat probleem is foar jo oplost. Mar gedichten bliuwe wol gedichten, fansels; as dy dan ek noch leafdespoëzij is, ja mystike dichten binne, mei der wol in paadwizer by. Dêrom earst in oersjoch oer it wurk fan Hadewych en in mannich wurden oer de ynhâld (tematyk) fan har Strofyske Dichten.

B. OERSJOCH FAN HADEWYCH HAR WURK

I. *Proaza*.

- a. de 11 *Visioenen*, beskriuwings fan iepenbieringen dy't hja hân hie; de ekstases dy't hja belibbe hat.
- b. de 31 *Brieven*, dy't bytiden teologyske ferhanlingen lykje. Se binne didaktysk bedoeld, dus om te learen, en binne rjochte oan de fromme froulju dy't mei har libben (beginen?).

II. *Poëzij*

- a. de *Berime Brieven* befetsje deselde moannings as de Brieven yn Proaza.
- b. de 29 *Mingeldichten*, wêrfan allinne de earste sechstjin echt binne. Op grûn fan hânskrift en wurdkar kinne de oare trettjin net fan Hadewych wêze, hat men fûn.
- c. de 45 *Strofyske Dichten*, in nij literêr sjenre, t.w. mystike leafdespoëzij.

Ik sil my hjir fierder beheine ta de Strofyske Dichten.

C. DE RELIGIEUZE YNHÂLD: MYSTYK

Mystyk is in frijwat dizich begryp yn de teology, mar yn it algemien wurdt dermei bedoeld in yntime Godserfaring, de langst fan de minskesiel God te belibjen en te ûnderfinen, ja sels ien te wurden mei Him.

Dy uterst persoanlike, subjektive moeting en mienskip fan de stjerlike en sûndige minske mei de ivige en folslein reine God is neffens Bernard fan Clairvaux – en op him berêste Hade-wych har teologyske opfettings – inkeld te berikken troch de folsleine leafde. Hy beskriuwt dy ienheid yn leafde as de leafde yn it houlik tusken man en frou en brûkt dêrby bylden út it Heechliet. Yn it Heechliet wurdt de sinlike, lichaamlike, seksuele leafde, de eros belibbe. Mar de teologen ha it Heechliet fergeastlike; oars wie it boek mei sokke plastyske bylden faaks net yn de Bibel opnommen.

Hja ha de relaasje tusken breugeman en breid sjoen as de leafde fan God ta Syn útkard folk Israel, en letter as Kristus en Syn breid: de Tsjerke.

De mystyk is by Bernard fan Clairvaux dus breidsmystyk en de eros fan it Heechliet is – ek by syn neifolgers – geastlike leafde, de ágapê fan it Nije Testamint, lykas by Paulus yn 1 Korintiërs 13.

God wurdt net langer sjoen as de strange, rjochtfeardige Rjochter, dy't it goede leannet en foaral it kweade straft; hoe fol binne de midsieuske geskriften fan de driging mei hel en ferdommenis! Nee, om God te kennen en leaf te hawwen moat men alderearst nei de Godsmem Maria en har soan Kristus sjen: Madonna mei Bern yn ynlike leafde ferbûn.

God wurdt belibbe as Godminske – mei de klam op minske – mei alle earmoed, fertriet, eangst foar it lijen en de godferlitten (!) dea oan it Krús.

Troch Kristus Syn lijen (passio) út leafde ta de minske, rjocht te

oertinken kin de minske de passio as passy-hertstocht be-libje. De kearn fan dizze leare is dus: God is Leafde (I Johannes 6: 9, ferl. HSD xx, 5) en de Leafde is út God (I Johannes 4,7) ôfkomstich. De wiere leafde komt út God fuort as út in boarne; en is in genedejefte fan God – gjin prestaasje – oan de minske. Sa is wiere leafde God moetsje as Godminske op ierde.

Kristus is de folsleine leafde (xii 2, xiii 8, xxix 2) en dy leafde is yn Maria, mem fan God (xxix). De leafde is jonkfrou en keninginne (ii 3) deselde titels wurde oan Maria jûn; hja is mem fan alle deugden (xlv) en hat de Trou berne.

Dizze leare waard troch fromme froulju belibbe yn 'ekstase'; religieuzen dy't mei geastdrift en hertstocht dy Leafde learden, belieden en foaral belibben. Dizze persoanlik belibbe ferhâlding ta God is de fertroulike omgong mei Kristus as leavjende meiminske en as ljende Godminske.

Foar in muonts as man waard Maria byld fan syn mem, syn faam, syn breid, foar wa't er de wrâld farwol sein hie; foar de fromme frou wie Kristus, de freon (dat betsjut letterlik: leafhawwende) fan har siel, en har Breugeman, oan wa't hja fersein is, foar ivich.

Ho't Hadewych as frou en dichteresse dy leafdesrelasje belibbe hat, blykt út har geskriften. Hja longeret 'met orewoet van minnen' yn barnende langst nei de leafde (vii 4) en beseft tige goed, dat de Leafde fier en heech is (viii 2) De Minne wennet yn heite skerte (ferl. Johannes 1:18) en om de mystike feriening te berikken is de ynspanning fan alle krêften nedich.

*Men moet har tsjinje trou en beret,
wol men it wurk fan Minne sjen. VIII 2 Mar*
*Bemint er Minne mei alle trêft,
dan wurdt er ringen ien mei Minne. VIII 1 en xx.*

Foar Hadewych is dizze wrâld in lân fan ferfrjemding, fan ellinde (letterlik út-lannichheid), dus om utens wêze, en jin net thús fiele, mar langst hawwe. De siele heart fan ivichheid thús yn God, mar God is yn de himel en wy minsken binne op ierde, dy't neat oars is as 'in gea fan tsjusternis'.

Dy ôfwêzichheid, dy skieding bringt Hadewych ta fertriet, ta in eksistinsjele wanhoop, dy't utere wurdt yn bittere klachten, oant deadsferlangen ta.

Omt de leafde jin alhiel en absolút opeasket, wurdt fan de leafhawwende minske in libbenslange wrakseling en striid ferge, in askeze dy't suver in geastlik masogisme liket. De minske moat him ûnderwerpe, himsels leechmeitsje, lykas Kristus himsels leechskodde hat (kenosis, Filippiërs 2:7)

*alhiel te neate wurd' yn Minne,
(docht tinken oan in Nirwana)
dat is it bêste, dat ik ken
fan alle dingen dy't der binne,
al wit 'k mysels dêryn in bern.*

XXXVIII 7

Hadewych besiket har ideeën dúdlik te meitsjen mei bylden út har tiid: lykas lien (lienstelsel) XVI 9 en XXIV 2; fan de leafde krijt men pine yn lien. *Orewoet van minnen – Dats een rike leen* XXVIII 4.

Dy't wier Frouwe Leafde tsjinje (II 2) binne eallju en dappere ridders (IV 7 en 9) en foaral (XXXII), dy't de fjildtocht (II I) en de striid oandoare. (XVI 2 en XXI) De Leafde liket soms in stêd dy't belegere wurde moat (XLI). De kriich om har te winnen is in lange wedstriid yn it hurdrinnen (XL).

De Leafde is wif en ûnbestindich (V) as in dobbelspul (XXXIff) en set alles op 'e kop. Men moat in soad leare yn de 'skoalle fan Leafde' (VI, XIV 7,8) Mar de measten binne dêr te dom foar: de Leafde is foar in elite (VIII en XII 6) de oaren binne 'de frjemden en wylden' (XVII en XXIV 8).

Hjir blykt dúdlik Hadewych har aristokratyske libbenshâlding; de foarname dame ('myn heech geslacht' XXIII 6 en XXVI 4) sjocht op de domme massa del.

De Leafde is in mystearje; de banen fan stjerren en planeten binne noch nei te gean, mar net ien master moat de waan ha, dat er mei it ferstân de Leafde fettet (XL 8,9) Wy minsken kinne de willekeur en tsjinstridichheid yn de Leafde net ûnderskiede (X 3)

*Och! oer ellindich tsjustre wegen
lit Minne faak ús doarmj' yn need,
yn mannich stoarm alhiel ferlegen.
Dêr liket hja ús tsjoed en wreed.*

Mar elk dy't de Leafde leafhat, moat dizze kueren akseptearje, want:

*Hy wit, dat hy ten alle tiid
har wil en oars neat wolle moat
en nimmer drôvich wêz' of bliid* [stoisyn]
om wat dêrbûten jit him bart. XLI 7.

Wa't sa, as dappere ridder yn in toernoai, de striid foar de Leafde oangiet mei in fûleindigen kriich en mei hertstocht, wa't sa sels de dea aventoeret om de Frouwe, sil har leafde winne, nettsjinsteande, nee krekt troch de wûnen dy't er yn de Minne oprint (XL 6).

Omdat hja yn folsleinens de Minne tsjinne (XLV 5) sil de siele de folsleine ienheid (unio mystica) winne en deryn *weisinke* (XL 6).

*It bûtenwenstich goede bart –
Begearte skept, Genietsjen drinkt –
him dy't syn bestean yn Minne fertart
en dwyl yn 't geniet fan d' ienheid sinkt.*

*Dy krijt fan 't lok folslein syn part,
as Minne har poer as leafde skinkt,
oant syn leafde reïne ripens hat
ta genietsjen fan de swiete Minne.*

No moat men net tinke dat Hadewych inkeld each foar it geastlike hat en sa wrâldfrjemd is as in hearremyt yn in klûs. Nee, hja jout praktyske rie oan de minner foar syn hâlden en dragen yn 'e wrâld. Om syn folle lean te krijen moat de minner de geboaden ûnderhâlde: de leafde ta God moat blike út neisteleafde. Om yn 'e geunst fan Minne te kommen, moat ûntferming en leafde foar de neist toand wurde mei de died:

*yn 't soargjen foar siken en foar sûnen
en blinen en manken en ferwûnen.* VIII,4 en

*de frjemden tsjinje, oan d' earmen skinke,
de drôven treaste út alle macht,
yn trou de freonen Gods betinke
mank hillgen en minsken, dei en nacht
mei alle krêft, óer minskene mjitte.* VIII,5

Hadewych beseft dus dat it boppe-minsklike, oaren sizze, it ûnminsklike, fan 'e leafdetsjinner ferge wurdt.

D. DE ûNTJOUWING YN 'E FERSEN FAN MINNE

Yn in artikel yn *Levende Talen* (1975) (s.355ff) hat G.M. Mesland wiisd op in opfallend ferbân tusken 'De chronologie der Strofische Gedichten van Hadewijch en haar persoonlijke ontwikkeling'.

Wat hjir folget is in koarte werjefte fan dat artikel, dat in fer-rassend ljocht smyt op persoan en wurk fan Hadewych.

As de folchoarder fan de Strofyske Dichten, lykas yn dizze bondel folge, de goede is, dan wjerspegelet him yn Hadewych har dichtwurk in ûntjouwing fan har fielen en tinken, fan bliid en optein nei somber, treasteleas en wanhopich. Ferlykje mar it earste fers (I) mei it lêste (XLV).

Yn 'e earste helte fan de bondel binne heechút sân djiptepunten te fernimmen (I o/m XXII) yn de twadde helte (XXIII o/m XLV) steane njoggentjin of tweintich, dus hast trije kear safolle. Dêrmei lykop geane in tanimmende berêsting of sels ûnferskillichheid, wylst har wjerstân tsjin de iensumheid ôfnimt.

Mar wat groeit is de wjersin yn dit libben en in oanboazjende langst om dea te wêzen. It is net tafallich, dat it lêste fers – ôfsjoen fan it ferplichte Amen, Amen – einget mei mori: stjerre. Blykber fielt Hadewych har wurch; hja is de tsjinst fan Minne sêd. Wy sjogge dit ferskynsel foaral yn de twadde helte fan de bondel, bg. Fers XLII (42) begjinnende mei: 'De tryste tiid is ta ús kommen.' Strofe 1, r.4 sprekt fan: *in ûngenêslík sear* en strofe 2, r.4 fan *omdôch om rêding op 'e syk*. Yn it folgjende fers (XLIII, 15) ropt hja fertwivele út: *Och Minne, wolle jo net, dat 'k libje?* Hja kin sels de Minne hune: Wa't mient dat de Minne jout wat hja ûnthjitten hat, fersint him.

Sarkastysk klinkt it yn XLIV, 5:

*Lit wa't dat leaut, betrouwend tiidzje,
lyk ien dy't hong, op 't lêst geniet,
en sa syn rêding rêstich biidzje.*

Dy rêding kin net oars wêze as de dea, dy't de lijer ferlost út syn (har) lijen. Yn in eksistinsjele need ropt Hadewych út:

It griist my, dat ik berne bin (9, r.6).

En hoewol XLV begjint mei de wiere wille fan de wiere leafde (I, r. 3 en 4) sprekt de dichteresse:

*yn myn bittrens njoer:
Och, ik doarmj' yn nuodlik aventoer.*

Wy sjogge in ûntjouwing fan fleur yn de jonkheid, yn 'e midden in riping troch lottering en oan de ein de fertwiveling fan in djip teloarstelde frou. Koartsein: fan optimisme nei pessimisme.

E. HADEWYCH EN FRYSLÂN

By myn sneupen nei eardere oersettingen fan Hadewych har poëzij haw ik – fansels – rieplachte Klaes Dykstra syn standertwurk 'Oersettingen yn it Frysk', dat lykwols it tiidrek 1800-1960 beslacht, en net fierder. Op side 71 fan syn boek neamt Dykstra by oersettingen út it Mid-nederlânsk acht titels en fiif oersetters, Harmen Sytstra, Waling Dykstra, J. de Beer-Dykstra)

De mei Hadewych besibbe 'Ruusbroec fynt in *anonime* oersetter' – wa soe dat west ha? De namme Hadewych haw ik yn it hiele boek net fine kinnen.

Mar yn it tydskrift Frisia fan 1919 en 1920 hat Douwe Kalma 'Sangen fen Hadewych' publisearre: nûmere I o/m XII, XV, XXVII (2x, alhiel ferskillend fan elkoar) fierders XLII; LIV en LX, mei-inoar net sechstich, mar achttjin dus. Yn Douwe Kalma syn Samle Fersen binne allinne de twa lêstneamde opnommen; it iene (nr LIV = 54) begjint mei:

*Myn hert sjongt: yn myn earms lei Leafde' en keas
myn boarst ta skûl foar 't heimnis fan syn slom.* (s.368)

En nûmer LX (=60) begjint mei:

Dyn wyn, o leafde, wite wegen gien... (s.368)

Dizze twa fersen binne twa dielen fan in trijelúk ûnder de titel 'De Hege Leafde', yn de Samle Fersen.

Ik sitearje no út in brief fan Jelle Krol, ynlieder en besoarger fan Kalma syn Samle fersen: 'Yndertiid bin ik, tink, wat op 'e doele brocht troch Kalma syn brûken fan it wurd sje 'fen' yn

'e titel 'Sangen fen Hadewych' en syn noat by de earste publikaasje dêrfan. Yn dy noat seit er: "Hadewych, in kleastersister út 'e Midsieuwen, dy't geastlike lieten skreau fan tige mystyk wêzen; hjir de forpersoanliking fan de mystike ljeafde for it godlik ideael, lykas dat him bytiden yn minsken iepenbieret." Dy noat fette ik op yn de sin fan: "Hjir binne troch my yn it Frysk bewurke sangen fan Hadewych, in kleastersuster," ensfh. Te'n ûnrjochte, sa docht no bliken. It giet *net* om, yn sonnettefoarm bewurke, Fryske ferzjes fan oan Hadewych taskreaune sangen, mar om, sa't it liket, *oarspronklik wurk fan Kalma*. (skeanprint fan my, KB.)

As dat it gefal is – en dêr liket it in soad op – dan hie 'k dy sangen ek opnimme moatten yn Douwe Kalma syn Samle Fersen.'

Krol seit ek noch: 'Yn Kalma syn bibleteek, dy't op it FLMD bewarre wurdt, haw ik gjin boeken oer Hadewych fine kinnen. Hoe't Kalma op it spoar fan Hadewych set is, is my dan ek net goed dúdlik.'

Fierders tinkt Krol oan Albert Verwey. En mei rjocht, want yn 1922 (mar dat is twa of trije jier néi Kalma syn publikaasje) hat Albert Verwey de Fizioenen fan Hadewych, – mar nèt de Strofyske Dichten, by myn witten) yn 'hedendaagsch Nederlandsch' oerset; 'meesterlijk vertaald', seit N. de Paepe; 'en de Strofische Gedichten werden omgezet door E. Rombauts en mezelf'. (Swol 1961)

Mar yn 1961 wie Kalma al acht jier wei. Wy moatte ta de konklúzje komme, dat de 'Sangen fen Hadewych' sonnetten fan Douwe Kalma binne, dy't nóch nei foarm – dy't nei Renêssânse en Romantyk en de Tachtigers ferwiist, allegear letter as de Midsieuwen – nóch nei geast en ynhâld wat mei Hadewych te krijen hawwe. De niisneamde noat hie ús dêrfoar al warskôgje kinnen: dy sprekt, net fan de mystike leafde ta God, mar 'for it godlik ideael' – wat dat dan ek wêze mei.

Kalma syn opfetting fan mystyk is ek frijwat frij, ûnotterdoks, as jo wolle.

Yn it seisde sonnet lêze wy:

*'Ik moat dy ienris yn myn earmen ha,
En ik scil gean. Den sil de barnend' ierde
My net forbjusterje yn al har frijend forlieden;
Den rikt myn krêft de loft, de goaden ta.'* (fet fan my, KB.)
oan de goaden ta: himelheech? Wa't it snapt mei it sizze.

Yn sonnet XI stiet: *'Dizz' nacht wier as in doop.'*

Yn sonnet XII wurdt praat fan in skip,

*'Dat yn it ljocht fen hillge nea to neamen
Foreale geasten oer de wiidten sliert,'*

En datselde fers einget mei:

*'En oan it seil yn goud Gods egen namme
Yn libjend fjûr, my ta myn wapen wiisd.'*

Is no it seil of it goud of Gods eigen namme of it libjend fjoer him ta syn wapen wiisd? En wat moat er dan mei sa'n wapen?

Sonnet XXVII neamt de 'krânsen fan klear ljocht

De heimnis-tekens fan Gods ljeafde-dream.'

Dreamt God fan leafde?

Moaie wurden, jawis: 'dream-geroften fen stil muzyk yn himels wyngerûs.' (ein fan Sang 1) mar gjin Hadewych, dy't wraksele mei Gods folsleine leafde, minske wurden (konkreet) yn Kristus. Kalma syn 'Sangen fen Hadewych' binne Kalmiaanske romantyk, narsistyske oanbidding fan de Skientme of de Natoer, en se oertsjûgje net fan in ynderlike needsaak. De sonnetten binne winlik in miskenning fan Hadewych har mystike poëzij troch Kalma syn misliedende titel, dy't de literêre rom fan de mystika misbrûkt.

Yn syn dissertaasje seit Klaes Dykstra fan Kalma syn oersettingen, dat (dy) syn 'idiom is far too abstract and vague in most renderings.' (s.9)

Konklúzje: Kalma syn ‘Sangen fen Hadewych’ binne gjin oersettingen, sels net op har ynspirearre bewurkingen. En dêrmei wurdt dizze fertaling de earste oersetting yn it Frysk, dy’t dy namme fertsjinje wol, omt er besocht hat te foldwaan oan de troch Dr. Dykstra formulearre easken: ‘in fryske oersetting moat 1. suver fan taal wêze (geef Frysk) en 2. yn alles sa trou mooglik wêze oan it orizjineel; dat betsjut, dat in ferswer wiere poëzij wurde moat en dat de kreative ynhâld net skeind wurde mei; likemin eleminten as sinsbou, styl, kwaliteit, kwantiteit, plastyk, sinsmeldy, ritme, mjitte, rym en oare klankeffekten ûnnedich tramtearre wurde meie’, (dat binne tsien). (s.115)

Is in oersetting noch wol mooglik, by sa’n swiere lêst oan easken? De lêzer kin sels oardielje troch de fertaling te ferlykjen mei it orizjineel, sa’t dy hjir parallel ôfprinte binne yn dizze bondel.

F. TA BESLÚT

Wâ’t de muoite nimt – en der is yndie muoite foar nedich – sa Hadewych te lêzen, sil, sels al soe har ferheven skôgjen him net oansprekke, dochs noch it literêr genot fiele kinne fan de poëzij fan de grutste dichteresse fan de Midsieuwen yn de Nederlannen. Ommers, gjin oare frou – of it soe de strang roomse Anna Bijns of de oertsjûge sosjaliste Henriëtte Roland Holst wêze moatte – hat sa oangripend har ynderlik libben bleatlein as Hadewych.

Yn proaza en poëzij hat hja alles oer harsels ‘iepenbiere’. (revelatio=letterlik: de wale weinimme). Elk dy’t mei ynmoed Hadewych lêst, sil rekke wurde troch har fersen fan soms bedimme, soms lôgjende hertstocht.

Har poëzij is resultaat fan in geastlik libben, dat troch leafde en leed lottere is en krekt dêrom is har tsjûgjen sa oertsjûgjend.

Har wurk biedt in skôgjen yn de foarm fan de hoaske Frânske leafdeslyryk.

Om de rykdom fan de keunstige foarm en fan de djipsinnige ynhâld wurdt hja ta de grutsten fan de Nederlânske skriftekennisse rekkene.

Lykas de wei nei de top fan in berch lang en dreech is, sa is de wei nei it wurk fan Hadewych, dy't weet hie fan himelshichte en helske ôfgrûnen, bytiden steil en ferget geduld.

Mar wa't har mystike tinzen folgje wol en befetsje, sil steande op de hichten fan Hadewych, ek har eachweid en fiergesichten sjen. En de leauwige en twiveljende kristen kin troch Hadewych faaks mear sicht krije op de leavjende en lijende Kristus (Jesaja 53).

Om har spiritualiteit en skientme fan taal is hja like heech oan te slaan as har lânslju Ruusbroec en – ieuwen letter – Guido Gezelle.

De ynlieder hopet – al least foar in part – de wei iepene te hawwen ta Hadewych troch de oersetting fan de Strofyske Dichten as Fersen fan Minne yn de taal fan Simke Kloosterman en Rixt, fan Tiny Mulder en Baukje Wyttsma.

Aldemardum, juny 1999 Klaas Bruinsma

LIED I

I

- Ay, al es nu die winter cout,
Cort die daghe ende die nachte langhe,
Ons naket saen een somer stout
Die ons ute dien bedwanghe
5 Schiere sal bringhen; dat es in schine
Bi desen nuwen iare;
Die hasel brinct ons bloemen fine :
Dat es een teken openbare
– Ay, vale, vale milies –
10 Ghi alle die nuwen tide
– Si dixero, non satis est –
Om minne wilt wesen blide.

2

- Ende die van fieren moede sijn,
Wat storme hen dore die minne
15 Ontmoet, ontfansen also fijn
Also: 'dit es daer ic al an winne
Ende winnen sal /; God gheve mi al
Datter minnen best become;
Na haerre ghenuechten weghe, mesval
20 Si mi die meeste vrome.
– Ay, vale, vale, milies –
Ghi alle die avontuere
– Si dixero, non satis est –
Wilt doghen om minnen natuere.

LIET I

I

O! al is no de winter kâld,
binn' dagen koart en nachten lang,
gau komt de simmer oan 't bewâld,
dy't dapper ús út dizze twang
weifiert; dêrfan jout dúdlik blyk
de nije tiid fan 't jier.
De hazzenút toant blommen ryk:
in teken klear en wier.
O vale, vale! Milies –
jim dy't yn 'e nije tiid
– si dixero, non satis est –
om Minne binne bliid.

2

Dy't nommel binne fan gemoed,
wàt stoarm har oerkomt om de Minne,
altyd ûntfange hja har goed,
wittend: „Troch har sil 'k alles winne.”
Ik bid: „Mei God my skinke al
wat Minne 't meast fernoaget.
Myn bêste baat wêz' ûngefal
as dat har 't bêste foeget.”
O vale, vale! Milies –
jim dy't om Minne stoer
– si dixero, non satis est –
gâns sett' yn 't aventoer.

3

- 25 Ay, wat salic doen, alendech wijf?
 Met rechte maghic tghelucke wel haten.
 Mi rouwet wel sere mijn lijf:
 Ic en mach minnen noch laten.
 Te rechte mi es beide fel
 30 Gheluc ende avontuere;
 Ic dole mijns, en es niemant el;
 Dat scijnt teghen natuere.
 – Ay, vale, vale milies –
 U allen laet dies ontfaermen
 35 – Si dixero, non satis est –
 Dat minne mi dus laet carmen.

4

- Ay, ic was ie op die minne stout
 Sint icse ierst hoerde noemen,
 Ende verliet mi op hare vri ghewout.
 40 Dies willen mi alle doemen,
 Vriende ende vreemde, jonghe ende out,
 Dien ic in allen sinnen
 Diende ye ende was van herten hout,
 Ende onste hen allen der minnen.
 45 – Ay, vale, vale milies –
 Ic rade hen datsi niene sparen,
 – Si dixero, non satis est –
 Hoe ic hebbe ghevaren.

3

Wat moat ik dwaan, ik earne frou?
 Mei rjocht kin ik myn lok ferstjitte.
 Myn libben is fol smert' en rou,
 want ik kin Minne net ferlitte.
 Hja binne wier tsjin my sa wreed,
 beide myn lok en noed.
 Ik doarmje as gjin oar yn need.
 Sa blykt har aard my tsjoed.
 O vale, vale! Milies –
 wol jim oer my ûntfermje
 – si dixero, non satis est –
 want Minne lit my kermje!

4

Och, iens wie Minne al myn hâld.
 Ik plichte lof fan har te hearren.
 'k Ferliet my op har eal bewâld.
 No lekje hja my allegearre:
 ja, freon en frjemd, en âld en jong,
 dy't ik mei alle kunde
 tsjinne, omt myn hert oan harren hong
 en alle leafde gunde.
 O vale, vale! Milies –
 Swij nea, jou 'k jim as rie,
 – si dixero, non satis est –
 hoe dat it my fergie.

5

Ay, arme, ic en mach mi selven niet
 50 Doen leven noch sterven!
 Ay, soete God, wat es mi ghesciet,
 Dat mi die liede bederven?
 Lietense u mi allene doch slaen,
 Ghi soudet best gheraden
 55 Na rechte, al dat ic hebbe mesdaen,
 Ende bleven buten scaden.
 – Ay, vale vale milies –
 Die Gode niet ghewerden en laten,
 – Si dixero, non satis est –
 60 Ende niet en minnen ende haten.

6

Die wile dat si sijn over mi,
 Wie sal hare lief dan minnen?
 Si ghinghen bat hare weghe vri,
 Daer si u leerden kinnen.
 65 Si willen u te hulpen staen
 Met mi, dies clene behoeven.
 Ghi cont na recht soenen ende slaen
 Ende met clerre waerheit proeven.
 – Ay, vale, vale milies –
 70 Alle die met Gode plechten,
 – si dixero, non satis est –
 In soenen ende in rechten.

5

Och earne, ik kin selme nea
kediz' oer libben en oer stjerren!
Och, leave Hear, wat is myn kwea,
dat hja my stoarte yn 't ferdjerren?
O, liet men 't oardiel oer oan Jo,
Jo soenen 't bêst beskiede
nei rjochten al wat ik misdreau,
sûnder har skuldge deden.
O vale, vale! Milies –
dy't God net gewurde litte,
– si dixero, non satis est –
net leavje, mar ferstjitte.

6

Hja geane my sa tige nei;
wa jout wylst Minne leafd' en eare?
Better te gean har romme wei,
der't hja Jo, Heare, kennen leare.
Hja woll' oer my Jo tsjûg'nis jaan,
ha oer 't ferlet gjin wifkjen.
Jo sill 't rjochtfeardich fûnis dwaan
nei wier en suver hifkjen.
O vale, vale! Milies –
jim dy't oan Gods wurd hingje
– si dixero, non satis est –
yn pleitsjen en yn tingjen.

7

Ay, Salamon ontradet dat werc,
 Dat wij niet en ondersoeken
 75 Die dinghen die ons sijn te sterc,
 Noch dat wi niet en roeken
 Hogher dinghen dan wij sijn,
 Dat wij die ondervenden,
 Ende laten ons die minne fijn
 80 Vri maken ende benden.
 – Ay, vale, vale milies-
 Die ter hogher minnen rade
 – si dixero, non satis est –
 Volclemt van grade te grade.

8

85 Der menschen sinne sijn so clene,
 Daer mach God wel vele boven;
 God es van allen wijs allene,
 Dies salmen alles hem loven,
 Ende laten hem sijn ambacht doen
 90 In wreken ende in ghedoghen.
 Hem en es gheen werc so verre ontvloen
 En comt hem al vore oghen.
 – Ay, vale, vale milies –
 Die hen der minnen volgheven,
 95 – Si dixero, non satis est –
 Ende haren oghen ghenoech volleven.

7

Sjoch, Salomo joech ús de ried,
 gjin ûndersyk oerdwealsk te dwaan
 nei dingen ús te mânsk, en hiet
 gjin drege dingen acht te slaan,
 dy't heger rikke as wy kinne;
 dat wy sok sneupen mije,
 mar dat ynstee de eale Minne
 ús bine sil of befrije.
 O vale, vale! Milies –
 wa 't nei heechste Minne hime,
 – si dixero, non satis est –
 en kliuwt fan trime ta trime.

8

De minskegeast is lyts fan kinnen,
 en God moat fier dêrboppe riizje,
 want God is wiisheid, God allinne.
 Dus moat men Him yn alles priizje,
 en Him Syn amt ferrjochtsje litte
 yn straffen of ferjaan.
 Gjin died kin Him ûntsjitte,
 omt neat Syn each ûntkaam.
 O vale, vale! Milies –
 om Minne folheid te jaan,
 – si dixero, non satis est –
 en mei hiel 't bestean te foldwaan.

God moet ons gheven nuwen sin
 Ter edelre minnen ende vrie,
 Dat wij so nuwe leven daer in,
 100 Dat ons die minne benedie
 Ende nuwe make met nuwen smake,
 Dien si can nuwe volgheven.
 Die minne es nuwe gheweldeghe orsate
 Dien, die der minnen al nuwe volleven.
 105 – Ay, vale, vale milies –
 Dat nuwe der nuwer minnen
 – Si dixero, non satis est –
 Dat nuwe, wilt nuwe bekinnen.

9

Mei God ús geast alhiel fernije,
dat dy ta d' eale Minn' ús bringt.
Dan sill' wy sa'n nij libben krije,
dat Minne ús har seine skinkt,
en ús fernijt ta nij genot,
dat hja aloan fannijs ús jout.
Minn' is in nije, swide skat
wa't oan Minne 'm aloan nij betrou.
O vale, vale! Milies –
wol opnij as nij erkinne,
– si dixero, non satis est –
it nij fan de nije Minne!

LIED II

I

Tsaermeer sal in corten tide
Tsap vanden wortelen opwaert slaen;
Daer bi sal, verre ende wide,
Bempt ende cruut sijn loef ontfaen;
5 Dies soe hebben wij sekeren waen:
Die voghele werden blide.
Die gheet in minnen te stride
Hi sal verwinnen saen,
Opdat hi niet en mide.

2

10 Die niet en spaert vore hoghe minne,
Hi es aen allen sinen werken vroet.
Die minne es Joncfrouwe ende coninghinne,
Die menighen maect hoghen moet;
Soe doet hi al hare goet,
15 Set toe cracht ende sinne,
Daer minne dat werc ane kinne.
Hoe welt si hare teersten doet,
Hi es die minne verwinne.

3

Maer daeromme es si minne ende vrouwe
20 Dat si es moeder van alre doghet,
Si es drachtich ende draecht allene die trouwe
Daer ghi alle die mint u bi vermoget;
Si hevet ons alleen verhoghet
Ende ghebetert alle rouwe.
25 Ic bidde hare dat si ons bescouwe,
Ende groyen doe die joghet,
Datse ons al minne voltrouwe.

LIET II

I

't Seizoen sil no nei koarte tiid
't sop fan de woartels heger fiere.
Dan sill' yn swidens wiid en siid
de mied' en 't beamt mei leaf har siere.
Wy witte wis dit wiere:
de fûgels wurde bliid.
Dy't oangiet Minne' striid,
sil ring d' oerwinning fiere
troch alle kriich en piid.

2

Dy't nea him mijt om d' eale Minne,
dy is yn al syn dieden froed.
De Minn' is Frouwe en Foarstinne
en skept sa foll' in eal gemoed.
Dan docht er alles goed,
en spant ferstân en kinnen.
Sok skreppen fettet Minne.
Hoe wyld hja earst ek woedt,
hy sil de Minn' oerwinne.

3

Hjirom is hja Foarstinn' en Frouwe
as mem fan alle deugden wijd:
Hja inkeld draacht de frucht fan trouwe,
dêr't elts dy't leafhat, macht troch krijt.
Hja hat ús freugd fernijd
en myldre smert en rouwe.
Ik bid har, ús t' oanskouwen,
en dat ús jonkheid dijt
troch Minn' ús te betrouwen.

4

- Soe suete es minne in hare natuere,
 Dat si alle andere cracht verwint.
 30 Die mint hi doghet swaer avontuere:
 Eer hi hem ane minnen sede bekint,
 Dat hi van hare al si ghemint,
 Soe smaect hi bettere ende suere;
 Hine mach ghedueren ene uere,
 35 Erne minne al in minnen bint
 Ende in ghebrukene vuere.

5

- Die om ghebruken in minnen haket
 Hi sal verwinnen al sine noet;
 Hine mach niet sterven dien Minne gheraket,
 40 – Hare name amor es : vander doot –
 Die dade dat die minne gheboet
 Ende daerinne niet en ghebrake.
 Si es welde van alre sake.
 Minne es dat levende broet
 45 Ende boven alle ghenuechte in smake.

6

- Mi sijn mine nuwe sanghe
 Intoe in groten wenene bracht,
 Die ic hebbe ghesonghen langhe
 Ende van minnen scone hertracht.
 50 Al hebbic te clene ghewracht,
 Mi doet wel wee ende anghe
 Dat ic niet ne ommevanghe
 Die onverwonnen cracht
 In ghebrukenne van Minnen bedwanghe.

4

Sa sêft is Minne fan natoere,
 dat hja all' óáre krêft oerwint.
 Dy't mint, hat gâns ûnk aventoere,
 eardat er 't aard fan Minn' erkint.
 Ear't Minn' alhiel him mint,
 priuwt hy it bittr' en soere,
 Hy rêst gjin tel of oere,
 ear't hja 'm yn leafd' oerwint
 om him ta nju te stjoeren.

5

Dy't nei de nju fan leafde snakket,
 dy sil oerwinne alle wea.
 Hy stjert net dy't de Minne raket,
 – har namm' is A-mor: fier fan dea –
 en docht wat Minne gebea,
 en dêryn nea ferswakket.
 Minn' is 't dy't oerfloed makket.
 Hja is it libben brea,
 dat mear as elts nocht smakket.

6

Nin nocht, nee! eltse nije sang
 hat no ta grut geskriem my brocht,
 ja, al wat 'k songen ha sa lang
 en oer de Minne fraai betocht.
 'k Beken: te min ha 'k wrocht.
 My makket drôf en bang,
 dat 'k nea net fetsj' en fang
 d' oerible krêft fan nocht
 yn Minne har betwang.

7

- 55 Ic mach wel vander minnen fine
 Voert swighen mine daghe meer,
 Daer ic blide plach bi te sine
 In singhenne, in sprekenne wilen eer,
 Doen mi hare rike gheleer
- 60 Dede bliscap in scine,
 Daer ic nu doghe pine
 Ende van herten seer:
 Dies oudic ende dwine.

8

- Dus hevet mi der Minnen pine verquolen
- 65 Dat ic intoe niet meer en doech,
 Die mi ierst leide te harer scolen
 Daer ic hare wise wondre soech,
 Ende si mi sider die onttoech
 Ende mi vele hevet verholen.
- 70 Doch willic gherne al dolen;
 Want minne niene loech
 Dat si mi hevet bevolen.

9

- Woude mi minne nuwe daghe
 Gheven die mi sijn so out,
- 75 Soe soudic swighen miere claghe
 Die nu es soe menichfout,
 Ende vri hare leven stout,
 Daert mi nu es al waghe.
 Hoe gherne ic dat saghe,
- 80 Die minne doe hare vri ghewout
 Ane mi, alst hare behaghe.

7

Ik mei my wol oan Minn' ûntwine
 en neam har libbenslang net mear.
 Troch har koe 'k blidens ûnderfine
 yn sang en praat fan har alear.

Doe liet har rike lear
 de blidens yn my tine.
 No lykwols lij ik pine;
 it docht myn herte sear
 en lit my âldzj' en kwine.

8

De Minne' smert moast sa my kwelle,
 dat 'k neat mear duldzje fan har fonk.
 Dy't earst my yn har skoalle helle,
 dêr't ik har wize wûnders dronk,
 wie 't dy't my letter kronk
 en dy't my gân's ûnthelle.
 Dochs sil 'k har net ferskelle,
 omt Minne nea net swonk
 fan wat hja m' earst befelle.

9

O! joech my Minn' in nije dage,
 dy't no sa gammel is en âld.
 Dan waard der nea troch my mear klage,
 tewyl't ik no klei mannichfâld.
 'k Libb' eal foar har mei hâld,
 wylst no har lêsten wage.
 Hoe haw ik hjirnei jage,
 dat Minn' yn frij bewâld
 mei my docht, sa't har hage.

10

- Al doet mi soe oversere
 Dat ic mi minnen ellendich weet,
 Die minne doet alle haren vrienden ere
 85 Die hare met trouwen sijn ghereet,
 Soe dat si, in lief, in leet,
 Verstaen hare rike ghelere.
 Die dat werken sonder kere,
 Ende die minne al in minnen beveet,
 90 Si bleven in hare rike ghehere.

11

- Ghelijc dat ons die scone rose
 Metten dauwe comt uten dorne gheghaen,
 So sal die mint dore alle bose
 Met toeverlaet hare storme ghestaen.
 95 Hi sal vri, al sonder waen,
 Dorewassen alle nose.
 Dies heeft die hertelose
 Sijn deel wel saen ghedaen,
 Daer vri sijn die amorose.

12

- 100 Die de minne wilt ommevaen,
 Hi moet scuwen alle die lose;
 Al es nu soete hare cose,
 Men sal bekinnen saen
 Dat valsch es hare ghelose.

10

Hoe'n swiere pine moat my deare,
 dat 'k my ferballe wit fan Minne.
 Dochs jout hja al har freonen eare,
 dy't ree har trou te tsjinjen binne.
 Yn leaf en leedzje winne
 hja kund' oan har rike leare.
 Dy't dat dogg' sûnder mankearen
 en Minn' omfetsj' yn Minne,
 sill' yn har rikens ferkeare.

11

Lyk d' eable roas by 't moarntydsrea
 mei 't daujen út 'e toarnen rint,
 lyksa trochstiet de stoarm fan 't kwea
 mei fêst betrouwen hy dy't mint.
 En sûnder frees oerwint
 dy't waakst troch alle skea.
 Al ring beswykt yn 't wea
 de man waans hert net mint,
 mar dy't eal mint, wykt nea.

12

Dy't Minn' omfiemt, begjint
 mei't mijen fan list en kwea.
 Har praat is swiet as mea,
 mar gau wurdt wol bekind
 har falske lokkebrea.

LIED III

I

Die tekenne doen ons wel in scine,
Voghele, bloemen, land, die dach,
Dat si verwinnen selen hare pine
Die te winter zere wach,
5 Want hem die zomer troesten mach.
Soe staet hem blide saen te sine,
Daer ic moet doghen swaren slach.
Ic waer oec blide, gawe mi dat mine
Ghelucke, dat nie met mi en plach.

2

10 Ay, wat dedic den ghelucke
Dat het mi ye was so onhout,
Dat het mijn natuere so sere verdrucket
Boven alle menschen menichfout,
Dat het mi trouwe niet en vergout,
15 En ware somwile met enen tucke?
Nu, mach lichte het was mijn scout,
Des willic dolen uut minen stucke,
Die minne doe met mi haer vri ghewout.

3

Mochtic mi op die minne betrouwen,
20 Het mocht mi noch in staden staen
Wat si mi doghen dade in trouwen.
Dat ic dies ware in goeden waen
Dat minne in trouwen hadde ghedaen,
Ende si mine noet dan woude bescouwen,
25 Mocht sijn, dan ware mi niet te saen.
Want mi es die scilt so sere dorehouwen
Hine can in toe niet meer slaghe ontfaen.

LIET III

I

De tekens, dy't sa dúdlik binne;
it fûgelt, 't blomt, it waar, it gea –
toan' ús, dat hja de lêst oerwinne,
dy't winterdeis woech op 'e lea.
De simmer kin har treast' yn 't wea.
Al gau sill' hja bliid wêze kinne,
wylst ik ferduorje 't swierste kwea.
Ek ik wie bliid, joech my de Minne
it Lok-by my ferbleau it nea.

2

O! wat haw ik misdien oan 't Lok,
dat 't aloan hûnsk my is en kâld;
en dat it my sa twingt yn 't jok,
mear as wa minske yn 'e wrâld;
dat it my 't lean foar trou ûnthâldt,
en soms mei lúm hâldt op 'e tok?
Mûlk is myn eigen skuld myn lot.
Dan stean 'k net steech mear op myn blok.
Lit Minne fiere har frij bewâld.

3

Koe 'k noch op Minne my betrouwe,
it soe my noch fertuten dwaan
wat hja my lije liet oan rouwe.
Wie 'k hjirfan wis en net yn waan,
't wie Minne har oprjochte dwaan,
om no myn need mei noed t' oanskouwen,
net te ier soe hja hâldfêst my jaan.
Hja woe myn skyld sa slim tehouwe,
dat no ferdraacht it net mear slaan.

4

- Die dit al mochte verstaen in goede,
 Hi hadde dat mi es onghereet:
 30 In scaden, in scanden, in wedermoede,
 Om minne al doghen sonder wreet
 Ende om alle cost also ghemeet
 Also: 'dit sijn mijn beste spoede',
 Also een die niet bat en weet.
 35 Die dus dede, hi hiete die vroede.
 Ic en bens niet, dat es mi leet.

5

- Also nu den troest, also nu die wonde
 Gheeft die minne, die vele des can.
 Na grote slaghe gheeft si ghesonde.
 40 Hoe soude hem ghehoeden dies ieman?
 Die toe set al dat hi ye ghewan,
 Nochtan heelt si hem hare conde.
 Den enen gheeft si, dien sijs an,
 Die suete cussenne van haren monde;
 45 Den anderen sleet si inden ban.

6

- Ay, deus! wie sal den ghenen absolveren
 Dien de minne te banne doet?
 Si selve, wilt hi jeghen haer playderen,
 Dat hi haer doe so stout ghemoet,
 50 Dat hijt al houde vore groten spoet,
 – Pine ende joyen in een hanteren –
 Ende hijt al effene neme vore goet.
 So leertenne minne jubileren
 Ende maectenne al haers wonders vroet.

4

Hy dy't dat alles skikt te'n goeden,
 sil dat wat my miskearret, krije:
 yn skea en skande, ramp en noeden
 om Minne alles duldsom lije
 foar eltse priis. „Dit kin 'k bedije
 as 't bêste,” seit er, bliid te moede.
 Hy wit neat better, en sil swije.
 Dy't dat docht, hyt in wiz' en froede.
 Mar ik bin 't net; dat is myn lijen.

5

Sjoch! no ris treast en dan wer wûnen
 jout Minne, dy't fan dingen wit.
 Nei swier slaan makket hja wer sûnen.
 Wa hoedet him foar soks as dit?
 Al set er yn wat er besit,
 dochs wurdt him kund' oan har net jûne.
 Hja gunt de ien wat hja 'm bemjit:
 de swiete peaën fan har mûle;
 wylst hja de oar yn boeiens stjit.

6

O God! wa sil de man frij meitsje,
 fan Minne yn 'e boeiens fierd?
 Hja sels! sil hy by har bepleitsje,
 dat hy har dryst temjitte giet,
 en as er 't hâldt foar grut geniet,
 yn ien died smert fiel' en fermeitsjen,
 en alles nimt as like swiet.
 Dan leart de Minne 'm wille smeitsjen,
 wylst hja him al har wûnders biedt.

7

- 55 Na groten storme wordet dweder scone,
 Dat wert ons dicke wel in scijn.
 Bi wilen belghen ende daerna soene
 Doet die minne ghestade sijn.
 Dien minne met allen proeft so fijn,
 60 Hi werdt bi minnen pine so coene,
 Dat hi sweert: 'minne, ic ben al dijn,
 Ic en hebbe niet el dan di te verdoene,
 Ay, edele minne, sidi al mijn!'

8

- Lyet mi tgelucke in minnen ghenesen
 65 Dat mi ye hevet so ghehaet,
 Ic soude noch der minnen al minne wesen,
 Opdat mijn wee iet hadde te bat.
 So woudic in haer diepe ghewat
 Alle mijn vonnesse verlesen
 70 Ende minnen in minne gheven stat.
 Waere mine natuere so hoghe gheresen,
 Soe soude mijn hongher wesen sat.

- Wi sijn inder minnen cost te lat,
 Des sijn wi hare te vremde in desen.
 75 Dus bliven wi arm. wet alle dat:
 Die der minnen ware na hare ghetesen,
 Si gave hem hare rike ende haren scat.

7

Nei swiere stoarm keart 't waar te'n goeden.
 Dat hat ús faken bliken dien.
 Soms poer en dan ien fan de froeden,
 sa makket Minne stees elkien.
 Waem Minn' yn alles fûn as skien,
 dy wint troch leafdepine moed, en
 swart: „Minne, 'k bliuw jo tagedien!
 Ik ha te libjen oars gjin goed, en
 smEEK: Minne, wêS mei ien en mien!”

8

Liet my troch leafde 't Lok genêze,
 dat tiden joech my neat as haat,
 'k soe Minne suvre leafde wêze,
 dat sa myn wee wat lichter waard.
 Dan soe ik yn har djippe saad
 al har beskiedings oer my lêze;
 'k joech Minne leafd' yn heechste graad.
 Soe myn ferlet sa heech kleaun wêze,
 grif dat myn honger sêde waard.

Wy binne frijemd op Minne' paad,
 omdat har swiere tol ús wêze.
 Sa bliuwe wy earm. Hark, eltse maat!
 Dy lju dy't Minne har leksums lêze,
 jout hja har rike skat en baat.

LIED IV

I

Nu sal die tijd ende die voghele droeven;
Dies en sal hi niet behoeven
Die hem met waerheiden wilt voeghen
Te werkenne in hogher trouwen raet:
5 Hi sal sinen lieve met trouwen ghenoeghen;
Dat es dat alre rijcste toeverlaet.

2

Hoe dat el metten tide steet,
Die metten werken in waerheit gheet
Hem es alle uren wel ghereet
10 Bloyen, bliscap, somer ende dach.
Hi es altoes nuwe ende van niede heet;
Hem en doet meer winter wederslach.

3

Die hem met trouwen in waerheit ghevet
Ende met waerheden dan trouwe levet,
15 Dat verhoelne word wordt hem gheseghet,
Dat niemant vremders en mach verstaen,
Dan diet van smake ghevoelt al hevet
Ende in hoech gheruchte silentie ontfaen.

LIET IV

I

Fan smert sill' tiid en fûgels tsjûgje.
Mar net sil hy ferkwine hoege,
dy't mei in wiere wil him foege
ta 't wurk, dat d' eale Trou him riedt.
Syn leaf wurdt trou troch him fernoege.
Dat is it alderrykst geniet.

2

Want wàt de tiid fan 't jier ek biedt,
wa't wier mei will' oan d' arbeid giet,
foar him stiet altyd ree 't geniet
fan blide bloei en simmerdei.
Omt fjoer en flyt, stees farsk, him liedt,
komt him gjin winter mear tenei.

3

Dy't ta de trou him wierlik jout,
syn libben wier oan trou betrou,
wurdt dat ferhoalen wurd betroud,
dat gjint dy't frjemd is, ea ferstiet,
mar dy't de smaak dêrfan trochpriuwt
en stilt' yn lûd geroft ûnderskiedt.

4

Na neder stille ende hoech gherochte,
 20 Volcommenne troeste ende anxtelike sochte,
 Ondanc hebbe die hem daer teghen duchte,
 Sint dat al hevet dus groet ghewin.
 Die edele bloemen metter vrochte
 Verstaet ende merct, vri edel sin.

5

25 Ay, edele sinne, waer sidi henen?
 Hoe mogedi u dus neder ghelenen,
 Die langhe ghetoeent hebt ende ghescenen
 Ocht ghi op trouwen altoes moest teren?
 Ocht ghi van trouwen ie wordt gherenen,
 30 Hoe moghedi u met min gheneren?

6

Vele esser gheroepen ende scone ghetoeent
 Ende luttel vercoren: wat hulpet verscoent?
 Die lose sijn selve doch meest ghehoent,
 Als trouwe na werke sal ghelden al
 35 Ende si hare vriende alle croent
 Met dat si es ende wesen sal.

7

Maer, vri edele sinne ende wel gheboren,
 Beide gheroepen ende vercoren,
 En spaert cost noch pine daervoren
 40 Te levenne in hogher trouwen vlijt;
 U leven si al heylich toren,
 Tote ghi uws liefs gheweldich sijt.

4

Nei djippe stilt' of lûd gerucht,
 folsleine treast of bange sucht
 mei lekke wurde wa't dit ducht,
 want alles is ta grut skewiel.
 Merk d' eale blommen mei har frucht
 goed op, dû frije, eale siel!

5

Och, eale siel, wat giest foar wegen?
 Hoe hastû dy sa djip ferlege?
 Sa lang hastû dysels foarspeegle,
 dû hiest ta Trou dy stees te foegjen.
 As Trou dy ea wist te bewegen,
 hoe koest mei minder dy fernoegje?

6

Gâns binne roppen yn bylkrich klaad,
 mar inklen útkard; jout sparjen baat?
 De falskerts ha dochs 't measte smaad,
 as Trou elts nei syn dieden leannet
 en har freonen kroanet yn heechste graad
 mei wat jimmer yn har wêzen wennet.

7

Frije, eale siel fan hege berte,
 ta ropping en ferkiezing fette,
 sparje dû muoite nea noch smerte
 foar 't libben yn hege Trou har fjoer.
 Mei 't wêz' in hillge gloed fan 't herte,
 dan jout dyn leaf har ienris oer.

8

Ay, herten, en laet u niet vernoyen
 U meneghe smerten: u sal saen bloyen;
 45 Ghi sult alle storme dore royen,
 Tote dat ghi comt in dat weldeghe lant,
 Daer lief in lief sal al dore vloyen:
 Dies is hier edele trouwe u pant.

9

God moete den edelen redennen gheven
 50 Die hen verlichte dellendeghe leven,
 Die nu ghequetset sijn ende sere verdreven
 Onder der wreder vremder slach.
 Alsoe lief in lief sal werden verheven,
 Hoe wel dat hem dat liken mach.

8

Och herte! lit dy net teknoeie,
 troch folle smerten; ring silst bloeie.
 Dû silst troch alle stoarmen roeie,
 oant datstû komst yn 't tierich lân,
 dêr't leaf en leaf alhiel gearfloie.
 Dêrfan is Trou hjir dyn ûnderpân.

9

Mei God ynsjoch jaan oan d' eale siele
 dat myld 't ellindich libben hiele
 fan dy't ferdreaun binn' en ferniele
 troch wrede frjemden harren slaan.
 As leaf en leaf it heechste diele,
 hoe'n sillichheid kin 't harren jaan!

LIED V

I

Al droevet die tijt ende die vogheline,
Dan darf niet doen die herte fine
Die dore minne wilt doghen pine.
Hi sal weten ende kinnen al
5 – Suede ende wreet,
Lief ende leet –
Wat men ter minnen pleghen sal.

2

Die fiere, die daer toe sijn ghedeghen
Dat si onghecuster minnen pleghen,
10 Si selen in allen weggen daer jeghen
Stout sijn ende coene,
Ende al ghereet te ontfaen
Si troest, si slaen,
Van minnen doene.

3

15 Der minnen pleghen es onghehoert,
Als hi wel kint dies hevet becoert,
Want si in midden den troest testoert.
Hine can ghedueren
Dien minne gheraect;
20 Hi ghesmaect
Veale onghenoemder uren.

LIET V

I

De tiid en 't fûgelt treurje mêd.
Sa mei net dwaan it reine hert,
dat om de Minne lijt sa'n smert,
 omt men alles te kennen hat:
 de nocht en need,
 it leaf en leed –
 wat Minne tsjinje moat.

2

De krig'len dy't sa woexen binne,
dat hja de woel'ge Minne tsjinnen,
dy moatt' yn alles foar de Minne
 fiks wêz' en feardich,
 om stip' of wee
 t' ûntfangen ree,
 de Minne weardich.

3

De Minne tsjinj' is faai bedriuw,
sa't elts wit dy't har ienris preau.
Midsmank it lok slacht hja in kleau.
 Hy fynt gjin rêst
 dy't Minne raket;
 gâns oeren smakket
 er leed en lêst.

4

Bi wilen heet, bi wilen cout,
 Bi wilen bloede, bi wilen bout:
 Hare onghedueren es menichfout.
 25 Die minne al maent
 Die grote scout
 Haerre riker ghewout
 Daer si ons toe spaent.

5

Bi wilen lief, bi wilen leet.
 30 Bi wilen verre, bi willen ghereet:
 Die dit met trouwen van minnen versteet,
 Dat es jubileren:
 Hoe minne versleet
 Ende omme veet
 35 In een hanteren.

6

Bi wilen ghenedert, bi wilen ghehoghet,
 Bi wilen verborghen, bi wilen vertoghet.
 Eer selc van minnen wert ghesoghet
 Doghet hi grote avontuere,
 40 Eer hi gheraect
 Daer hi ghesmaect
 Der minnen natuere.

4

Soms is hja hjit, soms is hja kâld;
 wylst hja soms lef, soms fiks har hâldt.
 Har lumen binne mannichfâld.

De Minne freget
 rju skot en lot
 foar 't sterk bewâld,
 dat hja foarspeeglet.

5

Soms is hja swiet en soms fertriet.
 wylst hja soms fier, soms neioan giet.
 Wa't wier fan Minne dit ferstiet,
 hat heechst geniet.
 De Minne fergriemt
 en hja omfiemt
 yn ienselde died.

6

Soms is hja dimmen, soms ynfieren;
 soms is hja ferhoalen, soms iepenbiere.
 Ear't immen drinkt út Minne' ieren
 priuwt er gâns soer,
 alear 't er rakket
 dêr wer't er smakket
 har wiere natoer.

7

Bi wilen licht, bi wilen swaer,
Bi wilen doncker, bi wilen claer,
45 In vrien troest, in bedwonghenne vaer,
In nemen ende in gheven,
Moeten die sinne
Die dolen in minne,
Altoes hier leven.

7

Soms is hja swier, soms licht en tear;
soms donker en soms ljocht en klear.
Yn moed sa rom, yn frees sa near,
yn jaan en nimmen
moatt' hert en sinnen,
dy't doarmj' yn Minne,
hjir libje jimmer.

LIED VI

I

- Als ons ontsteet die merte
Verquicken alle dinghe
Ende alle crude ontspringhen
Ende werden sciere groene.
5 Also doet die begherte,
Ende die minne sonderlinghe;
Want si wilt al verdinghen,
Ende werden in minnen soe coene,
Dat si hare al in minnen gheve
10 Ende minne met minnen leve:
Dat hare dies iet ontbleve
Des hadsi grote smerte.

2

- Die op beghint te gane
Sie dat hi niet en verliest
15 Den ernst van goeden werken,
Ende diene dore die ere van minnen,
Ende leve in hoghen wane
Van dat sijn herte kiest.
Minne salne wel ghesterken:
20 Hi sal sijn lief ghewinnen;
Want minne niene can
Hare selve ontsegghen nieman,
Sine gheve hem dat si hem an
Ende meer dan daer sine selve toe spane.

LIET VI

I

As ta ús komt de meart,
sil alles nij begjinne,
en alle planten rinne
ring út yn griene glâns.
Allyksa docht begeart;
benammen ek de Minne,
want hja wol elts oerwinne,
en wurd' yn leafde sa mânsk,
dat hj' alhiel oan leafde har wijt
en leavjend ta leafde dijt.
Wannear hja net alles krijt,
hoe'n grutte smert har dan deart!

2

Hy dy't ta waaksdóm sjit,
sjocht ta dat er net ferliest
de earnst fan 't goede wurk,
mar tsjinnet d' ear' fan Minne,
en de hege hope besit
op wat syn hert ferkiest.
Minne makket him wol sterk.
Hy sil syn leafste winne,
omt Minn' yn sinnichheid
harsels nea ien ûntseit,
mar wat hja gunt tapeit,
ja, mear as wat hja 'm hjit.

3

- 25 Die minne met wane draghet
 Dien hevet noch rijm bedwonghen,
 Dat hi niet en can ghegroyen
 Alset ghenoecht der minnen; So ghevoelt hi
 Der edelre minnen waghe;
- 30 Daer en werdt gheen loef ontspronghen;
 Hi en mach oec niet wel bloyen
 Daer en si die sonne bi,
 Dat es: gherechte minne,
 Die bloyen doet die sinne.
- 35 Verliest hi ochte winne,
 Dats hem altoes behaghe.

4

- Die metter jongher joghet
 Ane minne doet beghin,
 Ende hare al es onderdaen,
- 40 Ende ghevet al sine cracht,
 Ende dat orcondet metter doghet,
 Ende daer toe doet al den sin:
 Hi sal al vri ontfaen
 Die onghehoerde macht;
- 45 Dat sal hi wel volbringhen,
 En sal hem niet ontlinghen:
 Hi sal noch die minne dwinghen
 Ende wesen al hare voghet.

3

Wát leafd' yn twivel draacht,
 wurdt jit ferslein fan rym.
 Dan kin er net folgroeie
 sa't Minne wol; mar fielt
 hoe't d' eale Minne waacht.
 Dan sprút gjin leaf út kym.
 Ek kin er net goed bloeie,
 oant sinne him bestrielt,
 dy't wiere Minne hjit,
 dy't sielen bloeie lit.
 Ferliest of wint er, dit
 stiet fêst: dat elts him haacht.

4

Dy't yn syn jonge jeugd
 ta Minne ree him fljijt,
 alhiel har hearrich is,
 en jout har al syn trêft,
 en dat bewiist yn deugd,
 en har alhiel him wijt,
 ûntfangt yn frijens wis
 har wûnderfrijemde krêft.
 Hy sil it grif folbringe,
 en neat sil 't him ûntwringe,
 de Minne te betwingen,
 en wurd har fâd yn freugd.

5

- Waer vindic der minnen iet,
 50 Die mi uut mi doet dolen,
 Na mijnre herten ghenoeghen,
 Dat ic soete mine pine?
 Al volghic hare, si vliet;
 Al dolic in hare scolen,
 55 Si en wille mi in al voeghen;
 Het wert mi saen in scine.
 Ay, ic spreke van herten noet;
 Mijn wederstoet die es te groet,
 Ende mi es darven der minnen een doet:
 60 Want ic en macher ghebruken niet.

6

- Sint ic al minnen soude,
 Wan gave si mi al minne?
 Doch na mijn clene begheren
 Dat ware mi ghenoechte clene;
 65 Doch hebbic omme minnen houde
 Verteert al mine sinne,
 Ic en weet wies mi gheneren;
 Si weet wel wat ic meene.
 Want ic hebbe so dat mine verlevet,
 70 Ic en hebbe el niet sine ghevet,
 Ende al gave si iet, hongher blevet:
 Want ict gheheel al woude.

5

Wêr fyn 'k fan Minne eat –
 dy't fier fan mysels my brocht –
 om 't herte te ferkwikken
 en mylderjen myn pine?
 Hja wykt, al folgj' ik ferfeard.
 Al sykj' ik har ûnderrjocht,
 hja wol yn neat har skikke,
 koe 'k gau klear ûnderfine.
 O! 'k sprek fan herteneed.
 Te grut is myn leed.
 Gemis fan Minn' is deadlik wreed
 Geniet fan har ha 'k neat.

6

As 'k leavje moat folslein,
 hoe jout hja gjin folle Minne?
 Soe ik har skraach begeare,
 dan waard ik skraach foldien.
 Dochs is myn krêft tenein,
 brûkt om har geunst te winnen.
 Hoe moat 'k my no geneare?
 Hja wit wol wat ik mien.
 'k Ha sa mysels fertard,
 'k ha neat oars as wat hja tapart.
 En joech hja skraal, dan bleau 't tekoart,
 want ik wol Minne folslein.

- Ay, hoe maghic dan ghedueren,
 Ende si die dit meer leven,
 75 Dat ons die minne gheet vore
 Ende hare selven aldus onthout?.
 Ay, suetste alre creaturen,
 Dat ghi mi u niet en wilt volgheven
 So vele als mi uwes behore,
 80 Dat en maket mi niet so stout;
 Maer ic claghe van uwen vrienden,
 Die u ye met trouwen dienden,
 Ende ye gherne hare wesen ontsienden
 Om sueticheit uwer natueren.
- 85 Nu sijn si in swaren bande
 Ende vreemde in haers selfs lande.
 Daer dolen si in de hande
 Der vremder avonturen.

7

Hoe duldzje ik dit soer, –
 méi elts dy't fielt dit kringen –
 dat Minn' op 't paad ús set
 en dan ferdwynt as myst?
 Och! swietste kreatoer,
 dat jo net j' alhiel my skinke
 sa't rjochtlik my beheart,
 dat makket my net dryst,
 mar 'k klei om jo freonen, Minne,
 dy't altyd trou jo tsjinnen,
 en har jern' altyd weagen foar 't winnen
 fan jo mei jo swiete natoer.

No binn' hja yn heislik wea,
 en frjemd yn eigen gea.
 Dêr doarmje hja yn 't kwea
 fan 't noedlik aventoer.

LIED VII

I

- Bi den nuwen jare
Hoept men der nuwer tide
Die nuwe bloemen sal brenghen
Ende nuwe bliscap menichfout.
5 Die doghet om minne vare
Hi mach wel leven blide:
Sine sal hem niet ontlinghen;
Want minnen rike ghewout
Es nuwe ende wel ghemate,
10 Ende suete inden ghelate,
Ende suetet met orsate
Alle nuwe sware.

2

- Ay, hoe nuwe ware mi dieghene
Die nuwer minnen diende
15 Met nuwer rechter trouwen,
Also nuwe te rechte al soude
Teerst dat hem minne verscene.
So, haddi luttel vriende,
Dat dorste hem luttel rouwen
20 Hadde hi der minnen houde;
Want si ghevet dat nuwe goet
Dat maect den nuwen moet,
Die in al nuwen doet
Daer minne nuwe in gherene.

LIET VII

I

Men hopet fan 't nije jier,
dat dizze nije tiid
ús nije blommen bringt;
nije fleur ek mannichfâld.
Wâ't eanget Minne' beswier,
kin lykwols libje bliid,
omt hja him net ûntspringt,
Want Minne' ryk bewâld
is nij en hiel bedaard
en minlik swiet fan aard,
en myldret mei har baat
jin elts nij leed wiswier.

2

Hoe wiis wie my dy feint,
dy't d' iivge Minne tsjinne
mei aloan wiere trouwe,
allyk mei rjocht er moat.
sa gau't er Minne heint.
Hie hy ien freon allinne,
dat soe him amper rouwe,
as Minne har geunst hy hat,
omt hja 't nij lok him skinkt,
dat nije moed him bringt,
dy't àl ta nijens winkt
wat har nije krêft bereint.

3

- 25 Ay, die minne es nuwe alle uren
 Ende si vernuwet alle daghe;
 Si maect die nuwe nieboren
 Altoes in nuwen goede.
 O wij! hoe mach die oude ghedueren,
 30 Die hem vore minne versaghet!
 Hi leeft wel out in thoren,
 Altoes in cleinen spoede;
 Want hi es van den nuwen ontweghet,
 Ende hem es dat nuwe ontseghet,
 35 Dat in nuwe minne gheleghet,
 In nuwer minner minnen natuere.

4

- Ay, waer es nu nuwe minne,
 Met haren nuwen goede?
 Want mi doet mine ellende
 40 Te menich nuwe wee;
 Mi smelten mine sinne
 In minnen oerwoede;
 Die afgront daer si mi in sende
 Die es dieper dan die zee;
 45 Want hare nuwe diepe afgronde
 Die vernuwet mi die wonde:
 Ic en soeke meer ghesonde,
 Eer icse mi nuwe al kinne.

3

O! Minn' is nij all' oer'
 en hja fernijt de dagen.
 Hja jout in nije berte,
 altyd ta nije tier.
 Och! hoe fynt d' âlde doer,
 dy't net yn leafde 'm wage?
 Hy wurdt gau âld fan smerte,
 en nea mei grut plezier.
 Hy mist de jonge segen;
 him is de frissens weegre,
 yn fernijde leafde leegre,
 dy fan minners har nije natoer.

4

Wer is no de nije Minne
 mei har nije krêft te'n goede?
 Want myn ellinde hat
 my jûn te folle wee.
 Myn siele raant fan binnen
 yn langst nei Minne' gloede.
 D' ôfgrûn dêr't hja m' yn stoart,
 is djipper as de see.
 Har djipt fan wiid begear
 fernijt aloan myn sear.
 Gjin baat sykj' ik my mear,
 oant ik fyn nije balsem fan Minne.

5

- Maer die nuwe oude vroede,
 50 Die nuwe hen minnen gheven,
 Ende nuwe hen dan niet en sparen,
 Die hetic nuwe ende out;
 Si leven in hoghen moede;
 Want si hen ane minne clevan,
 55 Ende met niede altoes anestaren;
 Dies wast in minnen hare ghewout;
 Want si moeten alse nuwe hen wenen,
 Ende alse oude op minnen lenen,
 Daerse lief wilt leyden henen
 60 Met nuwen moede in nuwen woede.

6

- Die nuwer minnen scolen
 Met nuwer minnen volghen,
 Na nuwer minnen rade,
 In nuwer trouwen ere,
 65 Si scinen dicke in dolen;
 Nochdan sijn si diepst verswolghen
 In minnen onghenade,
 Daer si na swelten sere;
 Ende so comt dat nuwe clare
 70 Met allen nuwen ware,
 Ende brenghet nuwe openbare
 Dat mi hadde stille bevoelen.

5

Mar fernijden, krigel en froed,
 dy't warber nei Minne stribje,
 en fiks harsels net sparje,
 dy neam ik jong èn âld.
 Hja libj' yn eal gemoed,
 omt hja oan Minne klibje
 en stees har fûl bestoarje.
 Hja waakse ta Minne' bewâld.
 As nijen moatt' hja stinne;
 as âlden lynj' op Minne,
 nij fan gloed mei nije moed rinne
 dêr't har leaf har hinne stjoert.

6

Dy't Minne har leare, de nije,
 mei frisse leafde folgen,
 nei jonge leafde har sede,
 yn trou dy't nea ferswakke,
 lykje dochs faak te doarmjen yn lijen:
 hja binn' yn 't djipt ferswolgen
 fan leafdes ûngenede,
 de Minne dêr't hja nei snakke.
 Sa blykt de nijens fier
 yn folle klearens wier,
 en makket iepenbier
 wat men my hiet te swijen.

- Ay, hoe suete es nuwe melden!
 Al ghevet nuwen kere
 75 Ende menich nuwe doghen,
 Het es nuwe toeverlaet;
 Want minne saelt ons wel ghelden
 Met groter nuwer ere;
 Die minne salre ons met doen hoghen
 80 In minnen hoechste raet,
 Daer dat nuwe gheheel sal sijn
 In nuwen ghebrukene fijn,
 Also: 'nuwe minne es al mijn'.
 Ay, dit nuwe ghesciet te selden!
- 85 Alle die dit nuwe scuwen,
 Ende hen met vrenden nuwen vernuwen,
 Hen selen die nuwe mestruwen,
 Ende met allen nuwen scelden.

7

Hoe swiet is 't fernijing te melden,
 al jout it nij tamptearen
 en mannichien nij leed.
 't Is in nije taflecht wis,
 want Minne sil 't ús ferjilde
 mei grutt' en griene eare.
 Dêrmei tilt Minn' ús ta 't steed
 fan har heechste heimenis.
 Dêr wurdt dy fernijing alhiel
 't nij rein geniet fan de siel.
 Nije Minne falt dêr har ta diel.
 Och, dit nije bart al te seldom!

Alle lju dy't dit nije mije
 en oan frjemd fernijen har wije,
 wurde mijd troch de wiere nijen,
 dy't mei alle fernijden har skelde.

LIED VIII

I

- Die tijt vernuwet ende tegheet
Die oude die langhe hevet ghestaen.
Die in minnen dienste ware ghereet,
Van hare soudi loen ontfaen:
5 Nuwen troest ende nuwe cracht;
Dat hi hare minde met minnen macht,
Met minnen so worde hi minne saen.

2

- Hets onghehoert te werdenne minne.
Die minne wilt werden hine sal niet sparen,
10 Hets wesen boven alle sinne;
Hi sal met al in al dorevaren;
Die minne woent so diepe ints vaders scoet,
Die dienst sal wesen herde groet
Daer minne hare werc sal openbaren.

3

- 15 Der ontfermherticheit cost ende die scout der wet
Gheldet die minnare int beghin.
Na dat hi dese ghewout beset
Comt hi in overgroet ghewin:
Hi werct alle werc sonder scinen,
20 Hi doghet al leet sonder pinen;
Dits leven boven menschen sin.

LIET VIII

I

De tiid fernijt him – d' âlde giet
nei sa lang toevjen einlings hinne.
Dy't ree ta tsjinst fan Minne stiet,
sil wis syn lean fan har him winne:
rju nije moed en nije krêft.
Bemint er Minne mei alle trêft,
dan wurdt er ringen ien mei Minne.

2

't Is wûnder nij en wurd ta Minne.
Wâ't wurde wol, moat him net ûntsjen.
Gjin minskegeast sil 't fetsje kinne.
Men moat troch alles hinne tsjen.
De Minne wennet yn Heite skert'.
Men moat har tsjinje trou en beret,
wol men it wurk fan Minne sjen.

3

De priis fan ûntferming, de skuld fan de wet
moat de minner betelje as begjin.
As er dêrta fermogen krigen het,
komt er ta tige grut gewin.
Dan docht er elk ding sûnder writen
en duldet elk leed sûnder kriteren.
Gjint dy't sa'n libben fetsje kin.

4

Die minne wilt werden, hi werct groot werc;
 Want hine faelgeert in ghenen sinnen;
 Hi es onverwonnen ende even starc
 25 Daer hi der minnen minne mach winnen,
 Eest in sieke, eest in ghesonde,
 In blende, in cropele, ende in ghewonde:
 Dat sal hi over scout bekinnen.

5

Den vremden dienen, den armen gheven,
 30 Den sereghen troesten als hi mach,
 Den vrienden gods met trouwen leven
 In heyleghen, in menschen, nacht ende dach,
 Met alre macht, boven ghereken;
 Dunct hem dat hem der cracht mach ghebreken,
 35 Verlate hem voert op minnen sach.

6

In groter minnen toeverlaet
 Vercrijcht men al dies men behoeft:
 Si ghevet den ongheleerden raet;
 Si troest denghenen die hem bedroeft;
 40 Es sine sake in hare allene
 Ende en wilt hi anderen troest engene,
 Dats een teken dat hi hare ghenoeghet.

Die allene minne wilt pleghen
 Met alder herten ende alden sinne,
 45 Hi hevet al met al belegghen
 Dat hi hare selven al bekinne.

4

Dy't him makket ta Minne, docht machtich wurk,
 want hy sil alle ding oan kinne.
 Hy is ûnferwinlik en jimmer sterk,
 kin er de wiere Minne winne
 yn 't soargjen foar siken en foar sûnen,
 en blinen en manken en ferwûnen.
 Dat moat er as syn plicht erkinne.

5

De frjemden tsjinje, oan d' earmen skinke,
 de drôven treaste út alle macht,
 yn trou de freonen Gods betinke,
 mank hillgen en minsken, dei en nacht,
 mei alle krêft, oer minskene mjitte.
 Tinkt men, de krêft soe jin ûntsjitte,
 slach dan op 't wurd fan Minne acht.

6

Wa't him op 'e machtige Minne ferliet,
 krijt al wat er fanneden is.
 Hja jout de ûnbelearden ried
 en treastet elts yn drôfenis.
 En fynt er by har allinne hâld
 en siket gjin oare treast te wrâld, –
 dat er Minne dan haget, is wol wis.

Dy't him ta Minne allinne set
 mei hiel syn hert en geast en wil,
 dy hat alhiel it sa beret,
 dat er alhiel har kenne sil.

LIED IX

I

- Altoes mach men van minnen singhen,
Eest herfst, eest winter, eest linten, eest zomer,
Ende jeghen hare ghewout verdinghen,
Want en onsteet hare nieman vromer.
5 Maer wi, traghe, segghen dicke in comer:
'Soude si mi also na bedwinghen?
Ic mach mi metten ghenen minghen
Die rasten hebben gheploen
Ende bliven thuus; waer mochtic
10 Gaen omme mijn verdoen?'

2

- Die nedere metten armen sinnen,
Die sijnt die den cost ontsien,
Dat si hen scouwen van der minnen
Daer hen al goet af soude ghescien.
15 Ocht si hen vanden dienste ontien,
Nemen dat sire ane winnen.
Trouwe salse toenen ende arm doen kinnen
Vore der minnen rike al bloet.
Dese sijnt die dat hare verdaden
20 Sonder der minnen noet.

LIET IX

I

Altyd kin Minne kriich jin bringe,
by't hjerst, by't winter, maityd, simmer,
sadat men ta de macht har tinge.
In moedich man ûntwykt har nimmer.
Mar 't sleau folk fynt syn noed faak slimmer,
en kleit: „Moat hja sa slim my twinge?
Ik jou my leaver by dyjingen
dy't nolc en rêstich libje.
'k Bliuw leaver thús; werom
soe 'k myn ferdjer bestribje?”

2

De neperts dy't earmhertich binne,
sill' skealik nei de kosten sjen.
Neiganich mijc hja de Minne.
Dochs is fan har bleat goeds beskern.
Hja woll' har oan har tsjinst ûnttsjen;
hja miene dat hja dêrtroch winne.
Mar Trou lit har as earm wol kinne,
fan rike leafd' ûntbleate.
Sels sûnder Minne' twang
gong al har goed teneate.

3

- Die gherne woude doghen tsuete ellende,
 Die weghe ter hogher minnen lant,
 Hi vonde sijn lief, sijn rike, ten ende:
 Dies gheeft die trouwe zeghel ende pant.
 25 Nu es menich dorpre so truwant,
 Hi neemt dat hem es naest ghehende,
 Ende blijft vore minne die onbekinde
 Metter truwanten cleet.
 Soe en heeft hi vorme noch ere,
 30 Daer minne dat hare bi versteet.

4

- Scone ghelaet ende scone cleder
 Ende scone redene sieren den man.
 Al doghen om minne ende niet te wreder,
 Dat es scone ghelaet die dat wel can.
 35 Die werke sijn die cleder dan,
 Met nuwen niede ende niet te ghemededer,
 Ende den vremden te aller noet ghereder
 Dan ane sijns selfs bekinnen:
 Dats varuwe, die tekene sieren
 40 Alre meest vore hogher minnen.

3

Dy't graach ferdraacht de swiet' ellinde –
 de wei nei d' eale Minne har lân –
 fynt lang om let syn rykbeminde.
 Trou jout dêr segel fan en pân.
 Mar mannich skelm en skoaiersman
 grypt wat him 't neist leit fan de binde,
 en bliuwt foar Minn' in ûnbekinde
 yn skabbich habyt.
 Hy hat fatsoen noch eare,
 dêr't Minne har folk oan wyt.

4

In moaie skouwing en klaaiing binne
 mèi moaie wurden wat jin siert.
 Dy't alles wrokleas draacht om Minne,
 dy is fan skouwing moai yndied.
 Syn dieden, 't klaad dat fraai him stiet,
 ha farske flyt, fan grutskens skjinne.
 De frjemd' yn need wurdt earder tsjinne
 as eigen kund' alteast.
 De kleur dy't findels siert
 is fan d' eale Minne 't meast.

5

- Vorwaerdeghe wort ende grote ghichten
 Buten huus, ende scone cost daer binnen,
 Eren den man meest ende verlichten.
 Hier bi machmenne best bekinnen.
- 45 Also eest oec met hen die minnen,
 Eest dat si inder waerheit stichten
 Ende met scoenre cost daer binnen dichten,
 Alsoet minnen best betame,
 Ende gheven al minne om minne:
- 50 Die ghichte es minnen best bequame.

6

- Ic segghe van minnen ende rade
 Ghecierden cost ende hoghe daet.
 Dat trouwe soude ghelden dat minne verdade,
 Dats meneghen cleyne toeverlaet
- 55 Die inden bande van minnen staet,
 In onghebrukenne ende in onghenade.
 'Die minne loent altoes al comt si spade'
 Dats daertoe mine saghe.
 Die hare volghen, si liden
- 60 Meneghen nacht bi daghe.

5

Foarname wurden en grutte presinten
 nei bûten, en prûze pronk fan binnen
 jout meast de man sier en kompleminten.
 Hjir kin men him it bêst oan kinne.
 Sa is it ek mei har dy't minne,
 ha hja yn wierheid fûneminten
 en 't ynlik sierd mei ornaminten,
 sa't Minne 't bêste foeget.
 Alle leafd' oan Minne jaan
 is de jeft, dy't har meast fernoeget.

6

Ik sprek fan Minne, en ik ried
 jim kostbre sier en nommelheid.
 Dat Trou foldocht wat Minne fersliet,
 is treast dy't mannichien neat seit,
 dy't yn 'e boei fan Minne leit
 fol ûnfoldienens en ferriet.
 „Al komt hja let, Minne leannet yndied”
 is wat ik dêrop sis.
 Mar dy't har folget, lijt
 by dei faak tsjusternis.

7

- Wie soude van minnen altoes geprisen
 Die ghevet bi daghe so meneghen nacht?
 Dien si soude cleden, eren ende spisen,
 Dien doet si al ute sijnre macht.
 65 Die gherne goude der minnen pacht,
 Soudsi in allen rechte wisen,
 Ende met trouwen zeghele so hoghe doen risen
 Daer lief mochte lief hantieren
 Ende in allen ghebrukene van minnen
 70 Eren ende cieren.

8

- Dat scoenste hanteren dat minnen dochte,
 Dat ware: lief met lieve so dore mint,
 Dat lief met minnen so lief dore sochte,
 Dat hem el niet en ware bekint
 75 Dan: 'ic ben die minne met minnen verwint.'
 Maer hi waer meer verwonnen die minne verwochte
 Ende dan in minnen te niete werden mochte.
 Die cracht ghinghe als te voren.
 Die hoghe materie, daeraf wardt minne
 90 Van yersten gheboren.

7

Fan wa wurdt Minne altyd prize,
 dy't faak de dei ferkeart yn nacht?
 Wa't hja eare jaan moat, klean en spize,
 berôvet hja fan alle macht.
 Dy't jern' oan Minne jout har pacht,
 moat hja 't rjochtfearnich oardiel wize:
 Heech moat er mei Trou har segel rize,
 dêr't leaf mei leaf ferkeare,
 en mei alle leafdenocht
 bepronke wurd' en eare.

8

Dit is 't heechst ferkear, fan leafde betocht:
 dat de leaver syn leaf sa fûl bemint,
 dat hy yn leafde har djipt trochsocht.
 Dan is him neat oars mear bekind
 as: „Ik bin 't dy't leafd' yn leafd' oerwint.”
 Mar méár oerwûn hie wa't Minne befocht
 en yn har teneate wurde mocht.
 De grutste krêft is wis
 de súvre Substânsje, der't Minne
 yn 't begjin út berne is.

Maer wij, lichtecope, metten lichten sinne,
 Ons duncken minnen vare swaer.
 Wij sijn nieloop met clen ghewinne;
 Dies darven wij minnen clare waer.
 95 Ic weet – al en wetict niet al daer,
 Daer mens ghebruket in weelden van minnen,
 Maer verlichte redenne doet al bekinnen –
 Hoe men minnen ghenoech volsteet:
 Daer en es redenne te waer
 100 Noch werc te swaer ende al nuwe ghereet.

Die vroech hare claer
 Hebben openbaer
 Ende saen hare bliscap kinnen,
 Ende glorieren daer binnen,
 105 Eest dat hen wel vergheet,
 So hebbense, god weet!
 Vele beteren coep der minnen
 Dan icker noch weet.

9

Mar wy binn' deun en sleau, en stinne,
 en achtsje Minne har priis te swier.
 Mei ús wiffens ha wy lyts gewin, en
 sûnder Minne' súvre waar gjin tier.
 'k Ha 't net fan de merk fan wrâlds plezier,
 dat minsken fiel' yn nocht fan minnen,
 mar kleare Rede lit ynsjoch winne,
 hoe't men Minne jout har lean.
 Dy Red' is neat te swier,
 gjin taak as frjemd oanbean.

Dy't har suvrens al ier
 iepenbierje as wier,
 ring har blidens erkinne
 en fermeits yn har winne,
 ha in tierich bestean
 en – by God! – mear gewin
 fan de jilding fan Minne
 as my duslang bean.

LIED X

I

Die voghele hebben langhe geswegen
Die blide waren hier te voren.
Hare bliscap es gheleghen
Dies si den somer hebben verloren.
5 Si souden herde saen gheseghen
Hadden sine weder ghecreghen,
Want si hebbenne vore al vercoren,
Ende daer toe worden si gheboren.
Dat mach men dan an hen wel horen.

2

10 Ic swighe vander voghele claghe
– Hare vroude, hare pine, es saen vergaen –
Ende claghe dat mi meer meshaghe :
Die minne, daer wij na souden staen,
Dat ons verweghet hare edele waghe,
15 Ende nemen vremde na ghelaghe.
Sone mach ons minne niet ontfaen.
Ay, wat ons nederheit heeft ghedaen!
Wie sal ons die ontrouwe verslaen?

3

20 Die moghende metter sterker handt,
Op hen verlatic mi noch sere,
Die altoes werken in minnen bandt
Ende en ontsien pine, noch leet, noch kere,
Sine willen dorevaren al dat lant
25 Dat minne met minnen in minnen ye vant.
Hare fine herte es so ghere,
Die weten wat minne met minnen lere
Ende hoe minne die minne met minnen ere.

LIET X

I

De fûgels foelen lang ta swijen,
wylst hja har sa ferbliden earen.
Har blidens is al lang foarby, en
't is omt de simmer hja ferlearen.
Ring soen' hja har triomf fernije,
soen' hja fannijs de simmer krije,
want hy is harren heechst begearn,
bern' as hja binn' ta jubilearen
yn him; dat is oan har te hearen.

2

Ik swij no, dat it fûgelt klage;
– har will' en leed binn' gau fergien –
mar klei oer wat my mear mishage:
dat Minne – ús doelwyt, nei't ik mien –
har eale lêst te swier ús wage,
en dat men frjemd genot bejage.
Dêrom nimt Minn' ús net meien.
Och, wat hat ús ús legens dien?
Wa slacht dy ûntrou koart en klien?

3

De machtigen mei sterke hân
ferlit ik my op ûnferfeard.
Hja tsjinj' altyd yn Minne' bân,
en mijs smert noch leed dat deart,
mar tsjogge troch it hiele lân
fan Minne, leafdes ûnderpân.
Har nommel hert is rein begeart,
wittend wat Minn' yn leafde leart,
en hoe't hja leafde mei leafde eart.

4

- Waeromme soude dan ieman sparen,
 Ochtemen minne met minnen verwinnen mach,
 30 Hine soude met niede in storme dorevaren
 Op toeverlaet van minnen sach,
 Ende minnen ambacht achterwaren?
 Soe soude hem die edelheit openbaren.
 Ay, daer verclaert der minnen dach,
 35 Daer men vore minne nie pine en ontsach
 Noch van minnen nie pine en verwach.

5

- Dicke roepic hulpe alse die onverloeste.
 Lief, wanneer ghi comen selt,
 40 So noepti mi met nuwen troeste,
 So ridic minen hoghen telt,
 Ende pleghe mijns liefs als alrevroeste,
 Ochte die van norden, van suden, van oesten,
 Van westen al ware in mijnre ghewelt.
 45 So werdic saen te voete ghevelt.
 Ay, wat holpe mijn ellende vertelt!

4

Wêrom jins kriich en krêften sparre,
 as Minne mei leafde is te winnen?
 Wêrom net steech troch stoarmen farre,
 betrouwend op de macht fan Minne,
 en yn 't amt fan Minne trou jin warre?
 Dan soe jin klear har ealens barre.
 Want klear ferriist de dei fan Minne,
 dêr't lju om har gjin pin' ûntrinne,
 en har lêsten nea te swier har binne.

5

'k Rop faak om help as yn it nearste.
 Beminde, astû komst ta mij,
 dan priklest my mei fris fertreasten
 en ryd ik heech te peard' en wij
 útskroeven my oan dy, myn leafste,
 oft noard en súd en west en easten
 wien' yn myn macht en hearskippij.
 Dan wurd ik hommels delstaat. – Fij!
 Wat jout it oft ik sis hoe 'k lij?

LIED XI

I

- Nu es dit nuwe jaer
 Ontstaen, dats openbaer,
 Met sconen nuwen tide.
 Ons naket openbaer groet vaer;
 5 Ons baert een vaer so swaer,
 Beide verre ende wide;
 Ende ic singhe met nuwen rouwe:
 Daer wilen wrachte edele trouwe,
 Dat ic daer nu loesheit scouwe;
 10 Dies es mijn herte onblide.
 Wat wondere eest dat ic douwe
 Ende rouwe om minne bouwe!
 Die minne es alles vrouwe,
 Ende wij dolen bi hare side.

2

- 15 Hier ende over al
 Sie ic ongheval
 Toter hoechster minnen,
 Also ic nu claghen sal.
 So wert die berch wel dal,
 20 Na mijn versinnen.
 Want al heeft mi scade verjaghet,
 Ende ic ben die node claghet,
 Ende diet licht allene verdraghet,
 Dats mij behoert in binnen;
 25 Maer wie dat hem versaghet,
 Ende der minnen pine meshaghet,
 Ende omme vremde troeste vraghet,
 Hi sal wel spade verwinnen.

LIET XI

I

No hat it nije jier
 moai waar en frisse sier
 brocht mei de nije tiid.
 Mar grut gefaar wankt ier,
 en eangst, ûnhjirmlik swier,
 is 't dy't ús rûnom riidt.
 Ik sjong yn felle rouwe:
 dêr't earen 't wurk fan Trouwe
 wie, moat 'k no falskens skouwe.
 Dus is myn hert net bliid.
 Gjin niget dat ik rouwe
 om Minne draach by't drouwen.
 Minn' is fan alles frouwe;
 dochs doarmj' ik wiid en siid.

2

Hjir en op al myn wegen
 sjoch ik, hoe ûngenegen
 men is ta heechste Minne.
 No klei ik, dat men weegre:
 sa wurdt de berch ferlege
 ta dal, nei myn besinnen.
 Want al hat ûnk my jage,
 en ha 'k myn need ek klage,
 en kin 'k mar lyts leed drage,
 dochs striidt myn krêft fan binnen.
 Mar wa't him amper wage,
 wa't Minne' smert mishage,
 en nei help fan frijenden jage,
 dy sil net licht oerwinne.

3

- Al claghic in nuwen tide
 30 Dat ic ben onblide,
 Hets langhe int lingen.
 Men siet in elke side
 Die scape lopen wide,
 Maer dat es ghehinghen.
 35 Ende die sinne dien minne verscene
 Met dat si willen ghemene
 Ende dan vore plumen draghen stene,
 Dat doetse sere verghinghen.
 Hilden si hen allene
 40 Ende vri ter minnen lene
 Ende aen andere troeste enghene,
 Die minne soude hen minne wel bringhen.

4

- Ic en beent niet allene,
 Noch oec die liede ghemene,
 45 Die dus sere dolen;
 Maer die vanden riken lene,
 Si sijnt die ic mene,
 Die de minne te haerre scolen
 Gheleit hevet meneghen dach,
 50 Ende gheleert den wisen slach,
 Ende te doelne op minnen sach
 Ende pine die si hen heeft bevolen;
 Ende si soeken hare ghelach
 Ende nemen vrent bejach
 55 Dat hen scaden mach,
 Dier sueter minnen verstolen.

3

Ik klei dizze nije tiid
 fan 't jier; ik bin net bliid,
 omt traach de dagen lingen.
 De skiepkjes sûnder piid,
 dy doarmje wiid en siid,
 mar ha fan nimmen twingen.
 Mar de sielen dy't skôge hien'
 wat har winsken fan Minne wien',
 en gjin plom dan drage, mar stien,
 sil Minn' yn 't ûnleech kringe.
 As hja har hâlden hien'
 frij foar de leafd' as lien,
 op gjin oare help begien,
 soe Minne har leafde wol bringe.

4

Ik bin net allinne sa'n ien,
 dy't mei 't sljochte folk yn 't gemien
 sa wif yn 't doalhôf doarmje.
 Ek lju mei in riker lien –
 dy binne 't dy't ik mien –
 dy't Minne, om har te foarmjen,
 yn har skoalle brocht gâns kearen
 om har de tûkens te learen,
 en op Minne har te basearen,
 en har smerten, oplein as noarmen.
 Mar hja sykje eigen affearen
 mei wrâldske bút te begearen.
 Dat kin troch temûkens har deare,
 omt hja swiete Minne misfoarmen.

5

- Dus nemen wi vremde saken,
 Omme dat naerre smaken:
 Dat es ons grote scade.
 60 Ons vernoyet dat haken
 Ende dat langhe ellendeghe waken
 Om minnen sade;
 Maer mochten wij die hoechste staghen
 Opclennen ten eerste daghen,
 65 Ende wij dat wij minden saghen,
 So waren wijs sciene in rade.
 Maer ommedat ons om minnen behaghen
 Vernoeit die bordenne draghen,
 So nemen wi die naeste ghelaghen,
 70 Ende scuwen der minnen dade.

6

- Dat ware een al te neder sin,
 Die om cranc naghewin
 Hem soe verdeylde,
 Dat hine wiste meer noch min
 75 Wat hoghe minne hevet in;
 Maer diere in verseylde,
 Hi woende op haren diepsten gronde
 Ende si toende hem al hare conde,
 Sodat si hem in corter stonde
 80 Der begheerten wonden al heilde.
 Ende die minnen te rechte stonde
 Ende minne met minnen bonde,
 Ic segghe hem dat hi vonde
 Gherechte minne die hem veilde.

5

Nei wrâldske dingen jachtsje,
 nei ier genietsjen trachtsje,
 dat docht ús heislik skea.
 Want ús fertret it smachtsjen
 en 't lang, ellindich wachtsjen
 op 't sêdzjen mei Minne' brea.
 Mar as ien fan de earste dagen
 wy de heechste top al bejagen
 en skôgen ús ynlikst behagen.
 gau wien' wy gerêst by ús lea.
 Mar omdat it nimmer ús hage
 de Minne har lêsten te dragen
 ha wy 't neist genot grepen as gragen,
 en mije wat Minne gebea.

6

't Wie'n al te neazich sot,
 dy't om wat lef genot
 himsels sa slim ferniele,
 dat hy gjin weet hie wat
 de hege Minn' ynhâldt.
 Mar soed er hâldfêst yn har fiele,
 hy wenn' op har djipste grûn;
 him waard al har witnis jûn,
 sadat hja gau de wûn'
 fan syn begearte hiele.
 Wa't pleit mei har begûn,
 en leafde mei leafde bûn,
 hat de rjochte Minne fûn,
 dy't de jilding wit fan syn siele.

- 85 Ochte wij ons minne ontbliven laten
 Ende wi ons selven so verhaten,
 Ende ons minnen duncket pine,
 Die minne saelt ons wel orsaten,
 Ende doen ons dolen in vremden straten,
 90 Dat ons doch wel scine
 Dat wij bi onsen soude
 Verliesen die edele houde,
 Die ons minne gheven soude,
 Daer si met sadet hare fine,
 95 Ende wij raste zoeken te houde.
 Nu ic te sceldenne boude,
 Ic wane ic cume woude
 Dat ons minne meer gherine.

- Want onse seden oude
 100 Tonen ons vore minne so coude;
 Wat holpt dan dat ict woude,
 Sint dat ons arm steet te sine.

7

As w' ús Minn' ûntkomme litte,
 ússels sa haatsj' en ferjitte,
 dat leavjen ús leedzje like,
 sil Minn' ús boete hjitte:
 te doarmjen yn frjemde fierte,
 want sa sil dúdlik blike,
 dat wy troch ús skuldental
 wy ferlieze har geunst sa gol,
 dy't Minn' ús skinke wol.
 Dy geunst ferkwikt wa't net wike,
 mar wy sykje rêst foaral.
 Ik skel op 't skuldich mal;
 ik leau, dat 'k amper wol
 dat Minn' om ús jit stike.

Dat wy foar Minne sa kuol-
 le binn', toant ús âlde stal.
 Wat jout it dan, dat ik 't wol?
 Leaver earmen binn' wy as riken.

LIED XII

I

Nu es die edele tijt gheboren
Die ons bloemen sal brenghen int lant.
So sijn die edele die sijn vercoren
Te draghenne dat joc, der minnen bant:
5 Hen bloeit altoes die trouwe in hant,
Ende edele bloemen met diere vrocht;
Daer werdt met trouwen dwort doresocht;
Daer blivet die minne ghestade
Met eenre vrienſcap al dore knocht,
10 Int hoechste van minnen rade.

2

‘Mijn joc es soete, mine bordene es licht’,
Seghet selve die minnare es der minnen.
Dit word hadde hi in minnen ghedicht,
Daer buten en mach ment niet waer kinnen,
15 Alsoe ic mi can versinnen.
So es hen lichte bordene swaer,
Ende si doghen meneghen vremen den vaer
Die buten minnen wonen.
Want der knechte wet es vaer,
20 Maer minne es wet der sonen.

LIET XII

I

No is de eale tiid ús berne,
dy't blommen bringe sil yn 't lân.
Sa binn' d' eallju dy't w' útkard kenne
it jok te dragen, Minne har bân.
Yn harren bloeit de trou aloan
en eale blommen mei kostbre frucht.
Dêr wurdt yn trou 't Wurd ûndersocht;
dêr bliuwt de minner bestindich
yn sibbe freonskip mei Minne ferknocht
yn 't heechste heimnis ynwindich.

2

„Myn jok is sêft, myn lêst is licht,”
seit Hy dy't sels bemint de Minne.
Dat wurd joech Hy yn Minne gewicht.
Dêrbûten kin men 't net erkinne
as wier, seit myn begryp fan Minne.
Dus falt de lichte lêst hâr swier
en frjemde frees fret will' en tier
fan dy't bûten Minne dreauen,
want frees is wenst by folk fan deihier,
mar Minne is wenst by freonen.

3

Welc es die bordenne licht in minnen,
 Ende dat joc dat soe soete smaket?
 Dat es dat edele draghen van binnen,
 Daer minne die lieve met gheraect,
 25 Ende met enen wille so enich maect,
 Met enen wesenne, sonder keer.
 Begherten diepheit scept emmermeer,
 Ende dat sceppen drincket al die minne.
 Die scout die minne maent der minnen,
 30 Gheet boven menschen sinne.

4

Het ne mochte nie herte noch sin gheraden
 Hoe hi sijn lief met minnen anestaert,
 Dien minne met minnen heeft verladen,
 Want hi ene ure niet en spaert
 35 Eer hi met minnen al dorevaert,
 Hine stare met trouwen in minnen fijn.
 Want sine vonnessen moeten al sijn
 Ghelesen in minnen anscine
 Ende daer siet hi, claer waer, sonder schijn,
 40 In meneghe suete pine.

3

Wat is dy lêst, sa licht yn Minne?
 wat is dat jok, dat sêft' en golle?
 Dat is de eale dracht fan binnen,
 dêr't Minne de leafste mei ferfolle,
 en feriene yn ien sillich wollen
 mei ien grut Wêzen. It djip begear
 skept út 'e Minne ider kear.
 Wat skept wurdt, drinkt it leavjend herte.
 De tol dy't de siele oan Minne ferlear,
 wurdt fan gjin minske fette.

4

Gjinn hert of geast sil riede kinne,
 hoe't hy syn leaf mei leafde besjocht,
 dy't fan de leafst' is oerstjalpe mei Minne,
 omt hy gjin oere lichten docht,
 ear't hy mei Minne troch alles tsjocht
 en wiswier skôget de Minne kein.
 Elts oardiel oer him moat er rein
 op Minne har antlit fine.
 Dêr sjocht er yn klare wierheid folslein
 sa mannich swiete pine.

5

Hi siet in claerheden, dat die mint,
 Met volre waerheit pleghen moet.
 Als hi met waerheiden dan bekint,
 Dat hi der minnen te lettelt doet,
 45 Verstormt met pinen sijn hoghe moet.
 Want in minnen anscine nemt hi al
 Hoe minne der minnen pleghen sal,
 Ende dat vonnesse suet die pine,
 Ende doet hem gheven al om al,
 50 Om der minnen ghenoech te sine.

6

Die hen in minnen ghenoech dus gheven,
 Wat groter wondere sal hen ghescien!
 Si selen met minnen ane minne een cleven
 Ende selen met minnen al minne doresien,
 55 Ende met hare verhoelnen aderen al tien
 Int conduut daer minne haer minne al scincket
 Ende met minnen hare vriende al dronken drinket,
 In wondere vore haren woeden.
 Dat blijft den vrenden al ontwincket,
 60 Ende openbaer den vroeden.

5

Dêr sjocht er klear, dat hy dy't mint,
 yn suvre wierheid tsjinje moat.
 As hy dan 't wiere ynsjoch wint,
 dat hy de Minne te min tapart,
 skrept fûl syn eale geast dy't fertart,
 want hy lêst klear op Minne' gesicht
 hoe't de minner te dwaan hat Minne' plicht.
 dat hjit ferswietet de pinen.
 Dan skrept er sûnder dat er swicht,
 om foar Minne foldwaning te finen.

6

Dy't sa nei Minne' foldwaning stribje,
 hoe'n machtich wûnder is har beskern!
 Hja sill' yn leafd' oan Minne klibje,
 yn leafde Minne alhiel trochsjen,
 mei ferhoalen ieren útfloeï' en tsjen
 yn 'e wel, dêr't Minn' alle leafd' út skinkt
 en mei leafde har freonen ta dronkenens bringt,
 yn 'e rûs fan har dwelmich focht;
 eat wat ta sljochten nea trochkringt,
 mar wizen klear bliken docht.

- God gheve hen allen die minne begheren,
Dat si der minnen also ghereden,
Dat si al op hare rike teren,
Dat si minne in hare moghen minne gheleden.
- 65 So en mach hen biden vremen wreden
Nemmer messchien, sine leven so vri
Also 'ic al minnen ende minne al mi.'
Wat mach hen dan meer werren?
Want in hare ghenaden staen si:
- 70 Die sonne, die mane, die sterren.

7

Dy't Minne begeare, God gunne harren,
dat hja nei Minne sà har ploaie,
dat hja op al har rykdom tarre
en, sels leafde, Minn' yn har konfoaie.
Dan kin gjin wreed frjemd har eat ûnttroaie
of deare; yn wissichheid libje hja:
„Minne wijt har oan ús, wy oan Minne ús ta.”
Wat kin har dan jit ferdjerre?
De himel skikt syn geunst har ta:
de sinne, de moann' en de stjerren.

LIED XIII

I

- Men mach der nuwer tide
Op den nuwen dach
Wel hopen in elke side,
Altoes alst nu wel mach.
5 Die minne bekint den meneghen slach,
Dien ic dore hare lide.
So levic voert op minnen sach,
Met droevere herten blide.

2

- Al haddic nuwe jare
10 Ende nuwen tijt ende groene,
Nochtan levede ic met vare
In al minen doene,
Met vollen nuwen ongheroene,
Het en si dat mi minne hare openbare
15 Ende hare selven gheheel gheve in verdoene
In allen nuwen clare.

3

- Het waer hem nu wel ongherede
Die nu woude pleghen trouwen.
Hem soude ghescien wel lede:
20 Met meneghen nuwen rouwen
Soudenne die vremde wrede blouwen
In meneghe nuwe vede,
Eer hi dat lantscap mochte scouwen
Daer minne haren vrient doet ghelede.

LIET XIII

I

Men mei yn ider tij
en dizze nijjiersdei
wol hoopj' op tiden nij,
allyk it hjoed wol mei.
Mar Minne ken 't leedzje op myn wei,
dat ik om har faak lij.
Sa libj' ik op wat Minne sei,
mei 't herte drôf èn blij.

2

Al trof ik 't nije jier
mei nij grien op myn baan,
dochs libb' ik net yn tier,
mar eangst by al myn dwaan.
Stees nij soe my foll' ûnrêst slaan,
makke Minne har net iepenbier
om ta myn gerak alhiel har te jaan
yn klearens, nij en blier.

3

It waard him gjin geniet
dy't tsjinje woe Frou Trouwe.
Hy barde gâns fertriet.
Ta hieltyd nije rouwe
soen' him de frjemde wrederts houwe
yn mannich skeel, dat biet.
Net earder soed er 't lân oanskouwe,
der't Minne har freon yn liedt.

4

- 25 Ay, hoert, ghi nuwe liede,
 Die nu minnen wilt pleghen,
 Ende merket wat ic u diede
 Ende wacht u wel daerjegen:
 Diere es vele die scinen ochte si neghen
 30 Daer men hen minne riede,
 Ende dolen uter trouwen in vremden wegghen:
 Dat saghic dat ghesciede!

5

- Selke wanen in minne
 Hebben groot gheval;
 35 Hen scijnt in allen sinne
 Ghebloyt berch ende dal.
 Maer als men ter waerheit gripen sal,
 So esser luttel inne:
 Ane werken van trouwen proeft men al,
 40 Ocht men ane minne iet winne.

6

- Het es te ellendich leven
 Hier sonder lief dus lanc;
 Dat doet ons dicwile sneven
 Ende brenghet ons in meneghen wanc.
 45 Waerdt tijt, ic wists der minnen danc
 Woude si ons dat wesen gheven
 Dat ons gheleide in minnen bedwanc
 Ane hare natuere een clevan.

4

Hark! fiks folk, dy't jim warre
 no Minne' tsjinst te pligjen.
 Myn útlis is jim skoarre:
 Ei, hoedzje jim foar 't driigjen.
 Gâns lykje dy kant oer te niigjen,
 dy't Minne rett' oan harren,
 dy't út trou op frjemde wegen tiigje.
 Dat seach ik faken barren.

5

Guon minsken miene, yn Minne
 giet alles harren wol.
 Foar har skynt altyd sinne,
 en bloeie berch en dal.
 Mar as men de wierheid fetsje wol,
 is dy dêr fier fandinne.
 Men priuwt yn dieden fan trou foaral,
 oft mei Minne eat is te winnen.

6

't Is àl t' ellindich libje,
 sûnder jins leaf sa lang.
 't Lit faak ús fall' en bibje
 en wanklje, wif en bang.
 'k Joech Minne mooglik tank as fang,
 koen' wy by har bestribje,
 dat wy, konfoaid mei Minne' twang,
 hecht oan har herte klibje.

7

- Wi connen ons wel vermeten:
 50 'Du mij, lief, ende ic di.'
 Behaghen hevet ons beseten,
 Ghenoechte maect ons vri,
 Ende wij moghen ghedueren, – ay mi! –
 Dade ons minne eens weten
 55 Dat edele wesen dat si si;
 Wine mochtens ure vergheten.

8

- Nu merket, ghi alle vroede,
 Hoe der minnen cracht es groet:
 Si hevet die gheweldeghe roede
 60 Over al dat god gheboet;
 Si brachte hem selven ter doet;
 Vore minne en es gheen hoede;
 Werket in minnen trouwe ende werdt hare ghenoot,
 Ende dore smaket hare edele goede.
- 65 Wien minne ie van binnen scoet,
 Hi es van so fieren moede,
 Wat hi ghedoghet in wederstoet
 Hets hem ten besten spoede.

7

Wy kinn' wol dryst útsjitte:
 „Bist mines, Leaf; ik fan dy!”
 Mar selsnju wol ús besitte;
 út selsnocht sprekke wy frij.
 Yn 't hertsear mooglik berêste wy.
 Die Minn' ús iens te witten
 har nommel wêzen yn folle waardij,
 wy soenen 't nea ferjitte.

8

No harkje, al jim froeden,
 hoe't Minne har krêft beskaat:
 Hja swaait de macht'ge roede
 oer wat troch Gods Wurd waard.
 Hja hat Him, Leafde selme, daat!
 Foar Minne kin gjint him hoede.
 Toan trou yn Minn' en wurd har maat;
 priuw fan har al 't eal' en goede.

Slacht Minn' op ien regaad,
 dan is er sa flink te moede;
 hy sjocht as syn bêste baat
 al wat er lijst oan 't tsjoede.

LIED XIV

I

Ten blijdsten tide vanden jare,
Dat alle voghele singhen clare,
Ende die nachtegale openbare
 Ons maket hare bliscap cont,
5 So heeft die herte meest sware
 Die edele minne hevet ghewont.

2

Hoe mach die edel sin gheduren,
– Ja, edelst alre creaturen –
Diet hoechste moet minnen bi naturen,
10 Ende dan sijn lief niene hevet;
Alsenne der minnen strale ruren,
 So gruwelt hem dat hi levet.

3

In allen tiden als ruert die strale
Meerret hi die wonde ende brenghet quale;
15 Alle die minnen kinnent wale,
 Dat emmer deen moet sijn:
Suetecheit ocht smerte ocht beide te male
 In dreeft vore minnen anschijn.

LIET XIV

I

Yn d' alderbliidste tiid fan 't jier,
as alle fûgels sjonge blier,
en as de geal yn 't iepenbier
har sang fan blidens oer ús stoart,
dan hat dat hert it tige swier,
dat d' eale Minne wûne hat.

2

Hoe kin de eale siele stjoere, –
it ealst fan alle kreatoeren,
dy't heechste leavet fan natoere, –
dat hja har Leafste nea net hat?
As Minne' pylken har beroere,
dan grout hja, dat hja libje moat.

3

Sa faak as Minne' pylk har roert,
spriedt dy de wûn' en smert it moed.
En al dy't leavje, witte 't goed:
't is tagelyk of ien allinne,
de nocht of smert, of beider gloed,
fûleindich lôgjend foar de Minne.

4

Hoe mach hen gruwelen dan die minnen
 20 Ende hen dus in minnen verloren kinnen!
 Si sijn verwonnen dat si verwinnen
 Dat onverwonnen groot,
 Dat hen alle uren doet beghinnen
 Dat leven in nuwer doot.

5

25 Hier ne mach hare minne dan niet gheweren;
 Men moet hare rike, hare cracht verteren.
 Hoese oec te niete in minnen ververen,
 Dats den vremden oncont:
 So si die zale hogher begheren,
 30 So diepere wielt die gront.

6

In recht van minnen es opghedreghen:
 Die den slach sleet wert selve ghesleghen;
 Dat licht werdt even sware gheweghen;
 Die cracht wert ierst verwonnen;
 35 Dat rike comt ons hier selve jeghen
 Vore alle die minnen connen.

7

Maer dier es luttel die om al minne al minnen,
 Ende noch men, die minne met minnen versinnen;
 Dies selense alte spade ghewinnen
 40 Dat rike ende den hoghen raet,
 Ende dat kinnesse dat minne doet kinnen
 Dien die hare ter scolen gaet.

4

Hoe'n grouwel is dy lju de Minne,
 dy't har ferlern yn Minn' erkinne.
 Hja binn' oerwûn, meidat hja winne
 dy grutte macht, oerwûn noch nea.
 Dy lit har aloan wer begjinne
 it libben yn in nije dea.

5

It hert fol Minne kin net him warre.
 Har sterke krêft moat harren barre,
 al sil ek Minne har fertarre.
 In frjemd sil nea dit fetsje' of fiele:
 Wat heger himel hja bestoarren,
 wat djipper ôfgrûn harren wiele.

6

Mei rjocht wurdt Minne' taak opdroegen.
 Hja wurde selme slein, dy't sloegen.
 It lichte wurdt as 't swiere woegen.
 De macht fan Minne moat earst wûn.
 Dan wurdt fansels har ryk fernoegjen
 oan allegear dy't minne, jûn.

7

Mar inklen, dy't alles om Minne ferneare;
 jit minder, dy't Minn' echt út leafde begeare.
 Dêrom winne dy, as 't te let is, de eare
 fan de skat en it hege heimenis,
 de kennis dy't Minne elts jout te learen,
 dy't learling fan har skoalle is.

8

Hets jammer groet dat wij dus dolen,
 Ende ons die hoghe wise blijft verholen,
 45 Die minne den meesteren heeft bevolen
 Die lesen in minne fijn;
 Die hoechste lesse inder minnen scolen
 Dats hoe men minnen ghenoech mach sijn.

9

Maer die wel te voren termineren,
 50 Al eest dat si dan jubileren
 Ende met salueerne feesteren
 Hare lief in cortere stont,
 Opdat si met doghenne concorderen,
 Hen wert die scole wel cont.

10

55 Maer die hier met lieve willen juwieren
 Ende met ghevoelne dan ballieren,
 Ende met ghenoechten daerinne basieren,
 Ic segghe hen wel te voren:
 Si moeten hen wel met doechden chieren,
 60 Ochte daer es die scole verloren.

8

Hoe'n griis, dat gâns te doarmjen rinne,
 en net de hege wiisheid winne,
 dy't de masters fan Minne skinke kinne,
 't folk dat de eale Minne leart.
 De heechste les yn 'e skoalle fan Minne
 is hoe't men Minne foldwaande eart.

9

Hja dy't te ier al ôfstudearje,
 en fleurich feestj' en jubilearje,
 en mei in hofflik groetsjen earje
 har Leaf, nei àl te koarte rite, –
 mits hja de deugd mar eksersearje,
 kinn' dochs hja Minne' lessen wite.

10

Mar dy't har leafste graach pleziere,
 en fleurich dûnsj' en feestlik swiere,
 en noflik sink' yn 't tierelieren,
 hâr jou ik tidich ûnderrjocht:
 Hja meie wol mei deugd har siere;
 oars is de les har om 'e nocht.

II

Maer die met waerheiden in minnen dichten
 Ende met clare redene dan verlichten,
 Daer sal die minne hare scole in stichten.

Die selen meestere wesen

- 65 Ende ontfaen der minnen hoechste ghichten:
 Die wonden sonder ghenesen.

12

Die minne dus ghicht met haren wonden
 Ende toent die wijtheit harer conden,
 Die nied houdse open ende ongebonden

- 70 Daer se minne met storme doresiet;
 Al gruwelt hen dan den onghesonden,
 Dat en darf ons wonderen niet.

13

Die minne met allen dus hevet dorewaden,
 Met diepen honghere, met vollen saden,

- 75 Hem en mach dorren noch bloyen scaden
 Noch hulpen tijt engheen:
 Int diepste ghewat, ten hoechsten graden
 Blijft hare wesen in een.

II

Mar dy't oprjocht oan Minne heften,
 har siere mei suvre Rede har trêften,
 yn har wurdt kennis fan Minne stiff' en
 hja sille masters fan Minne wêze,
 en dêr ûntfange har rykste jeften,
 dy't wûnen slaan dy't nea genêze.

I2

De Minne jout dus méi har wûnen
 har wide witnis dy't har fûnen.
 Gloed hâldt se iepen, ûnferbûn, en
 de Minn' is't dy't dêr gleon yn siedt,
 in grouwel foar de net mear sûnen,
 wat nimmen ta ferwûndring liedt.

I3

Wa't sa troch Minne' seeën tein is,
 mei honger of sêdens dy't folslein is,
 wurdt nea fan tier of toarrens skeind wis,
 hoecht help teninter noch ûntwyk.
 By heechste freugd, by djipste fersleinens
 bliuwt Minne' wêzen stees allyk.

LIED XV

I

Al es die tijt blide over al
Ende al es groene berch ende dal,
Dat wert hem wel clene in scine
Die ter minnen hevet ongheval;
5 Ic en weet wies hi verbliden sal;
Hem es alle bliscap pine.
Dat en es gheen wonder:
Also hi es sonder
Sijns liefs, na sijn begheren,
10 Ende hi niet en hevet
Daer hi bi levet,
Waerop soude hi dan teren?

2

Die op minne teret al sonder spoet,
Wat hi ghedoghet in orewoet
15 Dat mach allene bekinnen
Die hem ter minnen verlaet al goet,
Ende dan van hare blivet onghevoet.
Hem es wel wee ter minnen,
Want hi bernet sware
20 In hope ende in vare
Altoes met nuwen uren;
Want al sijn begheren
Es voeden ende teren
Ende ghebruken minnen natueren.

LIET XV

I

Al is 't seizoen no oeral bliid,
binn' berch en dal fan grienens swiid,
skraach sil dêr freugd' yn fine
dy't leed hat yn 'e Minne en striid,
want hoe wurdt hy yn leedzje bliid?
Foar him is blidens pine.
Dat is gjin wûnder;
wannear't er sûnder
syn Leaf is, syn begearen,
en hy net hat
dêr't hy op tart,
hoe moat er him geneare?

2

Wa't op Minne tart en neat bedijt,
wat dy yn gleone gloede lijt,
dat leed beseft allinne
wa't him alhiel oan Minne wijt
en dochs fan har gjin fieding krijt.
Hoe'n wee is him de Minne!
Hy barnt ferwezen
fan hop' en frezen
aloan, ja eltse oere,
want al syn begearen
is tarr' en geneare
en genietsje fan Minne' natoere.

3

- 25 Die dus in hongher van minnen leven
 Ende noch ghebruken es ontbleven,
 Ay wie mach hen gheloven?
 Want si hen één ane minne al clevan;
 Als hen dan minne hare soude al gheven,
- 30 So wordet een beroeven,
 Ende so roertse een vaer.
 Ay, amabaer!
 Waer salic, arme, henen?
 Eert mi dus quam,
- 35 Ay, utinam!
 Hadde si mi doch doet gherenen!

4

- Dit es een wee wel onbekint;
 Het ne werdt van vremden nie ghemint;
 Ghenoechten eest te sware:
- 40 Want si hare alle uren daertoe went
 Dat si hare an ghebruken bint
 In vriheiden sonder vare.
 Maer redene claer
 hevet ommaer.
- 45 Het dunct hare een keren,
 Eer si oplemt
 daer si volvent
 Hare lief ter hoechster eren.

3

Dy't sa yn honger nei Minne libje
 en dochs 't genietsjen net bestribje,
 hoe kinn' hja lokkich prize?
 Omt hja alhiel oan Minne klibje,
 moat Minn' alhiel oan har besibje,
 mar op oerwâldzjende wize.
 Dus gnjirdet har frezen.
 Och, Minne hold my finzen!
 Wêr moat ik earme, hinne?
 O, wie ik, earme faam,
 eardat dit oer my kaam,
 mar deadlik rekke troch Minne!

4

O! dit is wol oerible smert!
 In frjemd begeart dy pine net.
 En Nocht is 't ek te swier,
 omdat aloan har fûl ferlet
 him fêst op los genietsjen set
 en bynt oan frij fertier.
 Mar Rede sa klear
 leit op wille it near.
 It liket har sinken,
 sa lang hja net kliuwt
 nei 't stee dêr't hja priuwt
 har Leaf yn 't heechste blinken.

5

- Minne wilt al minne, sine wilt niet beiden;
 50 Si wilt al uren in suetheit weiden,
 In weelden na hare begherte.
 Redenne heetse merren na ghereiden,
 Ende vriheit wilse te hant gheleiden
 Daerse met lieve.I. werde.
 55 Dus ghedane storme
 Maken eyse in vorme.
 Dats onbekent den vremden,
 Die alre doet
 Vore minnen noedt
 60 Te smakenne nie en gheteeenden.

6

- Daer minne die jonghe met nuwen troest,
 So wanen si dan al sijn verloest,
 So sijn si also te hove
 Ende leven hen selven alre vroest,
 65 Ende wanen hebben voldaan die joest
 In allen vollen love.
 Also hen dan hare redenne wect,
 Ende si hen dat werc ontdeect
 Dat si hebben te doene,
 70 Met nuwen moede,
 werden si bloede
 Die teersten waren coene.

5

Sûnder biidzjen wol Minn' alle leafd' yndied.
 Hja wol har aloan weidzj' yn 't swiet
 fan lok, dêr't begeart' om bea.
 Rede hjit har te wachtsjen nei taberied,
 wylst Frijheid har jerne hânsom liedt
 ta ienjen mei har Lea.
 Sa'n stoarm, dreaun fan Rede,
 makket kalm en tefreden.
 Dat ha frjemden nea fette,
 wa't de smaak fan de dea
 foar de twingende Lea,
 de Minne, te bitter fertrette.

6

Minne treast jonge minners stees opnij.
 Dêrom wane hja folslein har frij.
 Hja binn' as 't folk oan 't hof:
 hja libje foar harsels hiel blij,
 en miene, hja ha 't toernoai fan weardij
 folbrocht mei alle lof.
 As dan Rede har trunet
 en 't wurk har ynskunet,
 te dwaan yn in geast
 fol moed en optein,
 dan binn' hja ferslein,
 dy't dapper wien' yn 't earst.

- Ay minne, die fine doghet,
 Die alles es voghet,
 75 Ende alle dinc mach dwinghen,
 Si moete hare melden,
 Ende si sal ons ghelden;
 Sine sal ons niet ondringhen.
 Die alle rouwen
 80 Gesmaken met trouwen,
 Si moghen wel blide singhen.

- Dats yemant twivelt, dats grote scade:
 Minne loent altoes al comt si spade.
 Die hen te hare verlaten,
 85 Ende volghen haren hoechsten rade,
 Ende bliven inden nied ghestade,
 Si saelt met minnen orsatén.

7

O! mei de Minne, d' eale trêft,
 dy't alle ding gebiedt mei krêft,
 dy't alles hâldt betwongen,
 ús har wiere wêzen te witten dwaan.
 Dan sil hja 't folle lean ús jaan;
 dêr wurdt net op betongen.
 Dy't alle rou
 fernear' yn trou,
 dy mei' yn blidens sjonge.

Dy't dêroan twiivlet, ligt grutte smert.
 Minne leannet altyd, al komt hja let.
 Dy 't te seil op Minne gean,
 har hâlde oan har heechste wet,
 en stânfêst bliuw' yn 't fjoer fan 't hert,
 harren jout hja leafd' as lean.

LIED XVI

I

Men mach den nuwen tijt
Wel bekinnen overal:
Die voghele hebben delijt,
Die bloemen ontspringhen in berch, in dal;
5 Waer so si staen,
Si sijn ontgaen
Den wreden wintre diese qual.
Ic ben ontdaen,
Mij en troeste saen
10 Die minne jeghen mijn ongheval.

2

Nu hevet mijn ongheval
Sine heervaert ghesticht op mi,
Het gadert over al.
Mine hoghe weghe die waren vri,
15 Si sijn sere beleghet,
Mi es vrede ontseghet.
Merct ocht mi rouwe iet condich si:
Wordic gheweghet
Daer minne gheseghet,
20 Ay edele minne, dies danckic di.

LIET XVI

I

Men kin de nije tiid
oeral fernimme; sa fertelle
de fûgels tige bliid.
De blommen sprut' op berch en delle.
It blomt' yn 't grien
is no ûntgien
de wrede winterfoarst syn kwellen.
Mar ik bin ferdien,
helpt net meiien
my Minn' yn rampen dy't temealle.

2

No is de mânske ramp
optein as legerkloft tsjin mij.
Hy slacht ringsom syn kamp.
Myn hege stins, alearen frij,
wurdt swier beleegre.
Fred' is my weegre.
O sjoch, wat ik te duldzjen krij!
Komt skylk fanwegen
de Minne har sege,
o, eale Minne, dan tankj' ik dij!

3

Die minne die al verwint
 Hulpe mi dat ic moet verwinnen,
 Ende si die alle noet bekint,
 Onne mi dat ic moet bekinnen
 25 Hoe swaer dat mi staet
 – Hadde ics raet! –
 Te ontbeidene dies ghebrukens van minnen.
 Die wrede raet
 Die daer jeghen gaet,
 30 Bedrueft die cracht van minen sinnen.

4

Bi minnen maghic al
 Verwinnen mine ellendeghe noet;
 Ic weet wel dat ic sal,
 Doch hebbic meneghen wederstoet
 35 Die mi doet sterven
 Menich werven,
 Sint minne mi ierst van binnen scoet.
 Ic wille alles derven
 Tote dat mi wilt erven
 40 Die minne, int rike dat si mi boet.

3

Mei Minne dy't altyd wint,
 my help' yn dizze striid t' oerwinnen.
 Elts leed is har bekind.
 Mei hja my gunne witte te kinnen,
 hoe 'k wjerstân bied,
 sil 'k kâns ha yndied
 te biidzjen 't fol genot fan Minne.
 It hurd belied,
 dat dêrfoar stiet,
 ferslynt myn krêft fan geast en sinnen.

4

Troch Minne kin ik wis
 oerwinne all' ellind' en kwea.
 Dat sil ik sûnder mis.
 Dochs lij ik mannich ûnk en wea.
 Dat lit my stjerre,
 faken ferdjerre,
 sûnt Minn' earst yn my krong mei skea.
 Mar neat hat mankearre,
 sil myn erf m' aanst behearre;
 de Minn' yn 't ryk, dat hja my bea.

5

In minen jonghen daghen,
 Doen mi die minne ierst jeghen vacht,
 Tonetse mi grote ghelaghen,
 – Hare wise, hare rike, hare goedde, hare macht –
 45 Doen ic met hare omghinc,
 Ende ic ontfinc
 Al te gheldene der minnen pacht.
 Gherne boven alle dinc
 Si mi een ane hare hinc.
 50 Nu scijnt die storm wel sere ghesacht.

6

Dus heeft mi minne verraden
 Met vele dat si mi hadde ghetoghet,
 Met menegher sueter saden,
 Daer nuwe joghet bi wert ghesoghet.
 55 Verweende ontbite
 Met nuwen delite,
 Daer ic al gherne bi hebbe ghedoghet,
 – Ic claghe ende verwite
 Met nuwen vlite –
 60 Houtse op, die mi heeft verhoghet.

5

Hja bea myn jonge dagen –
 hja naam de earste tiid te wacht –
 profyt fan grut behagen:
 har wiisheid, rykdom, goedens, macht.
 Doe 'k earst mei har gong,
 en d' opdracht ûntfong
 en betelje Minne de folle pacht,
 hoe't hja doe oan my hong!
 Mear as goud yn 'e pong.
 No liket dof dy glânz'ge pracht.

6

Sa hat my Minne ferret,
 yn gâns, dat hja my skôgje liet.
 My sêde har swietens net,
 dêr't him it nije bern mei fiedt.
 Har lekkre byt
 fol nocht en profyt,
 dêr hie ik jern' yn deugd fan tierd.
 Mei farske spyt
 klei 'k oan en wyt
 't ûntkearen har, alear myn geniet.

7

Ic weet wel dat de minne
 Levet, al stervic aldus vele.
 Want icse levende kinne,
 Verdraghic al wel gherne, in spele:
 65 Mesval ende oetmoet,
 Si arch ocht si goet,
 Ic ben diet gherne den vremden hele.
 Mijn hoghe moet
 Es dies wel vroet:
 70 Dat minne met minnen orsaten sele.

8

Ic hebbe der hoghere minnen al
 Opghegheven dat ic ben.
 Verliesic ocht winne, si al
 Hare scout noch meer no min.
 75 Wat es mi ghesciet?
 Ic ben mine niet,
 Si hevet verswolghen al minen sin.
 Hare wesen fijn
 Doet seker sijn,
 80 Dat pine van minnen es al ghewin.

7

It wit, dat Minne libbet,
 al stjer ik faak en folle kearen.
 En omt ik wit, hja libbet,
 sil ik mei fleurich sin ferneare
 gened' en noed,
 it goed en tsjoed,
 en dêr foar frjemden net oer beare.
 Myn hecht gemoed
 beseft it goed:
 de Minne sil leafd' as pân begaere.

8

Ik ha foar Minne al
 it wêzen opjûn, dat ik bin.
 Harres wêz' alle tol,
 wat ik ferlies en wat ik win.
 Hoe rin ik sa kwels?
 'k Bin net fan mysels.
 Hja hat oermastre myn siel en sin.
 Har ealens sels
 toant klear oan elts:
 de smert fan Minn' is poer gewin.

9

Ic bekins die minne wel wert:
 Verliesic, winnic, dies al een.
 Dat hebbic ie meest begheert
 Sint minne mijn herte ierst ghereen:
 85 Te sine hare ghenoech,
 Na hare ghevoech
 Als ie wel scen.
 Want ic verdroech
 Wat si mi sloech,
 90 Dore hare waest mi dat rijcste leen.

10

Die minnen ghenoech wilt leven,
 Hine spare hem niet, dus es mijn raet.
 Hi sal met al hem gheven
 Int werc te levenne der hoechster daet,
 95 Den minnenden verholen,
 Den vremden verstolen
 Diet wesen van minnen niet en verstaet.
 Dat soete dolen
 Inder minnen scolen,
 100 En weet hi niet diere niet en gaet.

Hoe ic werde verquolen,
 Dat minne mi hevet bevolen,
 Dat blijft sonder verlaet!

9

't Komt Minne rjochtlik ta,
 ferlies of winst, dat is my ien.
 Dit woe ik 't leafste ha,
 sûnt hja my rekk' yn 't hert meiien:
 dat 'k nei har foech
 foldwaning har joech.
 Dat hat wol altyd bliken dien,
 want ik ferdroech
 al wat hja sloech.
 Ik krij fan har sa 't rykste lien.

10

Hy moat yn neat him mijje,
 dy't Minne foldwaan wol, is myn ried.
 Hy moat syn libben wijje
 oan d' arbeid foar it heechst geniet.
 Gjin fereal' is 't ferhelle;
 't is de frjemdling ûntstellen
 dy't Minne har wêzen net ferstiet.
 It swiet fan de delle
 út Minne har welle
 ken net dy't net dêrhinne giet.

Hoe't smerten my kwelle, –
 't ûnthjit, my ferhelle
 troch Minne, dat stíét.

LIED XVII

I

Als hem die tijt vernuwen sal,
Nochtan es berch ende dal
Wel doncker ende ontsiene overal;
Doch gheet die hasel bloyen.
5 Al hevet die minnare ongheval,
Hi sal in allen groyen.

2

Wat hulpet hem bliscap ochte tijt
Die gherne in minnen name delijt,
Ende niet en vint, inder werelt wijt,
10 Daer hi met trouwen op mach rusten
Ende vri toe segghen: 'lief, ghi sijt
Die minen gront mach custen.'

3

Wat mach hem bliscap ommevaen,
Die minne in hachten heeft inghe ghedaen,
15 Ende die de wijdde van minnen woude ommegeaen
Ende vri ghebruken in trouwen?
Meer dan sterren anden hemel staen,
Hevet die minne dan rouwen.

LIET XVII

I

De tiid fan 't jier fernijt him al.
Al binne miede, berch en dal
jit skier en sûnder sier oeral,
de hazzenút wol bloeie.
De minner hat ûnk sûnder tal,
mar moat troch alles groeie.

2

Wat jout him blidens oer de tiid
dy't jern' yn Minne libbet bliid,
wannear hy yn 'e wrâld sa wiid
gjint fynt betroud om him te jaan,
en tsjin te sizzen: „Leaf, sa swiid,
dû kinst myn hert foldwaan.”

3

Hoe wurdt de blidens ea it part
fan him dy't Minne finzen hat,
wylst jern' er troch har wiidten fart,
fol leauw' yn 't frij geniet?
Mear stjerren as de himel hat
hat de siele dan fertriet.

4

- Dat ghetal diere rouwen moet sijn ghesweghen.
 20 Die grote sware waghē bliven ongheweghen;
 Daer ne gheet gheen ghelike jeghen.
 So eest best dat mens begheve.
 Al es mijn deel clene, ic hebber verdreghen;
 Mi gruwelt dat ic leve.

5

- 25 Hoe mach hem gruwelen ende rouwen tleven,
 Die sijn al hevet op al ghegheven,
 Ende in donckeren dole wert verre verdreven,
 Daer hi meer ne waent doen kere,
 Ende in onthopenden storme al wert tewreven;
 30 Wat rouwen gheliket dien sere?

6

- Ay, ghi fiere, die als met minnen ghestaet
 Ende vri leeft in hare toeverlaet,
 Ontfarmt der verdeylder die minne verslaet
 Ende met onthopenden ellende gheet nopen.
 35 Och, die raets mach pleghen leve vri in raet,
 Mijn herte levet in onthopen.

7

- Want ic sach ene lichte wolke opgaen
 Over alle swerke, so scone ghedaen.
 Ic waende met volre weelden saen
 40 Vri spelen in die sonne.
 Doen wordt mijn hoghe maer een waen!
 Al storvic, wie es dies mi wanconne?

4

Talleas de smerten, op him loege;
 dy swiere lêsten kinn' net woegen.
 Gjûn likenis dy't dêrta foege,
 dat staak dat idel sribjen.
 Myn part wie lyts, mar 'k ha ferdroegen.
 It grout my sa te libjen.

5

Hoe'n grouwel is him 't libben bleaun,
 dy't alles weage foar syn freon,
 en fier yn 't donker doalhôf draun,
 dêrút sjocht gjûn ûntwyk,
 sa hopeleas troch stoarm tewreaun!
 Wat smert is dit leed lyk?

6

Dappre, dy't stean' yn Minne fêst,
 yn har hoede libje sûnder lêst,
 ûntfermje jo oer wa't Minne prest,
 om d' ellindg' yn fertwiivling te slopen.
 Jo dy't rêding ha, libje dêryn gerêst.
 Mar myn hert is sûnder hope.

7

Ik seach in ljochte wolken stean,
 oer hiel it swurk yn swidens gean.
 'k Tocht: „Ring wurdt my de blidens bean
 te skoarskjen yn de sinne.”
 Doe waard myn will' in waan sa hean!
 Wa soe oer myn stjerren stinne?

8

Doen sweec mi nacht over den dach.
 Dat ic ye was gheboren, o wach!
 45 Maer die sijn al ghevet op minnen sach,
 Met minnen saelt wel orsatē noch minne.
 Al bennic weder onder den slach,
 God troest alle edele sinne.

9

Die minne es in allen beghinne gnoech
 50 Doe mi minne eerst minnen ghewoech,
 Ay, hoe ic met al hare al beloech!
 Doen deedse me haesselen slachten
 Die in deemsteren tide bloyen vroech,
 Ende men langhe hare vrocht moet wachten.

10

55 Die beiden mach, hem es wel ghesciet,
 Tote dat minne sijn alle met al versiet.
 Ay god! dies en achtic niet,
 Maer ic bens meer dan te ghemedē:
 Der minnen ic doch mi selven al liet;
 60 Maer mi dede dat wee al leder.

11

Dat es den minnare al te swaer:
 Na minne te dolen ende hine weet waer,
 Het si in deemsterheit ende in claer,
 In abolghe ochte in minne. gave minne
 65 Hare ghewareghe troest openbaer,
 Dat custe alēdeghe sinne.

8

Doe foel de nacht del oer myn dei.
 Myn dei fan berte winsk' ik wei.
 Omt ik alles joech om wat Minne sei,
 krij ik grif fergoeding fan Minne.
 Al hoe't ik fan de slach ek klei,
 God treast dy't nommel binne.

9

De Minn' is jimmer yn wêzen wier.
 Doe't hja my earst spriek fan leafdes tier,
 ha 'k tsjin har lake lûd en blier.
 Troch har lykj' ik in hazzenút:
 dy bloeit yn tsjustre tiid al ier,
 wylst let har frucht ûntsprút.

10

Loksillich hy dy't tiid wol docht,
 oant Minne him alhiel foarsjocht.
 Sa'n grutte geunst haw ik net socht
 Dêrom bin 'k namste fleurger.
 Ik bin alhiel oan Minne ferknocht.
 Dochs makket my 't wee àl treurger.

11

Dit falt de minner àl te swier:
 nei Minne doarmje withoefier,
 by donker of by deiljocht blier,
 yn grim' of nocht, nei't har lêst.
 Makket Minne har wiere treast iepenbier,
 't oerstjoer gemoed wurdt gerêst.

12

Ay, liet mi mijn lief lieve van minne ontfaen,
 Daeromme en worde minne niet al verdaen,
 Ende so en ware gheen hoghe maer een waen.
 70 Dat waer groot jammer dat het gheschiede.
 Ay, den edelen fieren doe god verstaen
 Wat selke scade bediede.

13

Ay, wat ic meine ende hebbe ghemeent,
 Heeft god den edelen wel versceent
 75 Dien hi quale van minnen heeft verleent
 Omme ghebruken van minnen natuere.
 Eert al met al wert vereent,
 Smaect men bitter en suere.

Der Minnen comen troest, hare ophouden versleet:
 80 Dat swert die avontuere.
 Ay, hoe men al met al beveet,
 Dat en weten ghene vremde ghebuere.

12

Soe syn leaf him Minne' leafde jaan,
't soe dochts net Minne teneate dwaan?
En blik hja gjin wille, mar in waan,
hoe slim it him begrutte!
Mei God d' eale held te witten dwaan
wat sok in skea bestjutte!

13

O, wat ik miend' en wat ik mien,
hat God de ealman te witten dien,
dy't Minne' pine krig' as lien
om 't geniet fan har natoer.
Ear't hy mei har waard ien en mien,
hat er preaun it bitter en soer.

In slachswurd taast it Lok yn 't bien,
komt Minne' treast nei lange doer.
Hoe't al har wjerstân wurdt wjerstien,
wit gjint dy't frjemd is foar har fjoer.

LIED XVIII

I

Dit nuwe jaer es ons ontstaen.
Dies si god ghebenedijt.
Hi mach gherne den tijt ontfaen
Die van minnen hevet delijt,
5 Ende die dan kint in sinen sinne
Dat hi pine om hoghe minne
Gherne wilt doghen in allen tijt.

2

In allen tiden moet men doghen
Die hogher minnen dienen sal,
10 Ende sinen dienst in minnen hoghen,
Sal hi van hare hebben gheval
Ende sal hi die natuere bekinnen
Daer die minne in mint met minnen,
Die hem sin ende herte stal.

3

15 Nuwe delijt ende nuwe minne
Dat wondet beide in enen gront.
Dat ict over nuwe bekinne,
Dat heeft mijn herte nu ghewont:
Dat die edele figure
20 Verborghen in hare subtile natuere
Vore ons es so langhe stont.

LIET XVIII

I

It nije jier is ta ús kommen.
Jou dêrom God lof wiid en siid.
Hoe jerne wurdt dy tiid oannommen
fan him, dy't Minne makket bliid.
Dan sil er yn syn geast erkinne,
dat jerne hy om d' eale Minne
smert duldzje wol te 'n alle tiid.

2

Yn alle tiden moat hy lije,
dy't Minne tsjinje wol alhiel
en bliid ta tsjinst fan Minne 'm wije,
wol hy har lok ha as juwiel,
en ynsjoch yn it wêzen winne
fan Minne, hoe't hja mint mei minne,
dy't him syn geast en hert ûntstiel.

3

De nije nocht en nije Minne
ferwûnj' allyk myn herte' grûnen.
Ik moat it drôf fannijs erkinne:
't slacht yn myn herte djippe wûnen,
dat d' ealens, dy't ferhoalen is
yn har djipste natoer, bliuwt in heimenis
foar ús sa lange tiid en stûnen.

4

Die nuwen tide in minnen diende
 Dat scene nu harde nuwe sake.
 Want men vint nu lettel liede
 25 Die staen na rechter minnen smake.
 Want den wreden vremen blivet verholen
 Hoe mi mijn herte hevet verstolen
 Die tijt daer ic altoes na hake.

4

Dat ien yn 't nij seizoen har tsjinne,
hat ider mei fernuvring rakke,
omt der net folle minsken binne,
dy't jerne wiere Minne smakken.
De wrede frjemden bliuwt it swart,
hoe't my myn hert ûnthâlden hat
it lok, dêr't ik aloan nei snakke.

LIED XIX

I

Groter goede vore den tide
Ende groet gheloven vore dat gheven
Dies en darf niemant sijn te blide.
Ons es van beiden vele ontbleven:
5 Die vroeghe blike
Vore der minnen rike
Hebben mi verre ute mi verdreven.

2

Bi sconen dagheraden
Hoeptmen der lichter claere daghe.
10 Der minnen tonen heeft mi verladen
Ende meneghen dies ic niet en ghewaghe,
Maer hi weet van hem selven diet si.
Ic weet van mi
Alsoe die mi altoes van minnen beclaghe.

3

15 Dat seghet die dorperre: 'jeghen avont
Salmen loven den sconen dach.'
Dat ic so spade dat verstant
Doet mi nu roepen: 'arme, o wach,
Waer es nu dat solaes,
20 Ende der minnen paes,
Daer si mi ierst scone met versach?'

LIET XIX

I

Grut goed, foarspeegle fóár de tiid,
en gâns ûnthjitte fóár it skinken,
dêroer mei gjint wêz' al te bliid.
My wisten beide te bekrinken:
de iere glâns
fan Minne, sa mânsk,
brocht fier my op 'e doel' yn 't tinken.

2

In moaie dage lit gerêst
jin hoopj' op ljocht en kleare dei.
Wat Minn' ûnthiet, waard my ta lêst,
méi mannich oar, dy't ik ferswei,
mar dy't it wit foar himsels.
Ik wit it fan my, en sis elts:
dat ik m' aloan oer Minne beklei.

3

De húsman seit, dat op 'e jûn
men de moaie dei pas priizje moat.
Dat ik sa let dy wysheid fûn,
lit my no roppe: „Ik, earm hart!”
Wêr is no de genede
en Minne har frede,
dy't earst hja my tasei as hearlik part?

4

Hoe scone dat sijt mi ierst toende
 Ende sint wart wreet, es mi nu cont.
 Dat si mi niet en bedroech noch en hoende
 25 Met wat wee, so ict verstont!
 Met si woude mi verclaren
 Ende openbaren
 Dat redenne dorelicht alle der minnen gront.

5

Verlichte redene ghevet orlof,
 30 Ende metter hoechster minnen raet,
 Met hare te doresiene alder minnen hof
 Ochte daer van allen ghenoech in staet.
 Ghebrect daer iet,
 Dat ment versiet
 35 Dat trouwe voldoe met hogher daet.

6

Mochtic mi so in trouwen houden
 Dat minne niet en hadde te segghenne te mi,
 Ende so al dat mine met al vergouden
 Ja, alsic mach ghelden selc mensche ic si,
 40 Tierst waest een tanen,
 Dan soudic manen
 Die minne, in alle ghebrukenne vri.

4

Hoe'n fraai ûnthjit hja earst my joech,
 en hoe wreed hja letter waard! 'k ha fûn,
 dat hja my net húnd' of bedroech
 mei wee, mar 'k haw it ynsjoch wûn:
 hja woe my ferklearje
 en klear demonstrearje,
 dat Rede har ljocht spriedt oer Minne har grûn.

5

De ljochte Rede jout ferlof –
 en yn heechste Minne de wiiste ried –
 rûnom te sjen yn Minne har hôf,
 oft fan alle krûd dêr genôch yn stiet,
 dat as eat dêr ûntbrekt,
 men 't jerne ferstrekt,
 mei't Trou it follet yn eale died.

6

Kin ik yn trou har sa foldwaan,
 dat Minne neat my wite kin,
 en kin ik al myn guod har jaan,
 ja, sa fier as ik in minske bin,
 earst soe 'k har poanne,
 en dan waard moanne
 de Minne ta nocht yn de nommelste sin.

7

- Ay, edele minne, welc tijt, wanneer
 Seldi mi gheven lichte daghe,
 45 Dat mijnre deemsterheit werde een keer?
 Hoe gherne ic die sonne saghe!
 Ghi wet allene
 Hoe ic dit mene:
 Ochtic iet wille dan uwe behaghe.

8

- 50 Ay, du gheweldeghe wondre minne
 Die al met wondre verwinnen mach,
 Verwinne mi, dat ic di verwinne,
 In dine onverwonnene cracht.
 Ic plach te kinnenne dat verwinnen.
 55 Daer es int verwinnen kinnen,
 Dat mi ye alre seerst verwach.

9

- Noch sidi, minne, dat ghi ie waert:
 Dat weten die met u zijn in al.
 Ic sals gheloven, en docht ghespaert.
 60 Mi heeft ghelettet een ongheval:
 Dat ic noch niet en kinde
 Dat werc noch en minde,
 Daer mi trouwe met volhelfen sal.

7

O, eale Minne, wat seizoen, wannear
 sill' Jo my skinke ljochte dagen,
 omt ik de sinne sa begear,
 sadat myn tsjuster wurdt ferjage?
 Jo witt' allinne
 wat 'k mien, o Minne,
 oft ik oars eat wol as Jo behagen.

8

O Jo, geweld'ge, wûndre Minne,
 dy't alles oerwint mei wûndre trêft,
 oerwin my, dan sil 'k Jo oerwinne,
 mei hiel Jo nea oerwûne krêft.
 Alear ha 'k oerwûn,
 en dêr kennis yn fûn,
 dy't as swierste lêst my aloan treft.

9

Jit binn' Jo wat Jo wien' alearen,
 wit, wa't yn alles mei Jo is.
 Dit lot sil 'k loovje sûnder mankearen,
 mar ûnk wie my ta hindernis.
 Ik koe net jit de saak,
 noch mind' ik de taak,
 dêr't Trou myn folsleine help ta is.

10

- Sint ic ghevolghede in hogher trouwen
 65 Dat mi minne soude in staden staen,
 Begavic alle vremde rouwen
 Ende ben in toeverlaet ghestaen,
 Daer ic in kinne
 Dat mi noch minne
 70 Met hare al een sal ommevaen.

11

- Dat es der gheweldeghe minnen sede:
 Dien si al saket te hare hant,
 Al doet si hem cracht ende gheweldichede,
 Si doet hem ghenoech ende suet den bant.
 75 Dies gheet van hare
 Hoghe mare
 Ende grote prijs over alle lant.

12

- Dien minne ierst veet, dien luuctse die oghen
 Met ghenuechten: so dunct hem tsine al best,
 80 So en waent hi niet dan joye doghen;
 Dus trect si al met hare lest.
 Dan comt redenne die sterke
 Met nuwen werke
 Der scout: so wert die woet ghecest.

10

Sûnt ik it paad fan trou berûn,
 dêr't Minne iens my komt ta stipe,
 ha 'k alle ierdske smert bejûn
 en is yn my betrouwen ripe.

Dêroan mei 'k witte,
 dat Minne my jitte
 omfetsje sil en yn iensens gripe.

11

Dit is de wenst fan Minne fol macht
 foar wa't hja lûkt mei sterke hân:
 hoewol har geweld'ge krêft him slacht,
 sil hja him foldwaan en fersêftsje de bân.

Dêrom giet rûnom
 fan har hege rom
 en lof fan har gruttens troch ider lân.

12

Dy't Minne earst fong dy wurdt ferbline
 mei nocht, en hy tinkt, it giet him bêst.
 Hy waant neat as freugd te ûnderfinen.
 Hja lokket mei list dy't him belêst.

Mar dan lit Rede, dy sterke,
 in nije plicht him merke:
 de skuld oan Minne, en de gloed wurdt dwêst.

- 85 Dat ic van minnen vele songhe,
 Dan hulpe mi niet vele, mer lettelt goet.
 Maer dien ouden ende dien jonghen
 Coelt sanc van minnen haren moet.
 Maer van minnen mijn heel
- 90 Hevet so clenens deel:
 Mijn sanc, mijn wenen scijnt sonder spoet.

Ic roepe, ic claghe:
 Die minne heeft die daghe,
 Ende ic die nachte ende orewoet.

13

Al soe 'k fan Minne folle sjonge,
 it help my skraach; 't die amper goed.
 Mar Minne' sang kin âld' en jonge
 ferkuolling jaan yn 't hjit gemoed.

Mar ik ha foar myn kwaal
 by Minne hast gjin haal.
 Myn sjongen en skriemen skynt baatleaze noed,

Ik rop en ik klei:
 „De Minne hat de dei
 en ik de nacht en de felle gloed.”

LIED XX

I

Dit nuwe jaer es ons begonnen.
Nu moet ons god met minnen onnen,
Dat wijt also beghinnen connen,
Dat der minnen doghe.
5 Hine levet onder der sonnen
Die der minnen gnoech vermoghe.

2

Nuwe jaer ende nuwe daghe
Wetic, dat hem wel behaghe
Die gherne altoes bliscap saghe,
10 In oghen ende in hant.
Die mint, hem es al waghe
Hine leve in minnen bant.

3

Met eneghen fieren vrien moede
Selen wi bidden der minnen goede,
15 Dat si ons te hare selven hulpe met spoede,
Want wij hebbens noet.
Die leeft buten der minnen hoede
Hi es argher dan al doet.

4

Beter es die doet dan bitter leven.
20 Ay, minne, woudi ons volgheven
Dat wi boven al worden verheven
Dat nederheit es.
Wij sijn te verre verdreven
Van u: ontfarme u des.

LIET XX

I

Dit nije jier mocht ús begjinne.
Mei God ús gunne yn Syn minne,
dat wy it sa begjinne kinne,
 dat it Minne nutsje mocht.
Der libbet gjint ûnder de sinne
 dy't genôch foar Minne docht.

2

It nij jier en de nije dagen
dy sille wiswier him behage,
dy't nei de blydskip aloan jage
 foar 't each en by de hân.
Mar hy dy't mint, moat lêsten drage,
 is er net yn Minne har bân.

3

Mei ynlik frank en frij gemoed
moatte wy bidde ta Minne goed,
dat hja ús nei har heil gau stjoert;
 wy binne 't brek as brea.
Wâ't libbet bûten Minne har noed,
 is faaier as hielendal dea.

4

Better as bittrens is de dea.
O Minne! wol ferfolj' ús bea:
til ús omheech út alle kwea
 fan leffe legens fan ús.
Wy binn' te fier dwaald fan Jo gea;
 bring ús by Jo wer thús!

5

- 25 God, die ghemaecte alle dinghe,
 Ende boven al es minne sonderlinghe,
 Hem biddic dat hij ghehinghe
 Na sijn ghenoeghen,
 Dat minne mi minne also na noch dwinghe
 30 Alsi can voeghen.

6

- Dat minnen can voeghen, dats herde na;
 Mer hoe na, ic ben dies niet en versta.
 Mer die omme minne es haeste ende ga
 Hi saelt noch weten,
 35 Altoes in woede hoemen minne ommeva:
 Hier en doech gheseten.

7

- Ay, edele vol redenen, waer mogdi dueren?
 Ja, edelste alre creatueren,
 Vercoren ter minnen natueren
 40 In ghebrukenne van weldeghen smaken:
 Nuwe materie, bliscap, bloyen alle uren
 Sal gheweldeghe minne orsaten.

8

- Ende ocht gruwelt den ghenen die zijn blent
 Ende der minnen smake sijn onbekent,
 45 U vraghic wes ghi u onderwent:
 Ocht ghi wilt minnen, segghet: 'Ic wille henen
 Gherne daer si mi sent,
 Eest in storme, eest in wenen.'

5

Dy't Makker is fan alle dingen,
 God, Leafde bûten alle stringen,
 Him bid ik, my myn winsk te bringen
 nei Syn folslein fernoegjen:
 mei Minne my ta sa'n leafde twinge
 my mei har gear te foegjen!

6

Minne foeget ynlik gear ta ien.
 Hóé ynlik, haw ik net ferstien.
 Mar wa't ta Minne hastich gien
 is, dy sil 't jitte witte,
 hoe't syn gloed mei har wurdt ien en mien.
 Hjir past gjin rêstich sitten.

7

O siel fol Rede, wer rêstû, djoere?
 Do ealste aller kreatoeren,
 útkard ta minnen fan natoere,
 mei 't sillich swiet geniet.
 Fernijing, blidens, bloei all' oeren,
 is wat machtige Minne biedt.

8

It griist har dy't ferblinde binne
 en frjemd foar 't swiet geniet fan Minne.
 Dochs freegj' ik jim wer't jim op sinne:
 Is 't Minne, sis: „Ik set
 nei wer't hja my stjoert, jerne hinne,
 al is 't yn stoarm of smert.”

9

Want ons orcont die heyleghe kerke,
 50 Hare meerre, hare mindre, hare papen, hare clerke,
 Dat minne es vanden hoechsten werke
 Ende edelste bi natueren:
 Al verwint si ons, si verwint al sterke,
 Ende hare cracht sal dueren.

10

55 Also alle dinghen selen vervaren,
 So sal die edele minne waren
 Ende hare clare gheheel openbaren,
 Als ghi in een nuwe beghin
 Met minnen die minne seelt ane staren:
 60 'Siet, dit eest dat ic bin.'

11

Also minne dus effenne haer lieve wegghet,
 Ende minne der minnen met minnen pleghet,
 Ic en weet hoe, het blivet ongheseghet
 Ende oec onverstaen,
 65 Want dies ghelike ghene en legghet,
 Hoe minne can lieve bevaen.

9

Want ús ferkundget de hill'ge tsjerke,
 har oersten, feinten, prysters, klerken:
 Minn' is as't heechste oan te merken
 en 't ealste fan natoer.
 En hja oerwint ús, ja alle sterken;
 har macht hat iiv'ge doer.

10

As alle dingen iens fergean,
 sil d' eale Minne jit bestean
 en hiel har klearens iepengean,
 wylst jim yn 't nij begjin
 de Minn' oanskôgje en ferstean:
 „Sjoch my lykas ik bin.”

11

Minne waacht har leaf harsels allyk,
 en jout fol leafde fan leafde blyk.
 Ik wit net hoe ûnsisber ryk,
 en ik ferstean 't ek nea,
 want neat is oan it lok allyk
 sa't Minne omfettet har lea.

Hen allen die minnen moet ontfarmen
 Dat mi minne aldus laet carmen
 Ende so dicke roepen: 'wacharmen!
 70 Welken tijt ende wanneer
 Sal mi minne bescarmen
 Ende segghen: dijns rouwen si keer.

Ic sal di warmen;
 Ic ben dat ic was wilen eer.
 Nu valle in minen armen
 Ende ghesmake mijn rike gheleer.'

12

Mei elts dy't mint, sjen ta ûntfermjien,
 dat Minne my sa kwelt ta kermjen
 en faak ta kleien bringt en tsjirmjen!

Wat tiid fan 't jier, wannear
 seit Minn' om my te beskermjen:
 „Gjin leed foar dy no mear.

Dy waarmj' ik yn ûntfermjien.
 Ik bin dy 'k wie alear.
 O kom no yn myn earmen
 en priuw myn swietens klear.”

LIED XXI

I

Als ons die bloemen vanden somere comen sijn,
Daerna sijn wij der vrucht in waen.
Also doet die edele herte fijn,
Die elken storm van minnen wilt ghestaen.
5 Si spreect van fieren sinne:
'Ic gruete u, minne, al minne,
Ende bens fier ende stout;
Ic verwinne noch uwe ghewout,
Ocht ic scietere mi al inne.'

2

10 Hoe mochte der fierre herten yet messchien,
Die al toe settet om dat si minne vercrighen wilt?
En mochte haer nemmer comen in dien,
Woudi volgheven, minne, dat ghi volgheven selt,
Also het sijn moet altemale;
15 Ay, worden uwe berghe dale,
Ende wij dan mochten sien
Uwe toghen al voltien!
So quaemt ons al wale.

LIET XXI

I

Wannear it blomte fan de simmer komd is,
dan wurdt de frucht ferduldich troch ús bide.
Sa sil ek dwaan it hert dat eal en from is:
't sil moedich eltse stoarm fan Minn' útride.

't Sil dapper sprekke kinne:
„Jo groetsj' ik, suvre Minne,
en kriich is my Jo pacht.
'k Oerwin jit wis Jo macht,
of 't is myn dea allinne.”

2

Hoe kin ea kwea it dapper herte barre,
dat alles docht om Minne mar te winnen?
Nea of teninter sil soks 't hert wjerfarre,
as Jo 't jo folle jeften jouwe, Minne!

Dat heart dochs ta jo plichten.
O, waarden jo bergen lichten,
sadat wy skôgje mochten
de ein fan al ús tochten,
ús wille kaam ta hichte!

3

- Oec moet hi trekken Sere die minne sal voltien:
 20 Hare wide wijt, hare hoghste hoghe, Hare diepste afgront.
 Hi sal in alle storme die weghe doresien;
 Hem wert haers wonders wonder cont:
 Dat es, die wilde wide te gane,
 Te dorelopenne ende niet te stane;
 25 Die hoghede dore vliegghen ende dore clemmen,
 Ende dien afgront dore swimmen,
 Daer minne al minne te ontfane.

4

- Ay, dat hoghe minne, Die so soete scijnt
 Dat haer sueticheit al andere soetheit verteert,
 30 Soe wondet herte ende sinne, Dat hi van storme dien si gherijnt
 Al nuwe ontmoete begheert,
 Dat hi en ontsiet ghene node,
 Noch pine, noch anxt, noch dode,
 Hine hebbe ter minnen spoet.
 35 Ay, diet werct, god gheve hem goet!
 Fiere herte en was noyt bloede.

5

- Ic late die minne al wesen dat sisi.
 Ic en can hare wilde wondere niet verstaen;
 Al eest dat ics ghenesen mach in mi,
 40 Si hevet meneghe grote ghewelt ghedaen.
 Dies moete hi hebben plaghe,
 Diet hare met worden verdraghe,
 Hine were met crachte hare cracht.
 Want die minne nie en vervacht,
 45 Hine leefde nie vrie daghe.

3

Dy't om de ein fan Minne' paad te sjen
 oer wiidt' en hicht' en djipste ôfgrûn giet,
 ree om yn alle stoarm har wei te tsjen,
 is 't dy't har heechste heimenis ferstiet:
 oer 't wylde wiid te gean,
 trochtsjend, net stil te stean,
 de hichte te beklimmen
 en d' ôfgrûn oer te swimmen,
 om suvre Minn' as lean.

4

O! d' eale Minne, – dy't sa swiet jin liket,
 dat by har swiet al 't oar swiet is as neat,
 hja wûnet hert en sinnen – har stoarmjen priklet
 sa, dat hy hieltyd nije striid begeart,
 en eangst foar gjin wea,
 foar pine, eangst noch dea,
 as er Minne' trofeeën mist.
 God jou heil wa't him rist!
 In dapper hert freest nea.

5

Ik lit mar Minne wêz' al wa't hja is.
 Ik kin har wylde wûnders net ferstean.
 Al kin ik sels genêze fan 't gemis,
 gâns moasten grut leed fan har ûndergean.
 Dêrom moat straf hy drage
 dy't oer har inkeld klage,
 net fûl him wart tsjin har macht.
 Wa't nea de Minne ferslacht,
 belibbet nea nofflike dagen.

6

- Ic gheve der minnen orlof Nu ende altoes.
 Die wille, volghe haren hove; Mi es wel wee ghesciet.
 Ic waende gheweest sijn vrouwe int hof Sint icse ierst coes;
 Ic leide altoe in love; Ic en caen ghevolghen niet.
- 50 Nu scinen mi hare lone
 Ghelijc den scordioene,
 Dat toent scone ghelaet,
 Ende na so sere verslaet.
 Ay, wat meynen selke ghehoene?

7

- 55 Haddic gheluc ter minnen Dat mi ye vloe
 Ende mine daghe was onghereet,
 Ic soude noch verwinnen Ende leven vroe,
 Daer ic nu dole in alenden te wreet.
 Waert tijt, ic naems gherne een inde.
- 60 Ic dole met gheninde
 Daer mi die minne doet
 Hare volghen sonder spoet
 Ende si blijft mi te onghehinde.

8

- God gheve hen allen die minnen Te rechte goet gheval.
- 65 Al hebbic ende menich man Der minnen so cleyne deel,
 Diese al kinnen Si gheven al om al.
 Si ghevet dienne sijs an Hare selven al gheheel.
 Hare hadde ye die mochte.
 Wat holpe dat men dat dochte,
- 70 Dat emmer wesen moet?
 Hare slaghe sijn alle goet.
 Maer die weder sloeghe, hi vochte.

6

Ik nim fan Minne no foar ivich ôfskie.
 Wâ't wol folget har hof. – Ik ha sa'n smert.
 'k Tocht by 't begjinnen, dat 'k har frouw' oan 't hof wie
 en joech har rynske lof, mar fierder kom ik net.
 No liket har rantsoen
 dat fan de skorpioen
 dy't, fraai fan skouwing earst,
 dêrnei jin stekt op 't searst.
 Och, wat is sok getsjoen?!

7

Hie ik yn Minne lok – dat al myn tiid
 m' ûntflein is, ûnberikber ideaal, –
 'k soe jit oerwinne 't jok – en libje bliid;
 wylst no ik yn te wred' ellinde dwaal.
 Hoe jerne seach ik d' ein!
 Ik doarmje ûnferslein
 nei wer't my Minne laat
 en gean lit, sûnder baat.
 Hja bliuwt my fier, nea hein.

8

Mei God wa't minne, rjochtlik woltier jaan.
 Ik en gâns folk ha Minn' yn sa'n lyts diel.
 Mar dy't har kenn' alhiel woll' alles dwaan.
 Hja jout har nolk oan wa't hja 't gunt, alhiel.
 Har krijt wa't barre mocht.
 Wat help hat freze brocht
 foar wat dochs barre moat?
 Wâ't slein is, hat goeds bard.
 Mar wa't werom sloech, focht.

- Hets onghehoert Nu die over minne yet claghen:
 Hare name es so ghemint Dat men hare al verdreghet.
 75 Die si nu stoert Ic rade hen dat sijs niet en ghewaghen.
 Het es hen onbekint Dien si so niet en verweghet.
 Maer die fier es ende coene
 Sie selve te sinen doene
 Ende were met slaghen den slach;
 80 So siet hi noch den dach:
 Die minne brinct hem selven die soene.

- Die minne nemt te verdoene,
 Si gheeft hem vollen perdoene
 Ende maecten haers al vri.
 85 So moghen wij segghen wel: ay mi,
 Hoe temen wij iet te gheroene!

9

It foeget net en klei oer Minne' lijen.
 Har namm' is sa bemind; fan har is neat ferkeard.
 Dy't hja no smert, him ried ik stil te swijen.
 Ek is hja ûnbekind wa't hja net swier beneart.
 De krigle kampioen
 hat wis syn nut wol sjoen
 en sil tsjin 't slaan him warre.
 Him sil de dei jit barre
 dat Minne komt mei soen.

Dy't Minne kiest te slaan
 sil hja folslein ferjaan.
 Fan skuld sprekt hja him frij.
 Wy sizze dêrom: „Fij!
 Hoe doare wy net op'en baan?”

LIED XXII

I

- Mine noet es groot ende onbekint den lieden.
Si sijn mi wreet, want si mi gherne scieden
Daer mi die crachte van minnen al toe rieden,
Sine kinnes niet, ende ic en caent hen ghedieden.
5 Dus moetic pleghen dat ic ben;
Dat minne bracht hevet in minen sen,
Ic ben indien: dies willic mi ghenieden.

2

- Wat kere men mi dade dore die minne,
Daer willic dueren sonder scade inne.
10 Want ic versta in edelheit miere sinne
Dat ic in doghen om hoghe minne winne.
Daeromme willic mi gherne gheven
In pine, in raste, in sterven, in leven:
Want ic dat ghebod van hogher trouwen kinne.

3

- 15 Dat ghebod dat ic bekinne in minnen natuere
Dat brinct mine sinne in avontuere:
En heeft forme, sake noch figure;
Doch eest inden smake alsoe creature;
Hets materie miere bliscapen
20 Daer ic in alre tijt na hake;
Dus leidic mine daghe in meneghen suere.

LIET XXII

I

Grut is myn need; de minsken kinn't net riede.

Hja binn' my wreed, omt hja my jerne skiede
fan wer't de Minne' krêft my hinne fierde.

Hja fetsje 't net; ik tsjut har net myn dieden.

Dus moat ik dwaan allyk ik bin.

Wat Minne brocht m' yn hert en sin,
dêr libj' ik yn; dêr wol ik graach foar bliede.

2

Wat smert men my ek oandje om de Minne,

'k wol yn har bliuwe om gjin skea te rinnen.

Ik wit yn d' ealens fan myn hert en sinnen:

ik sil yn 't leed om d' eale Minne winne.

Dêrta jou 'k jerne siel en lea

yn pin' en nocht, libben en dea.

Ik ken 't gebod fan hege Trou yn Minne.

2

'k Wit, dat gebod hat Minn' yn har natoer.

It makket mei har twang myn siel' oerstjoer.

't Hat gjin bestek of stal of klear kontoer.

Dochs is 't sa taastber as elts kreatoer.

It is de grûnstof fan myn bliidskip,

dêr't ik nei smachtsje ider tiidstip.

Ik slyt myn dagen sa yn mannich soer.

4

- Van minnen claghic ghene pine:
 Mi staet altoes haer onderdaen te sine,
 Daer sijt ghebiedet, lude ende stillekine.
 25 Men canse niet bekinnen dan in scine.
 Hets een wonder onverstaen
 Dat mijn herte dus hevet bevaen,
 Ende doet dolen in ene wilde woestine.

5

- Soe wrede woestine wert nie ghescapen,
 30 So die minne in haer lantscap can maken.
 Want si doet met begheerten na hare haken
 Ende sonder kinnen hare wesen smaken.
 Si toent hare als in een vlien;
 Men volghet hare ende si blijft onghesien:
 35 Dit doet alendeghe herte altoes waken.

6

- Spardic eneghe cracht van minnen rade,
 Dat kinnen alle die minnen dat ic mesdade,
 Ic mach nu meester zijn dies ic dan bade,
 Ende so en verwonnic meer so groten scade.
 40 Nu nemic in natueren delijt,
 Dat mi gheeft minne ende nuwen vlijt;
 Dies ic in niede nemmermeer en sade.

4

Ik klei net dat ik Minne' pine lij.
 Har hearrich moat ik wêze, stees op nij.
 Dêr't hja gebiedt, dêr sprek ik lûd of swij.
 Inkeld har skyn en skouwing kenne wij.
 It is in wûnder nimmer fette,
 dat aloan finzen hâldt myn herte,
 en doarmje lit yn wylde woastenij.

5

Nea fynt men sa'n woastyn op oare plakken
 as Minne yn har wrede lânskip makke.
 Hja lit ús mei begearen nei har snakke,
 dat sûnder kennis men har wêzen smakke.
 Hja skynt te wiken as de kym.
 Men folget har; dochs bliuwt hja skym.
 Sa wurdt de langst fan 't herte nea ferswakke.

6

Sparr' ik geskrep dat Minne my gebea,
 ik die – dat witte alle minners – kwea.
 Ik bin no baas oer wer't ik oars om bea.
 En grif oerwûn ik net sa'n grutte skea.
 No haw ik nocht oan d' arbeid dy't
 my leafde jout en nije flyt,
 en dêrom sêdet him myn langstme nea.

7

- Mi swaert dat ic mi niet en can vercrighen
 Int bekinnen, ic en moet mi selven ontbliven.
 45 Al soude mi noch begherte therte tewriven
 Ende cracht van minnen node, mi en soude ontbliven,
 Ic sal noch weten wat mi treect,
 Ende dicke so onsachte wect
 Als ic mi selven in rasten soude gheriven.

8

- 50 Waer iemant die mi richte, ic soude hem claghen
 Over mi selven: ic en caent niet wel verdraghen,
 Dat mi die minne ye leidde op hoghe staghen
 Ende icse nu ontmoete met selken wreden slaghen.
 In hebbere toe gheluc no spoet.
 55 In weet ocht minne selve doet;
 Ic duchte der ontrouwen wrede valsche laghen.

9

- Dat ic ontrouwe ontsie, dats wonder clene;
 Si heeft mi ghepijnt meer dan ye scene;
 Want dat ic ben ghestoert van dat ic mene,
 60 Dat doet ontrouwe ende ander sake enghene.
 Si heeft mi selke scade ghedaen
 Salic haer emmermeer ontgaen,
 Dat sal met hogher trouwen sijn allene.

7

't Benearet my, mar ik kin nimmer komme
 ta kennis, haw ik net mysels ûntromme.
 Al waard myn hert fan langstme ek tefrommle
 en felle leafdesneed, der moat net skromme.
 'k Wol witte wat my lûkt en rekket
 en faken my mei wredens wekket,
 wannear ik longerje nei rêst en slomme.

8

As immen mei my rjochtsje woe, ik klage
 mysels wol oan. Ik kin 't net goed ferdrage,
 dat Minn' alear ta hege top my jage,
 en no sa wreed my slacht nei har behagen.
 Ik ha der bate by noch nocht.
 'k Wit net oft Minne selme 't docht.
 Ik freezje Untrou mei har falske lagen.

9

Dat 'k Untrou eangje, mei gjin wûnder hite.
 Hja hat my pinige, mear as wá ek wite.
 Bin ik behindr' op wei nei Minne' krite,
 ik moat oan Untrou en oan neat oars 't wite.
 Dy hat my dien sa folle skea.
 Untkom ik har mislieding ea,
 allinne Trou kin fan dy taak har kwite.

IO

- Wat hulpet mi dat ic van minnen singhe,
 65 Ende nu mi selven mijn quale linghe?
 Met wat node mi die minne bevinghe,
 Vore hare ghewout en hebbic gheen ghedinghe.
 Ic lie alle dies hi lien sal,
 Die der minnen cracht sijn herte stal.
 70 Wat hulpet ic mine nature dwinghe?

Want mine natuere sal al bliven
 Dat si es, ende dat hare vercrighen,
 Al maken die menschen haren wech so inghe.

IO

Wat jout it, as ik song fan Minne' dingen
 en foar my sels de pine sa ferlinge?
 Yn hokker need as Minne my ek kringe,
 tsjin har bewâld haw ik neat yn te bringen.
 'k Bin ree ta leed as hy alhiel
 waam Minne' krêft it hert ûntstiel.
 Wat soe 't my bate myn natoer te twingen?

 Want myn natoer bliuwt dochs alhiel
 allyk hja is, en krijt har diel,
 hoe slim ek minsken faak har wei feringen.

LIED XXIII

I

- Die tijt gheeft ons ten goede spoet,
Ende wrachten wij metten spoede goet,
So mochten wij verwinnen.
Ende waren wij dan in hoeden vroet,
5 So worden die onvroede behoet,
Die hen noch niet en bekinnen
Ende blent sijn van binnen;
Want sine weten wat si minnen.
Dus dolen wij in allen staden.
10 Nu moet ons god beraden.

2

- Ons vechten ane die kere seer,
Ende werden wij metten sere keer,
So moeten wij keer doen sterven;
Verstonden wij der minnen ghehere gheleer,
15 Ende worden wij mettien ghelere gheheer,
Wij souden minne verwerven,
Ende in al hare rijcheit erven,
Diere wij nu alte langhe derven,
Te onser groter scaden.
20 Nu moet ons god beraden.

LIET XXIII

I

De tiid jout kâns ta 't dwaan fan 't goede.
Wannear wy nea mei d' arbeid sloerden,
dan soen' wy wis oerwinne.
Wannear wy wiis ússels dan hoeden,
waarden de dwazen ek ta froeden
dy't har steat jit net erkinne
en blyn fan binnen binne,
net wittend wat hja minne.
Sa litte w' ús misliede.
Mei God no help ús biede!

2

Wiffens yn striid kin slim beseare.
Mar soen' wy fûl dêrtsjin ús keare,
wis waard dy wiffens oerwûn.
Fetten wy Minne har hege leare,
en wien' wy dêrtroch folk fan eare,
wis waard de Minne wûn.
Har rykdom waard ús jûn,
dy't ús te lang ûntrûn,
wat ta grutte skea ús fierde.
Mei God no help ús biede!

3

- Wi hadden crachte grote noet,
 Dat wij onse node groet
 Met crachte mochten verdriven,
 Die ons doen wederstoet ter doet.
 25 Sloeghen wij met doede wederstoet,
 Sine mochte ons niet ontbliven.
 Wine souden minnen ghenoech gheriven
 Ende jeghen alle vremde verstiven
 Die ons mochten verladen.
 30 Nu moet ons god beraden.

4

- Die ghenoech der minnen rike wijct,
 Ic segghe dat hi bi wike rijct;
 Dies ghevet trouwe orconde.
 Want hi hare so ghelike blijct,
 35 Ende so een met dien blike ghelijct,
 Dat mense beide een vonde,
 So datse gheen sin ghesceden en conde,
 Hine woende in honghere van minnen gronde
 Met allen vollen saden.
 40 Nu moete ons god beraden.

3

Wy ha ferlet fan krêft. Dy bea
 ús kâns om oer ús grutte wea
 mei glâns te triomfearjen.
 En deaden wy 't fijannich kwea,
 dat ús benearet oant de dea,
 Minne soe ús net miskearje.
 Foar har soen' w' ús ornearje,
 en steech tsjin frjemden krewearje,
 dy't jern' yn 't leech ús liede.
 Mei God no help ús biede!

4

Wa doar foar Minne' macht te wykjen?
 Hy sil troch 't wykjen him ferrykje.
 Dêrta hat Trou har bûn.
 Hy sil sa tig' op Minne lykje,
 en sa sterk har gelikens blykje,
 dy twa wurd' ien befûn,
 en ûnderskie is ferdwûn.
 Syn hongrjende hertegrûn
 sil Minn' oant sêdzjen fiede.
 Mei God no help ús biede!

5

- Die dore der minnen hoghe poghet,
 Wat hi met dien poghe hoghet,
 Dat werct hi openbare;
 Want hijt met allen ghetoghe doghet,
 45 Ende so met vollen ghedoghe toghet
 Dat hi die minne ende alle hare ware
 Metter minnen minne anestare,
 Ende met volre vriheit sonder vare
 Hare diepste ghewat moghe dorewaden.
 50 Nu moet ons god beraden.

6

- Haddic mijn hoghe geslachte bedacht,
 Ic hadde edelen ghedachten gheslacht
 Ende mi der minnen al ghegheven,
 Gheheel, met alre machte pacht,
 55 Ende vercreghen metten pachte macht
 In minnen natuere een cleven.
 So mochtic minne met minnen leven,
 Dat mi te langhe nu es ontbleven
 In minen nederen daden.
 60 Nu moete ons god beraden.

5

Wat hy dy't skrept om d' eale Minne,
 troch al syn skreppen wit te winnen,
 wurdt yn syn wurk iepenbier.
 Klear draacht er alles, sûnder stinnen,
 en toant yn grut geduld fan minnen
 de Minn' en al har sier
 minlik te sjen yn 't fizier,
 en yn folle frijens blier
 te tsjen troch har djipste miede.
 Mei God no help ús biede!

6

Naam ik myn nommel skaai yn acht,
 'k naam eale tinzen wis te wacht,
 dat ik oan Minne klibbe
 alhiel, mei 't jaan fan al myn macht
 en krige krêft troch dizze pacht,
 en waard ta Minne' sibbe,
 dat 'k leaf mei Minne libbe,
 wat ik noch nea bestribbe,
 mei al myn nearz'ge dieden.
 Mei God no help ús biede!

7

- Men vindet in minnen sale dal;
 Die dan vindet in dien dale sal,
 Die es van riken sinne.
 Sint minne mi ierst quale beval,
 65 Wie mi iet anders bevale, mi qual:
 Quale nemic vore alle ghewinne.
 Want ict mijn naeste leven kinne,
 Sint mi te doelne bevolen hevet minne,
 In clemmenne ten hoechsten graden.
 70 Nu moet ons god beraden.

8

- Die ghereet steet te bevane waen,
 Hi sal, met hoghen wane bevaen,
 Die minne met minnen werke;
 Ende so met storme te ghestane gaen,
 75 Ende minne met doregane ghestaen
 Ende werden even sterke,
 Dus na dat ict ghemerke.
 Dit es daer toe roupt die heyleghe kerke
 Hen allen dies hare ghestaden.
 80 Nu moet ons god beraden.

7

Yn 't ryk fan Minne fynt men delle.
 Wát út dy djipte heechheid helle,
 is wiis fan geast en sin.
 Sûnt Minne leed my oanbefelle,
 soe wát my oars eat hiet, my kwelle,
 leed is my poer gewin.
 Sûnt ik te doarmjen rin
 troch Minne, is 't bêste dat 'k erkin:
 kliuw' oant de heechste wierde.
 Mei God no help ús biede!

8

Dy't dapper ree ta hope stiet
 fettet, fan hege hope fierd,
 fol leafde Minn' flerken.
 En hy dy't fûl yn d' oanfal giet,
 en Minne taaie tsjinstân biedt,
 is foar ien fan de sterken,
 ja, sterksten oan te merken.
 Dêrta ropt de hill'ge tsjerke
 wát har dy geunst beskiede.
 Mei God no help ús biede!

9

- Ons naken van minnen vare baer:
 Hets recht dat ons van minnen verbaere vaer,
 Dies wij die minne versumen,
 Die ons gheeft so claer hare waer
 85 Ende, met allen ghehelen ware, claer
 Leeret al hare hoechste constumen.
 Dies wij ons selven gherne rumen,
 Connen wij, der waerheit vremde tumen
 Jeghen der minnen gaden.
 90 Nu moete ons god beraden.

10

- Ic hebbe langhe ghetoeft rouwe.
 Hets recht dat mi minne trouwe.
 Mi berout dicke dat ic moet leven.
 Ic hebbe in minnen trouwe bescout;
 95 Dat ic niet en bescouwe ghetrouwt
 Vore minne dats mi groet sneven.
 Doch willic mi gheheel hare gheven,
 Ende met toeverlate an hare al cleven
 Sine sal mi niet ontspaden.
 100 Nu moete ons god beraden.

9

Us makket frees foar Minne ferfeard.
 Mei rjocht is 't dat dy frees ús deart,
 omt wy mei Minne somje.
 Hja toant har wierheid klear en bleat,
 wylst hja yn folle wierheid leart
 har wensten, heech te romjen,
 Wy wolle jern' opromje
 ús trouweleaze skromjen
 tsjin Minne har beskieden.
 Mei God no help ús biede!

10

Sa lang ha 'k om myn leedzje roud.
 't Is rjocht dat Minne my betrou.
 It muoit my faak dat 'k libje.
 Ik haw op trou yn 't leavjen boud.
 Dat men net my trou oan Minne beskout,
 teheistret slim myn stribjen.
 Dochs wol ik har oanklibj' en
 betrousum har besibje.
 Hja moat net fan my skiede.
 Mei God ús help no biede!

II

In al der kerken clercke ghewerc
 So segghic dat en merke clerc,
 Hoe scone het den ghenen stoede
 Die in minnen wrachte sterc werc:
 105 Hi worde so mettien werke sterc,
 Ende verwonne sonder moede;
 Hi soude in minnen oerewoede
 Verbernen in hare diepste vloede
 Ende versmelten alse caden:
 110 Nu moete ons god beraden.

Wi sijn te gheruum in onze hoede,
 Ende nemen troest ten eersten spoede:
 Dies moet ons die minne versmaden;
 Nu moete ons god beraden.

II

Mank alle learden fan de tsjerke
 is net ien klerk sa tûk, te merken
 hoe tige 't wierret te'n goede
 wa't yn leafde grutte dieden werke.
 Hy waard dêrmei ien fan de sterken
 dy't wûn, en sûnder groede.
 Hy soe troch Minne' woede
 barn' yn har fûlste gloede,
 ran' as in greau yn 't brieden.
 Mei God no help ús biede!

Wy binn' te sleau yn noed en hoede,
 by 't earst profyt al woltemoede.
 Dus moat de Minn' ús ferriede.
 Mei God no help ús biede!

LIED XXIV

I

Die voghele singhen clare,
Ende die bloemen openbare
Melden ons den tijt.
Die tiersten altemale
5 Sweghen ende waren vale,
Hebben nu groet delijt,
Dat si den tijt nu hebben weder
Daer si so langhe na laghen neder.
Also moet hen allen vergaen
10 Die in node van minne sijn bevaen.

2

In gherechter minnen noet
Ghesmaect men meneghe doet.
Dats dat gheloeve mijn:
Dien si gherijnt in hare natuere,
15 Dat hi in ongheduere
Altoes moet sijn
Ende in groter onghenade.
Mine hulpe minne met haren rade,
Der gheenre ben ic een
20 Die vander minnen pine hevet in leen.

LIET XXIV

I

No sjongt it fûgelhear.
De blommen melde klear
de tiid ús fan it jier.
Dy't wienen sûnder kleur
en stim en sûnder fleur,
dy ha no grut plezier,
omt hja fannijs 't seizoen ûntfongen,
dêr't harren herten lang nei longren.
Mei 't allegear wjerfarre
dy't troch it leed fan Minne fertarre.

2

Yn wiere Minne' wea
stjert men sa faak de dea,
is myn oerstjûging wis.
Oanroerd troch har natoer,
hat nea men rêst of doer,
mar altyd drôfenis
en langst en ynlik djippe smert.
Helpt Minne mei har rie my net,
dan bin 'k fan dy lju ien,
dy't fan Minne leedzje hawwe as lien.

3

Wat mach men hem gheraden
 Dien minne dus hevet verladen
 Met haerre swaerre waghén,
 Dien si leide int beghin
 25 Ende toende groet ghewin
 Op hare hoghe staghén,
 Ende nu so hevet gheworpen neder
 Dat hi en waent vercomen weder,
 Hen si al onversien,
 30 Bi orewoede van minnen, maecht ghescien.

4

Dat es die naeste raet
 Die hier beneven gaet:
 Dien minne dus hevet ghevaen
 Ende ghebonden met haren bande,
 35 Dat hi hem gheve in hare hande
 Ende altoes si onderdaen
 Alden bedwanghe dat minne hevet.
 Die eneghe pine van minnen ontseghet,
 Dats openbaer in scijn,
 40 Dat hi langhe der minnen sal sonder sijn.

3

Wat ried jout men dy maat,
 dy't Minne sa oerlaadt
 mei al har lêsten swier?
 Hja late 'm yn 't begjin
 en toande 'm grut gewin
 op hiel har hege wier.
 No hat hja sa yn 't leech him fierd
 dat nea hy wer omhegen giet,
 freest hy, of ûnferhoede
 meiskien yn langst nei Minne' gloede.

4

Dit is de bêste ried,
 dy't ta dit leedzje stiet:
 Wa't sà, as Minne' fang,
 fêstbûn is mei har bân,
 dy jout him yn har hân
 en bûgt him ta de twang
 aloan fan al wat Minne freget.
 Dy't ea in smert fan Minne weegret,
 't is klear en sûnder mis,
 dat hy lang sûnder Minne dan is.

5

Van minnen benic onder:
 Dat en heeft mi gheen wonder,
 Want si es starc ende ic ben cranc.
 Si doet mi
 45 mijns selfs onvri
 Altoes an minen danc.
 Si doet met mi dat si ghebiet;
 Mijns selves en es mi bleven niet.
 Dies ic rike was te voren,
 50 Dies benic arm: in minnen eest al verloren.

6

Beide vremde ende vriende
 Dien ic te voren diende
 Bennic af ghestaen.
 Ere ende raste hebbic begheven
 55 Omdat ic wille leven-
 Vri, ende in minnen ontfaen
 Hoghe rijcheit ende conde.
 Dies mi veran heves sonde,
 Ic en maechs niet ontberen.
 60 Ic en hebbe el niet; ic moet op minne teren.

5

De Minne twingt my ûnder;
 dat is my neat gjin wûnder:
 hja is sterk, ik swak fan war.
 En hja oermastret mij
 en makket my ûnfrij,
 tsjin al myn wil en kar.
 Hja docht mei my wat hja begeart
 en fan myselme bleau my neat:
 dêr 'k ryk oan wie alear
 bin 'k kwyt, omt ik 't oan Minne ferlear.

6

No lit ik hâr allinne
 dy't ik alearen tsjinne;
 gjin frjemd of freon wol 'k ha,
 gjin ear' en rêst bestribje.
 Ik wol yn frijens libje.
 My komt fan Minne ta
 eale rykdom en nommle kunde.
 Kwea die dy't my har fergunde.
 'k Soe har net misse kinne.
 Oars haw ik neat; 'k moat tarr' op Minne.

7

Ende ic ben nu begheven
 Van alle dien die leven:
 Dats openbare in scijn.
 Ocht ic in minnen
 65 Niet en mach winnen
 Wat soudic dan sijn?
 Ic ben nu clene; in ware dan niet.
 Ic ben alendich, sine versiet.
 Ic en hebbe raet. si moet mi
 70 Gheven daer ic bi mach leven vri.

8

Mi doen die vremde wrede
 So onghemate lede
 In dit alende swaer
 Met haren valschen rade.
 75 Sine hebben mijns ghene ghenade;
 Si doen mi meneghen vaer
 Want si mi met hare blintheyt doemen.
 Sine connen daer toe niet comen,
 Dat si die minne verstaen,
 80 Die mijn herte met luste hevet ghevaen.

7

No wol 'k de wrâld ferlitte
 en elkenien ferjitte;
 't is klear foar elts te lêzen.
 Kin ik yn tsjinst fan Minne
 alhielendal neat winne,
 wat soe ik dan jit wêze?
 No bin ik lyts, mar dan wie 'k neat.
 Ik gean ferlern, as hja 't net keart.
 'k Wit my gjin rie. Mei hja yn rijens
 help jaan, dat 'k libje kin yn frijens!

8

Sa mannich frjemd dy't wreed
 oerstjalpet my mei leed
 en swier' ellind' en frezen
 troch falske ried en reden.
 Hja kenne gjin gened' en
 meitsje my faak ferwezen,
 omt hja my lekje yn har blinens.
 Hja kinn' net komme ta de finens,
 dat men de Minne fette,
 dy't yn langstme finzen hâldt myn herte.

Die minne wilt vercrighen
Hine late hem niet ontbliven,
Hine gheve hem selven der minnen altoes,
Ende hi sal pinen,
85 Sonder finen,
Om dat sijn herte coes,
Ende gheven hem selven, in pine, in scande,
In leet, in lief, in minnen bande:
So sal hem werden cont
90 Dat fiere wesen inder minnen gront.

9

Wa wol de Minne krije?
Hy moat yn neat him mije,
mar jaan oan Minn' alhiel.
en skrepe ûnferslein,
en lije sûnder ein
foar 't djoerste hertsjuwel;
foar har lit hy him pine dwaan,
by leed en lok yn har boeiens slaan.
Dan sil er kenne kinne
it djipste wêzen fan d' eale Minne.

LIED XXV

I

In allen tiden vanden jare,
Hoe dat el metten tide si,
Hevet hi bliscap ende vare
Die doghet allende om minne vri,
5 Ende gherne dan lieve ware bi
Om te suetenne sine alendeghe daghe.
Dats noch niet en es, doet roepen: ay mi!
Dat wesen sal dat ceste claghen:
'Ay ic ben al di; lief, wes al mi,
10 Als et di behaghe!'

2

Die minnen wilt, hi moet hem gheven
In hare ghewoudt daer sijt ghebiedt,
Het si in sterven ocht in leven,
Daer minne sijn wesen in versiet.
15 Hem en mach anders werden niet
Dan in vrien troeste, in bedwonghenen vare.
Die minne goudt ye gherne dat si onthiet
met haren claren ware.
Ay, dat die minne helen hiet
20 Brenghet hare sueticheit openbare.

LIET XXV

I

Yn alle tiden fan it jier,
hoe dat seizoen ek wêze mei,
is tagelyk hy bang en blier
dy't leed fernear om Minne fraai
en graach syn leafste hat benei
ta 't swietsjen fan syn bittre dagen.
Is 't net sa fier, dan klinkt geklei.
As 't wierheid is, wurdt net mear klage.
Dan is 't: „Ik bin fan dy tenei.
Leaf, wês dû mines, as 't dy hage!”

2

Him jaan moat wa't nei Minne sribbe,
oan har bewâld, sa't hja gebiedt,
sawol yn 't stjerren as yn 't libben,
neffens wat Minn' oer him beskiedt.
Neat oars dat him te barren stiet
as blide treast en bangens swier.
Minne jout jerne wat hja ûnthiet
mei har suver wêzen, rein en wier.
Wat Minne te ferheeljen hiet
makket har swietens iepenbier.

3

- Mi wondert vander sueter minnen
 Dat hare suetheit alle dinc verwint,
 Ende si mi dus verdoet van binnen
 Ende miere herten noet so clene bekint.
 25 Si hevet mi so int wee bewent:
 Dies ic ghevoele in caent gheloeven.
 Die verhoelne weghe die minne mi sent,
 Die sijnt die mi van mi al roeven.
 Dat gherochte, dat hoghe present
 30 Der nederre stillen, doet mi verdoeven.

4

- Hare nedere stille es onghehoert
 Hoe hoghe gheruchte dat si maect,
 En si allene dies hevet becoert
 Ende dien minne in hare al hevet ghesaect,
 35 Ende met diepen gherijnne so na gheraect,
 Dat hi hem al ghevoele in minne.
 Also sine met wondre also doresmaect,
 Cesseert een ure tgheruchte daerinne;
 Ay, saen wect begherte die waect
 40 Met nuwen storme die inneghe sinne.

3

't Ferbaast my fan de swiete Minne,
 dat har swietens alle ding oerwint,
 wylst hja my sa tebrekt fan binnen
 en skraach myn herteneed erkint.
 Hja hat yn 't wee my fiere kind.
 'k Wit net wat 'k fiel no 'k dêryn tôvje.
 De ferhoalen wegen fan Minne binn 't,
 dy't alhiel my fan mysels berôvje.
 De stoarm fan langst, dat djoer presint
 fan dimm'ne stilte, lit my ferdôvje.

4

Har dimm'ne stilte wurdt net heard –
 hoe'n lûd geroft de stoarm ek makket –
 útsein troch him dy't wòl har met,
 en dy't de Minn' alhiel fertokket
 en yn syn djipste ynlik raket:
 hy sil alhiel yn Minne 'm fiele.
 As hy har wûndre smaak sa smakket,
 falt ien amerij de stoarm dy't wile.
 Gau ropt Begear, dat nea ferswakket,
 mei nije stoarm de sill'ge siele.

5

- Ghenuechte loke wel die oghen
 Ende plaghe gherne dies si hevet,
 Mocht die verwoede begherte ghedogen
 Die altoes in woede levet.
- 45 Want si haer alle uren daertoe ghevet
 Te roepenne : 'ay, minne, wes al mine!
 Oec wectse redenne, die hare dat seghet:
 'Sich hier, dit steet di noch te volsine.'
 Ay, daer redenne ghenuechte ontseghet,
- 50 Dat quetst meest boven alle pine.

6

- Begherte en mach niet swighen stille,
 Ende redenne ghevet hare clare den raet,
 Want sise verlicht met haren wille,
 Ende toent hare dat werc der hoechster daet.
- 55 Ghenuechte name gherne toeverlaet
 Te pleghenne haers liefs in sueter rasten.
 So toent hare redenne den hoechsten graet
 Ende verlaetse metten swaersten lasten.
 Ay, hadde ghenuechte dan redenne doet,
- 60 Si soudse wel clene bevasten.

5

De Nocht slút d' eagen licht foar 't sear
 en jout har jern' oan wat hja hat,
 wannear 't fûleindige Begear,
 altyd ferheftich, dit ferkart.
 Begeart' is 't dy't aloan beswart
 en ropt: „Och Minne, wês dû minen!”
 Ek Rede wiist de Nocht it tekoart:
 „Sjoch, hjir moatst jit ta ripens tine.”
 Dat Rede Nocht fergunt har part,
 skrynt mear as alle oare pine.

6

Begearte swijt net dimmen stil,
 en klear jout Rede har dy ried,
 want dy ferljochtet mei har wil,
 wylst hja har 't heechste stribjen biedt.
 Nocht siket jerne treast yndied
 yn 't koestrjen fan har Leaf yn rêst.
 Mar dan toant Rede 't heechst geniet
 en oerlaadt har mei de swierste lêst.
 As Nocht dan Rede te neate fiert,
 nimt hja dy lêst net op, foarfêst.

7

- Maer daer lief met lieve so lief gheraect,
 Dat lief van lieve lief niet en mach,
 Ende lief met lieve so lief doersmaect
 Dat lief levet lieve op lieves sach,
 65 Ende redene dan doet wederslach
 Ende toent daer onghewassenheit inne,
 Waer redenne ye ghelieve oneffenne wach,
 Daer werdt ie seerst ghequetst de minne;
 Ay! te swaer es daer de slach
 70 Daer men lief lief dan lief al kinne.

8

- Wat sal ghequetster minnen wesen?
 Hoe mach haere yeman raet ghegheven?
 Wat fisikere salse dan ghenesen,
 Die gherne soude der minnen al minne leven,
 75 Ende onder redenne so wert bedreven
 Die hare gheet met nuwen storme anespreken
 Ende toent hare wat hare es ontbleven:
 'Sich hier, dit soudi noch ghebreken,'
 Ay, wie sal mi van minnen gheven
 80 Raet, ende over redenne wreken?

7

Dêr't de Minner ynlik syn leaf sa rakkert,
 dat er syn leave leaf net ferlitte kin,
 en yn leafde sa de Beminde smakket,
 dat yn leafd' er libbet nei syn Leaf har sin,
 en keart dan Rede dy swietens tsjin,
 en toant de ûnfolsleinens klear, –
 dêr't twa leaven foar Red' ûngelikens binn',
 wurdt de Minner 't slimste rekk' yn 't sear!
 Te swier de slach as er, sels fol minn',
 syn leafste Leaf fielt as oarmans begear.

8

Wa sil de kwetste minner belêze?
 Wa jout him medisyn foar 't kwea?
 Wat dokter sil dan him genêze,
 dy't jerne leafd' is foar syn lea,
 mar troch Rede staat is yn it wea?
 Hja doar wer wreed him oan te sprekken,
 en toant him syn tekoart en skea:
 „Sjoch hjir, dit binn' dyn lek en brekken.”
 Och! wa dy't yn leafde rie him bea,
 om him op Rede fûl te wrekken?

Ay, weet god, datne mach nieman sijn
 Die over die redenne iet mach wreken.
 Si es selve der minnen fisisijn:
 Si can best heylen al hare ghebreken.
 85 Die met leste volghet al haren treken
 In allen weggen daer sine gheleide,
 Dien sal si met nuwen wondere ane spreken:
 'Sich hier, besitte dat hoechste ghereide'.

Ay, daer en daerf gheen vrent versoenre gaen
 90 Om te versoennenne die veede.
 Ende die dit kinnen, si verstaen
 Ghenoech van haren crede.

9

God wit, gjint mei fergrime wêze
 om him op Rede fûl te wrekken.
 Hja sels kin wis de minner genêze,
 en hielet bêst syn lek en brekken.
 Wa't tûk neigiet har list'ge trekken
 op alle wegen dêr't hja 'm liedt,
 him sil hja fan nije wûnders sprekke:
 „Sjoch hjir, win dy it heechst geniet.”

In frjemde midsman kin mei flyt
 nea sljochtsje 't skeel, dat herten skiedt.
 En wa't it wurk fan Rede wyt,
 is 't dy't har leare rjocht ferstiet.

LIED XXVI

I

Al es verdruevet dach ende tijt,
Dies si al god ghebenedijt,
Men saelt saen beter scouwen.
Lief, dat ghi mi te verre sijt
5 Ende ane u steet al mijn delijt,
Dat sijn ghestade rouwen.
Dat es wel recht:
Miere herten licht
Daer ic bi soude leven
10 Doelt na u al.
Siet wat ic sal:
Mi en es een twint niet bleven.

2

Ay, wat soude mi iet, lief, dan al ghi?
Dat ic u niet en volhebbe, dats mi,
15 Ende ghenoech niet en mach volgheven
Gherechte minne fier ende vri.
Wat men u gave dat iet min si,
Dat ware vore u groet sneven,
Want ghi wilt al minne
20 Met herten ende met sinne
Ende met geheelre zielen.
Die wanen minnen
sonder beghinnen,
Dat warensen ye die vielen.

LIET XXVI

I

Al is no drôf de tiid fan 't jier,
jou dochs God lof, omt dit miswier
ring ta 't ferline heart.
Datst fier fan my bist, leaf, sa fier,
wylst dû bist al myn will' en tier,
is duorjend djippe smert.
It is sa sljocht:
myn hertenocht,
dêr't ik troch libje kin,
giet út nei dij.
Sjoch hoe't ik lij,
omt ik teneate bin.

2

Leaf, wat is eat my bûten dij?
Dat 'k net alhiel dy ha, stekt mij,
en 't ûnfolsleine skinken
fan wiere leafde, eal en frij.
As ik in lytser jeft dy wij,
sil ik dy slim bekrinke.
Wolst klare Minne
mei hert en sinnen
en hiel de siel.
Dy't miene te minnen
sûnder besinnen,
reitsj' ivich yn 'e wiel.

3

- 25 Die coneghinne van saba
 Si volgde salamoene na;
 Dat was om wijsheit sueken.
 Als sine vonden hadde, ja,
 So worden hare sine wondre ga
 30 Ende si affeleerde in rueken.
 Si gaf hem al,
 ende die ghichte stal
 Wat so si hadde in binnen.
 Beide herte ende sin,
 35 daerne bleef niet in:
 Het wart al verswolghen in minnen.

4

- Hets recht si hadde hem al ghegheven.
 Hadse iet vermert in vremden weggen
 Onder dat arme diede,
 40 So ware hare dat hoghe wonder ontbleven;
 Nu wertse al in minnen tewreven.
 Dies derven noch vele liede:
 Si nemen te vroeck
 al haer ghevoech
 45 Onder die ghesellen.
 Dies salmen spade
 Der minnen dade
 Van hen te wondere tellen.

3

De keninginne fan Skebá
 dy kaam nei kening Salomo ta,
 omt hja syn wiisheid socht.
 Doe't hja him fûn, beswime hja.
 Syn pracht ferbjustere har sa,
 hja raand' yn sill'ge nocht.
 Hja joech har alhiel.
 Dy jeft ûntstiel
 wat yn har wenne:
 har geast en hert.
 Rest wie der net;
 alles ferswolg' yn Minne.

4

Mei rjocht hat hja har jûn folslein.
 Wie hja op frjemde wegen tein,
 nei 't sljochte folk ta gien,
 dan wie 't grut wûnder har ûntsein.
 No waard hja yn Minn' alhiel teslein.
 Dat mist jit mannichien.
 Hja gripe te ier
 al har plezier
 mank d' earne swellen.
 Dus sil skraachoan
 men 't leafdefertoan
 fan har as wûnders telle.

5

- Maer die hen ter vrier minnen reken,
 50 Ende inden weghe niet en ghebreken
 Ende hen ane minne al cleven
 Ende doghen hare ellendeghe treken,
 Daer mach men wonders wonder af spreken.
 Want si hen also op gheven
 55 Alse omme al dorevaren,
 Sonder enich sparen,
 Ochte minnen ghenoech gheriven,
 Aen anxt ter doet
 Dat hen dat grote goet
 60 Van minnen soude ontbliven.

6

- Ay, dus al verloren in minnen cracht,
 Ja, ende dan al vergouden der minnen pacht,
 Also men te rechte al soude:
 Dats ene die alre scoenste hacht
 65 Ende ene onverwonne nuwe macht,
 Ende wel dat god al woude.
 Want dat rechtste volgheven van minnen
 Dat es dat ontbliven van binnen.
 Want sine connen niet al volleesten,
 70 Ende dat hare dat es saen verdaen
 Inder hogher minnen ontfæen.
 Dus comense buten den gheesten.

5

Mar dy't ta d' eale Minne 'm rist,
 en ûnderweis gjin bodzjen mist,
 mar fêst oan Minne klibbet,
 en duldet har ellind'ge list,
 syn wûnderwurk wurdt wier opdist.
 Hy offret hiel syn libben,
 ree alles te lijen
 sûnder te mijen,
 omt er Minne jerne foldocht,
 út deadlike noed,
 dat it hearlike goed
 fan Minne him ûntfjocht.

6

O! as Minne har krêft him sa ferslacht,
 nei't er Minne foldocht de folle pacht,
 allyk 't elk minske foeget, —
 is swietste hechtenis yn pracht,
 in nea t' oerwinnen nije macht,
 en grif wat God fernoeget.
 Leafde' folste jeft blykt
 as 't herte beswykt.
 Dy't alles foldwaan wol, giet kwels.
 Syn pacht is tel fertard,
 as d' eale Minne him bart.
 Sa rekket er bûten himsels.

- Also die gheweldeghe redene der minnen opdoet
 Ende si hen toent hare grote goet
 75 Dat si es bi natueren,
 Ocht men haere in minnen ghenoech doet
 Dat si al dat verghelden moet:
 Dat wect die creatueren
 Ende doetse opstaen
 80 Ende alle ommevaen
 In herteliker weelden,
 Ende gheloeft hen een rike
 Sonder enich ghelike
 In eweliker seelden.
- 85 Die dus verwinnen
 In storme van minnen
 Dat sijn gherechte helde.
 Ende die iet gheroen,
 Ende niet en voldoen:
 90 Hets recht datmense scelde.

7

As de machtige Rede oer jin strielt,
 toant hoe't de grutte skat klear prielt,
 dy't Minn' is fan natoere,
 as men mei leafde Minne skewielt,
 dy't dan jin 't folle lean tadielt,
 ûntweitsje de kreatoeren
 ta warbre moarn,
 want alles kinn' s' oan
 yn ynlike blidens.
 't Unthjit har in ryk,
 gjin oar is 't allyk
 yn ivige swidens.

Dy't sa oerwinne
 yn striid fan Minne
 binn' wiere helden,
 mar dy't ea drôgje,
 en net foltôgje,
 binn' wier te skelden.

LIED XXVII

I

Men mach biden corten daghen
Merken des somers keer.
Dat moghen voghele ende liede claghen;
Maer die minnen hen es anders meer.
5 Want hen es te claghene al el:
Dat men der minnen es so fel;
Hare rike gheleer wert sere testoert
Daer men bi soude sijn gheeert.
Dat si gheclaecht der hoechster trouwen,
10 Ende met minnen moet si ons bescouwen.

2

Ons es wel meneghe hoghe mare
Vander minnen doen verstaen:
Datse over al gheweldich ware,
Ende al hevet ommevaen,
15 Ende bedwinghet al dat levet.
Wie hevet minne dan dien si hare ghevet?
Dien si iet ghevet hi maecht ontfaen.
Doch selen wij hare met sconen dienste zyn onderdaen
Ende bidden der gheweldeghe minnen
20 Dat si ons hare cracht doe bekinnen.

LIET XXVII

I

Men kin oan 't koartsjen fan de dagen
merke: de simmer nimt in kear.
Dêr wurdt fan minsk' en dier oer klage.
Mar minners kleie oars en mear.
Har klachte giet oer hiel wat oars:
„Men is foar Minne oer sa boas.
Men smadet rûch har rike leare,
dy't ider wêze moast ta eare.”
Dat moat by hege Trou yntsjinne,
dy't op ús delsjen mei yn minne.

2

Wy ha sa faak de hege rom
fan Minne heard en har bewâld:
dat hja sa machtich is rûnom,
en alles yn har hannen hâldt,
en al wat libbet krêftich twingt.
Mar wa hat Minn' as waam hja har skinkt?
Wy kinn' fan har allinn' eat krije.
Dochs moatt' wy from ús tsjinst har wije,
dat elts de macht'ge Minne bidt,
dat hja har krêft ús witte lit.

3

- Hets ene harde scone bede
 Te biddenne om hogher minnen cracht.
 Maer dien si ghevet minne na minnen sede,
 Si worptenne in selke ene hacht,
 25 Dat hine mach meer ontgaen.
 Die de minne verwint, hi wert selve verdaen:
 So es hi ghewacht;
 Ende diense ghevet voeden vertertse Al tsijn in nuwer jacht.
 So leert hi an minnen cracht Vrede oude ghewinnen
 30 Ende der minnen cost in alenden bekinnen.

4

- Dat allende kennic bi gheraden
 Ende met pleghene niet.
 Dien minne met kinne hevet out verladen,
 Hoe leede hi hem besiet!
 35 Dats: hem clene ende minne so groot,
 Ende die joye die hem ierst minne boet,
 Ende die welde doen hi was een kint.
 Die minne gheeft den jonghen die niet en bekint,
 Ende laet den edelen ouden dolen dellende,
 40 Daer jonghe noch dorpre nie minne en kinde.

3

Te bidden om d' eale Minne' krêft
 is in tige goede bea foarwis.
 Mar wa't hja jout har wenst'ge jeft,
 him smyt hja sa yn hechtenis,
 dat hy ûntkomt nea net syn ein.
 Dy't Minn' oerwint, wurdt sels ferslein.
 En al de bút fan wa't hja fiedt
 fertart hja yn jacht op nij geniet.
 Sa sil er troch Minne' macht frede winne
 en leart yn ellinde de priis fan Minne.

4

Ik kin dy ellinde wol fermoede,
 mar ken s' út ûnderfining net.
 Dy't hja mei kennis ryk begoede
 ta jeld, dy sjocht himsels fol smert.
 Hy wit him lyts en Minne grut,
 en de freugd him bean mei Minne' wurd
 yn 't earst, en 't weeldrich lok as bern.
 Minn' is sa gol wa't har net ken,
 mar driuwt d' eal' âlden yn d' ellinde,
 wylst jong noch lomp leart hoe't men minde.

5

Ghi, jonghe, ghi hebt vele verloren,
 Verliesdi uwe kindsche joghet;
 So levedi out minnen in toren,
 Daer ghi nu jonc leven moghet
 45 Ende in weelden van minnen vri,
 Als: 'ic al minnen ende minne al mi'.
 Dat es nu alle uwe doghet;
 Derre weelden den vroeden ouden lettel hoghet;
 Want si kinnen die coste vander minnen jaren,
 50 Waer men sal teren ende sparen.

6

Hets enech dorpre cume so dwaes,
 Hine weet wel wanneer hi sal
 Winnen sijn goet ochte verdoen sijn aes,
 Al hebben wij dat ongheval
 55 Dat wij willen sijn als een kindt,
 Al sonder cost in joyen ghemint.
 Dit es dat onse nu al:
 Nu rumen wij der minnen sale int dal.
 Bidden wij der minnen dat si ons gheleyde
 60 In haren weghe ende in hare hoghe ghereide.

5

Jongfeint, ferliest in grutte winst,
 ferliest dyn bernlik blide jeugd.
 Silst drôf ferâldzj' yn Minne' tsjinst,
 wylst no dû libje meist yn freugd
 en 't lok fan Minne, jong en frij.
 Dû bist fan har, hja alhiel fan dij.
 Dat 's no al dyn profyt. Dy freugd
 is eat wat skraach wiz' âlden heucht;
 hja kenne de priis fan jierren foar Minne,
 wittend: tarre kin nei sparjen allinne.

6

Gjin inkle boer is skraach sa sot,
 dat hy gjin tiid wit acht te slaan
 ta winnen of ferdwaan fan 't guod.
 Mar sa healwizich is ús dwaan:
 wy wolle dat men ús bemint
 as bern, yn nocht, sûnder ien sint.
 Minne har hege seale roalen
 wy, om yn 't lege dal te doalen.
 Lit ús Minne bidde, dat hja ús eal
 har wei lâns liedt yn har hege seal.

- Ic en scelde niet dat wij gherne nemen
 Inder soeter minnen spoet.
 Die hare lief in minnen te spaerne temen,
 Hetne doet hen nemmer goet;
 65 Ende dies moghen wij seker sijn:
 Die hare lief doreminnen, die sijn fijn,
 Ende beide out ende vroet;
 Op dat hen haeste noch lichtcoep wanc en doet;
 So moghen si seker wesen:
 70 So diepere verdroncken, so hogher gheresen.

- Die werke doen die minne in scijn.
 Die mint hi seghet: 'minne, dat mine es dijn;
 Dore di en wort meer ghespaert sin noch moet,
 Cracht noch march noch herten bloet.'
 75 Want in minnen vonnesse es ghelesen:
 So diepere ghewont, so saechtere ghenesen.

7

Ik lekje net, dat wy graach winne
 by swiete Minn' en fan har barre.
 Hja dy't har leaf mar deun beminne,
 hja sille nea der wol by farre.
 Mar hjirfan binne wy wol wis:
 dy't syn leaf folslein bemint, dy is
 grif gol en sawol âld as froed.
 Wankt him gjin skea troch haast of noed,
 dan mei dy't skrept, der wis fan wêze:
 wat djipper sonken, wat heger út weaze.

Syn dwaan toant leafde sûnder mis.
 Wâ't mint seit: „Mines is dines wis.
 Om Minne sparj' ik siel noch gemoed,
 noch krêft, noch moarch, noch hertebloed.”
 Want yn Minne' wetboek stiet te lêzen:
 „Wat hurder wûne, wat sêfter genêzen.”

LIED XXVIII

I

Die voghele sijn nu blide
Die de winter dwanc.
So selen in corten tijde,
Dies hebbe die minne danc,
5 Die fiere herten, die hare pine
Ghedoghet hebben over lanc,
Op toeverlaet van minnen.
Si hevet so rike ghewout:
Si sal hen gheven sout
10 Boven allen sinnen.

2

Een die van hogher minnen
Wilt al minne ontfaen,
Hi sal in allen sinnen
Gherne daer na staen,
15 Dat hi die staercste doet
Van minnen wilt ane gaen,
Ende altoes even coene,
Wat edele minne ghebiedt
Dat hi dies niet en ontsiet,
20 Hine sijdt ghereed te doene.

LIET XXVIII

I

No binn' de fûgels bliid,
dy't wien' yn winters twang.
Dat binn' mei koarte tiid
– dat Minne tank ûntfang'! –
ek d' eale herten, dy't har pine
feneare ha sa lang,
troch har betrou op Minne.
Hja hat sa'n mânske krêft.
Hja jout har lean, in jeft
dy't hja net fetsje kinne.

2

Wol ien fan d' eale Minne
folsleine leafde barre,
hy moat mei al syn kinnen
him jerne dêrta warre;
hy moat de sterke dea
foar Minne sels oandoarre,
aloan him dapper jaan.
Wat d' eale Minne ek freget,
hy frezet net noch weegret
har wize wil te dwaan.

3

Ay, wat sal hem dan ghescien
 Die levet na der minnen raet?
 Want hine sal nieman sien
 Die sine noet verstaet.
 25 Men sal met vrenden oghen
 Hem toenen wreet ghelaet;
 Want hem sal niemant kinnen
 Wat node hi ghedoghet,
 Eer hi sinen noet verhoghet
 30 In orewoede van minnen.

4

Orewoet van minnen
 Dats een rike leen;
 Ende die dat woude kinnen
 Hine eyscede hare el negheen:
 35 Die tiersten waren twee
 Die doetse wesen een.
 Dies ic die waerheit toghe:
 Si maect dat soete es suer
 Ende den vrenden naghebuer,
 40 Ende si brenct den nederen hoghe.

3

O! wat is him beskern
 dy't folget Minne har ried?
 Hy sil teninter sjen
 ien dy't syn need ferstiet,
 wylst elts mei frjemde eagen
 him 't wrede antlit biedt.
 Net ien sil fetsje kinne,
 hoe'n smerte hy ferneart,
 ear't dy ta freugd ferkeart
 yn 't lôgjend fjoer fan Minne.

4

It lôgjend fjoer fan Minne
 dat is in kostber lien.
 En wol men dat erkinne,
 men easket oars gjin ien.
 Dy't twa jit wien' alear
 dy makket hja ta ien.
 Dy wierheid sil 'k bewize:
 Hja tsjoent wat swiet is, soer,
 en frjemd ta neiste broer,
 en lit de lege rize.

5

- Si maect den staerken cranc
 Ende den sieken al ghesont,
 Si maect den rechten manc;
 Si heylt dien die was ghewont.
 45 Si maect den onbekinden
 Die wide weghe cont,
 Daer menich in moet dolen;
 Si doet hem weten al
 Wat men leren sal
 50 In hogher minnen scolen.

6

- In hogher minnen scolen
 Leert men orewoet.
 Want si brenghet dien in dolen
 Die hem wel verstoet.
 55 Die tiersten hadde ongheval,
 Dien doetse hebben spoet.
 Si maectene al dies heere
 Daer minne selve af es vrouwe.
 Ic ben dies wel ghetrouwe
 60 Ende dies meer en kere.

5

Hja makket sterken krank,
 en siken wer ta sûnen,
 en dy't rjocht rûnen, mank.
 Hja hielet de ferwûnen.
 Hja makket mei Minne bekind
 dy't frjemde wegen rûnen,
 dêr't gâns te doarmjen rinne,
 wylst hja har klear tapart
 al wat hja leare moatt'
 yn 'e skoalle fan d' eale Minne.

6

Yn 'e skoalle fan d' eale Minne
 leart men har felle gloed.
 Hja lit te doarmjen rinne
 dy't rûn mei wisse foet.
 Hja bringt ta fleur en tier
 dy't earen wie yn noed.
 Hja jout him 't eigendom
 dêr't Minne frouw' oer is.
 Ik wit dat wier en wis,
 en lûk it nea werom.

Die minnen niet ne doghen
 Ic gheve hen goeden raet:
 Ocht si niet meer en moghen,
 Si bidden hare doch aflaet,
 65 Ende dienen met ghelove
 In hogher minnen raet,
 Ende pensen: 'het mach wesen
 Datter minnen cracht es groet'.
 Hi es harde na der doet
 70 Die niet en mach ghenesen.

De sin es hoghe gheresen
 Die ontfaen hevet der minnen cracht,
 So dat hi inder minnen macht
 Sine vonnessen sal lesen.

7

Dy't net ta Minne doge,
 ik jou har goede ried:
 „Ha jim net mear fermogen,
 bid dat hja útkomst biedt,
 en tsjinje mei betrouwen
 yn Minne har belied.”
 Betink ek: Grut kin wêze
 de krêft fan d' eale Minne,
 as hja de dea nei binne,
 dy't min binn' te genêzen.

Hoe heech is hy al riisd
 dy't Minne har krêft ûntfong!
 Omt de machtige Minne 'm betwong,
 heart er graach hokker fûnis hja wiist.

LIED XXIX

I

Doer hogher trouwen minne
So sijn alle mine sinne
In menichfoude pine;
Mijn swaere draghen
5 sonder claghen
Werdet mi wel in scine.
Die ghene daer ic omme douwe
Ende doghe so meneghen rouwe,
Hi hevet mi doen verstaen
10 Dat ic met hogher minnen sal ontgaen.

2

Sal mi hoghe minne
Behouden mine sinne,
So bennic seker des,
Met verstande van binnen:
15 Dat die minnare onser minnen
Wel volmaket es.
Want al sijn doen es sonder mate;
Hem en ghenoecht vore minne ghene orsate.
Dat bekinnen wel
20 Die hoghe minne draghen, ende niemant el.

LIET XXIX

I

Om d' eale, trouwe Minne
binn' al myn siel en sinnen
yn mannichfâld'ge noeden.
Dat ik swier leed ferneare,
en nimmer kimmeneare,
dat komt my grif te'n goeden.
Want Hy om wa't ik lis yn 't kwinen,
om wa't ik lij sa folle pinen,
hat my it boadskip sein,
dat ik mei d' eale Minn' ûntkom yn d' ein.

2

Sa wier as d' eale Minne
my rêdt mei siel en sinnen,
sa wier bin 'k hjirfan wis, –
yn djip begryp fan binnen –
dat Hy dy't mint ús minnen,
folsleine Minne is,
want sûnder mjitte is al syn dwaan.
Gjin oar pân kin Him foldwaning jaan
as Minne, ha hjà ferstien
dy't eale Minne drage, en oars gjin ien.

3

Die hoghe minne draghen
 Si selen luttel claghen,
 Wat leede hen over gheet.
 Si selen sijn alse die vroede
 25 Altoes met diepen oetmoede
 In hoghe minne ghereet,
 Daer minne ghebiedet, si verre, si bi,
 In sterven, in leven, so wat dat si,
 In vriheit sonder vaer:
 30 Dat maecte ons hoghe minne ierst openbaer.

4

Wat so ons god ye onste,
 En wardt nieman, die conste
 Gherechte minne verstaen,
 Eer dat maria, die goede,
 35 Met diepen oetmoede,
 Die minne hadde ghevaen.
 Tierst was si wilt, doen wardt si tam:
 Si gaf ons vore den leeu een lam;
 Si maecte die deemsterheit claer,
 40 Die hadde gheweest doncker wel menich jaer.

3

Dy't eale Minne drage,
 troch har wurdt selden klage,
 wat leed hja haww' of wee.
 Hja binn' as 't wize folk:
 mei djippe deemoed nolk
 ta eale Minne ree
 dêr't Minne 't gebiedt, is 't fier of nei,
 yn libben of dea, wat it wêze mei,
 yn eangst net noch yn 't near.
 Dat makke d' eale Minne 't earst ús klear.

4

Al hat God gâns ús jûn,
 net ien dy't yn 'e grûn
 de wiere Minne ferstie,
 eardat Marije, sa goed,
 mei djippe deemoed froed
 de Minn' ûntfongen hie.
 Earst wie hja wyld, doe nuet jongfaam.
 Hja joech yn stee fan de liuw in laam.
 Hja klearre wat tsjuster wie,
 dat al sa lange jierren hearske hie.

5

Die vader, van anebeghinne,
 Hadde sinen sone, die minne,
 Verborghen in sinen scoet,
 Erne ons maria,
 45 Met diepen oetmoede, ja,
 Verholentlike ontsloet.
 Doen vloaide die berch ten diepen dale,
 Dat dal vloeyde even hoghe der sale.
 Doen wardt die casteel verwonnen,
 50 Daer langhe strijt was an begonnen.

6

Ons dede elc prophete
 Te voren scone behete:
 Dat hi rike ware ende scone
 Die ons soude brenghen vrede
 55 Van minnen, ende machtich mede.
 Moyses met Salomoene
 Prijsden alle sine cracht besondere,
 Sine wijsheit ende sine wondere.
 Tobyas, ysayas, daniel,
 60 Job, Jheremias, ezechiel.

5

De Heit, dy't fan 't begjin is,
 hie tear syn Soan, dy't Minn' is,
 ferhoalen yn syn skerte,
 eardat Marije, sa goed,
 mei djippe deemoed froed
 him toand' yn ferhoalen berte.
 Doe sonk de berch yn 't dal omleech;
 it dal riisd' oant de himel heech.
 Doe waard de stins oerwûn,
 dêr't lang ferlyn de wraksling om begûn.

6

De profeten dien' te witten
 ús earen skoandr' ûnthjitten:
 dat sterk en swiid is de Reine,
 dy't mei Syn macht ús frede
 fan Minne bringt en genede,
 sa't Mozes en Salomo seine.
 Dy priizgen Syn krêft as bysûnder,
 Syn wiisheid en wurk as wûnder;
 Tobíjah, Jesajah, Daniël,
 Job, Jeremíjah, Ezékhiël.

7

Si saghen visioene;
 Si spraken parabilen scone:
 Wat ons god noch soude doen.
 Mar, na minen sinne,
 65 Die clare, vrie minne
 Bleef van hen al ongheploen.
 Want si hadden hare seden alse andere man
 Nu hier, nu daer, nu af, nu an;
 Maer maria en sprac el niet
 70 Dan: 'mi werde dat god versiet.'

8

David seide: hem ghedachte
 Van gode, het dede hem sachte
 Ende hem ghebrac sijn gheest.
 Nochtan hetet hi van werke sterc;
 75 Maer maria wrachte sterkere werc.
 Ja hi hads wale meest,
 Sonder maria, diene gheheel ontfinc:
 God ende man ende jonghelinc.
 Daer mochtenen der minnen
 80 Ierst clare werc bekinnen.

7

Sa mannich fizioen
 sein' hja yn bylden fol tsjoen:
 wat God ús jit tabetocht.
 Mar ik sis wat myn sin is:
 de suvre, eale Minn' is
 nea net troch har folbrocht.
 As folk fan in oare wiz' en wet,
 koen' hja de wei fan Minne net.
 Mar Marije sei oars neat
 as: „Mei 't my barre lykas God begeart!”

8

Doe't David tocht oan God,
 doe sucht' er om syn lot,
 omdat syn siel fersmachte.
 Dochs hiet er fan dieden sterk.
 Mar Marije wie sterker yn 't wurk,
 mear as David by machte,
 omt Marije de Minn' alhiel ûntfong
 as God en minsk' en berntsje jong.
 Doe wienen Minne har dieden
 foar d' earste kear pas klear te ûnderskieden.

9

Dat was bi diepen niede
 Dat hare dat grote ghesiede,
 Dat die edel minne uut wert ghelaten
 Dien edelen wive
 85 van hoghen prise
 Met overvloedegher maten;
 Want si el ne woude, noch haerre el ne was,
 So hadse al daer elc af las.
 Dus heeftse dat conduut gheleit,
 90 Dat elker oetmoedegher herten es ghereit.

10

Die propheten ende al hare kinder
 Offerden scape ende rinder:
 Dat was hare sacrament.
 Si daden hen metten bloede striken.
 95 Hare sacramente waren gheliken;
 Eer marien dat hoghe present,
 Die sone, ghesindet wart vanden vader.
 Nu comt ten groten etenne allegader,
 – Die brulocht es ghereet –
 100 Die de minne vindt gheciert in brulochtcleet.

9

Om har hertsynlik fjoer
 kaam har dat grutte oer,
 dat d' eale Minne sonk
 yn dizze eale frou,
 heech priizge om har trou,
 dy't rynsk yn Minne blonk.
 Omt hja neat oars woe noch besiet,
 hie hja de winsk fan hiel de ierd.
 Sa lei hja de stream it bêd
 fan geunst, dy't ree is foar elts dimmen hert.

10

It folk fan 't âld ferbûn
 hat fee as offers jûn;
 dat wie har sakramint.
 Har bloedig' offers seine
 fóár-bylden fan 't folsleine,
 oant de Soan, it eal presint,
 fan de Heit foar Marije waard ornearre.
 Kom no ta 't gastmiel allegearre,
 no't ree de brulloft stiet,
 dêr't jim Minne fine mei it breidskleed sierd.

II

Onser vriende der propheten
 Harer doghet en doech vergheten:
 Si was scone ende claer;
 Si dogheden alendicheit
 105 Ende grote bitterheit
 Der wet wel menich jaer.
 Hare sacramenten waren bi gheliken.
 Dat si daer vore wouden wiken
 Men maechs hen dancken wel,
 110 Al segghic dat marien was el.

12

Oetmoedeghe vrie sinne,
 Wildi gheheel al minne
 Also minne hare selven levet,
 Ic rade u: dore trouwe,
 115 al lidi rouwe,
 Vertijt alles ende beghevet.
 So wert u herte wijt ende diep;
 So sal u comen dat conduut dat liep
 In Marien sonder mate.
 120 Bidt der hogher trouwen dat sijt u vloyen late.

Want hogher trouwen es bevolen,
 Al die oetmoedicheit dore dolen
 Dat sise volleiden sal
 Daer maria es met minnen een in al.

II

Men mei fan ús freonen dy't litten:
 de profeten, de deugd net ferjitte;
 dy wie fol klearens en sier.
 Hja dulden d' ellinde lang
 en grutte, bittre twang
 fan 'e wet sa mannich jier.
 Dat hja foar dy wet bûge woen',
 foarbyldig' offers brochten ta soen,
 dêr mei men har tank foar wije.
 En dochs sis ik: „Folslein oars wie Marije.”

I2

Dy't from en nommel binne,
 woll' jim de suvre Minne,
 sa't hja yn harsels bestiet?
 Ik ried jim op myn wurd:
 Al is jim leed ek grut,
 jou 't oer; fersaak hiel d' ierd.
 Dan wurdt jim herte djip en wiid;
 dan komt de genedestream dy't swiid
 rûn ta Marije bûten mjitte.
 Bid d' eale Trou, foar jim dy streame te litten.

Want d' eale Trou is dêrta bûn,
 elts dy't ferlegen dwaalt yn 't rûn,
 te bringen nei 't stee dêr't Marije wis
 yn alles mei Minne feriene is.

LIED XXX

1

Men moet in allen tide
Der minnen wesen blide
Ende hare volghen in elke side,
In allen wegghen daer si gheleidt;
5 Men moet hare leven blide
Ende den rouwe dan also na ghereidt.

2

Die minne moets mi onnen.
Ic hebbe minnen begonnen;
Dies mi die vremde wanconnen,
10 Dies mi benemen niet en moghen.
Ic hebbe minnen begonnen:
God gheve dat ic hare moet doghen!

3

Sint ic mi gheve in minne
Verliesic ofte winne,
15 Soe steet in minen sinne:
Ic wille hare alles weten danc;
Verliesic ofte winne:
Ic wille staen in haer bedwanc.

LIET XXX

I

Men moat yn alle tiid
om Minne wêze bliid;
har folgje wiid en siid
op alle wegen dêr't hja liedt,
en foar har libje bliid
en like ree stean ta fertriet.

2

Dat mei my gunne Minne.
Ik bin mei Minn' yn 't begjinnen.
Omt hja 't net my ûntnimme kinne,
wolle my de frjemden 't fergunne.
Ik bin begûn mei Minne.
Dat ik har nutsje, mei God my gunne!

3

Omt ik my jou ta Minne, –
mei ik ferliez' of winne, –
wit ik stânfêst fan binnen:
Ik wol om alles tank har wijje.
Mei ik ferliez' of winne,
'k wol wêz' yn Minne' hearskippije.

4

Die minnen wilt behaghen
 20 Hine sal hem niet beclaghen
 Sijn menichfoude draghen
 Dat hi dore minne draghen moet;
 Hine sal hem niet beclaghen:
 Om minne doghen het es al spoet.

5

25 Die minnen wilt met trouwen,
 Hi moet die doghet bescouwen
 Ende die werken bouwen,
 Wilt hi leven in minnen bant.
 Dat mochte men ane hem scouwen
 30 Die ons die minne ierst bracht int lant.

6

So na quamic der minnen
 Dat ic begonste kinnen
 Wat si algader winnen
 Die hen geheel der minnen gheven;
 35 Alsic dat mochte bekinnen,
 So roude mi wat mi was ontbleven.

7

Mochte mi minne ghenoeghen!
 Ic gingher mi toe voeghen
 Dat al mine aderen loeghen;
 40 Doen quam die redenne ende dede mi sien:
 'Sich waer du di wils voeghen,
 Ende wat di eer noch moet ghescien'.

4

Dy't wol dat er Minne hage,
 fan him heart nimmer klage
 oer 't leed fan him te dragen,
 it leed troch Minne' swiere jok.
 Fam him heart nimmer klage;
 want leed om Minn' is kleare lok.

5

Dy't leavje woll' yn trouwe,
 binn' t dy't oan deugd har jouwe,
 en leafdedieden bouwe,
 wolle hja libje mei Minne ferknocht.
 Hja kinn' t yn Him oanskouwe,
 dy't ús it earst de Minne brocht.

6

Sa nei kaam ik by Minne,
 dat ik it seach fan binnen,
 al wat dyjingen winne,
 dy't har alhiel oan Minne jouwe.
 Doe't ik dat seach fan binnen,
 doe joech wat jit m' ûntbriek, my rouwe.

7

Dat Minne my fernoegel
 Dêrta hie 'k sa my foege,
 dat al myn ieren jûgen.
 Mar doe kaam Red' en toande my:
 „Sjoch, hjirta hast dy foege.
 Sjoch wat earst barre moat mei dy!”

8

- Mi maecte rike int ierste die minne.
 Si dobbeleerde mine sinne
 45 Ende toende mi alle ghewinne.
 Twi vlietse nu wech als een truwant?
 Si dobbeleerde mine sinne;
 Nu dolic inder vremder lant.

9

- Het es wel swaer te bestane
 50 Van minnen in redenen te gane.
 Doch steet daer af te ontfanen
 Die minne gheheel, salmense ghewinnen.
 Van minnen in redene te gane
 Es onghehoert ende te swaer den sinnen.

10

- 55 Minne ghinc mi minne al spanen.
 Mi duncket nu, het was een tanen.
 Alsic woude minne al manen,
 Seide redenne: 'wiltu nu wenschen,
 – Het was van minnen een tanen –
 60 Ghedencke dattu noch best een mensche'.

11

- Doen dede mi redenne lede.
 Het dochte mi ene veede
 Dat si mi nam dat gherede
 Dat mi minne hadde selve ghegheven.
 65 Het dochte mi ene veede;
 Doch leerde mi redenne der waerheit leven.

8

Ryk makke m' earst de Minne;
 toand' al wat 'k hie te winnen,
 en betiisde siel en sinnen.
 Hoe wykt hj' as smjunt no fan har pân?
 Hja betiisde siel en sinnen.
 No doarmj' ik om yn 't frjemde lân.

9

Hoe swier is 't yn 't bestean
 fan Minne nei Rede te gean.
 Dochs beskiedt dat, oft men 't lean
 fan Minne wint en har krijt alhiel.
 Fan Minne nei Rede te gean
 is slim en al te swier foar de siel.

10

Suvre leafde hat Minne foar eagen my fierd.
 Dat wie, sa tinkt my no, ferlied.
 Doe 'k suvre leafde eask' yndied,
 sei Rede: „Is dat dyn wiere winsk?
 – 't wie Minne har ferlied! –
 Betink dy goed; bist mar in minsk!”

11

Doe die my Rede leed.
 't Liek my in died sa wreed,
 dat hja m' ûntnaam it breed
 geniet, fan Minne m' iepenteard.
 't Liek my in died sa wreed.
 Dochs hat Rede my 't wiere libben leard.

12

Die hoghe karitate,
 Die mi minne toende in ghelate
 Doen si mi sonder mate
 70 Mijn herte te hare al nam gheheel,
 Wat si meinde in ghelate
 Heeft si mi nu ghetoent een deel.

13

Al hevet mi minne verbolghen,
 Nochtan moetic hare volghen.
 75 Want si hevet al verswolghen
 Die siele uut mijnre herten gront.
 Ic wille gheheel hare volghen,
 Hoe mi redenne heeft ghewont.

14

Men mach bi redenen ghewinnen
 80 Gherecht ghebruken van minnen,
 Daer redenne claer mach bekinnen
 Dat men hen beiden hevet ghenoech ghedaen;
 Gherecht ghebruken van minnen
 Laet redenne dan van minnen ontfaen.

15

85 God gheve hen allen die minnen
 Dat si der redenen hulde ghewinnen
 Moeten, daer si bi moeten bekinnen
 Hoe men der minnen ghebruken sal.
 Ane der redenne hulde ghewinnen
 90 Leecht ons van minnen volmaectheyt al.

12

De heechste leafde myld
 toande Minne m' yn in byld,
 doe't hja alhiel sûnder skyld
 myn hert ta har naam alhiel.
 En wat hja miende mei 't byld
 hat hja my toand, mar foar in diel.

13

Al bin 'k troch Minne ferbolgen,
 dochs moat 'k alhiel har folgje,
 omt hja alhiel ferswolge
 myn siele oant de grûn fan 't hert.
 Ik wol alhiel har folgje,
 hoe't Rede my ek wûn' yn smert.

14

Troch Rede kin men winne
 it wier geniet fan Minne,
 want Rede jout klearens allinne,
 oft men foar beide genôch dien hat.
 It wier geniet fan Minne
 wurdt troch Red' allinne jins part.

15

Mei God oan har dy't minne
 jaan, dat hja de geunst har winne
 fan Rede, om ynsjen te kinnen,
 hoe't men komt ta Minne' geniet.
 Want Rede har geunst te winnen
 is wat ta folsleine leafde liedt.

LIED XXXI

I

Om grote minne in hoghe ghedachte
Willic wesen al minen tijt,
Want si mi met harer groter crachte
Mine nature maect so wijt,
5 Dat ic mijn wesen al verpachte
In die hoghe gheboert van haren gheslachte.
Also ic wil nemen vri delijt,
So werpt si mi in hare hachte.

2

Ic waent wel liden sonder scade,
10 Dat ic in minnen dus ben bevaen,
Wiltsi mi alle die nauste pade
Van haren weghe doen verstaen.
Alsoic mi wane rusten in hare ghenade,
Verstormt si mi met nuwen rade.
15 Dits een wonderlijc verslaen:
Sosi meer mint, sosi meer lade.

3

Dit es wonder groet te verstane,
Der minnen nemen ende hare gheven.
Also mi gheeft troest te ontfane,
20 So werdet vruchten ende beven.
Der minnen biddic ende mane,
Dat si die edele herten spane
Dat si in minnen toene dus bleven
In nederen twivele, in hoghen wane.

LIET XXXI

I

Foar d' eale Minne wol 'k tinzen fan ljacht
koesterje al myn libbenstiid.
Hja makket mei har mânske macht
licht myn natoer sa rom en wiid,
dat ik mysels alhiel ferpacht
foar de berte út har heech geslacht.
Mar bin 'k yn soargeleazens bliid,
dan is 't dat hja m' yn har boeiens slacht.

2

Dat 'k sa fan Minne finzen waard,
wie leedzje sûnder skea, hie 'k tocht,
alleast as hja it smelste paad
fan har wegen my te witten docht.
Mar as 'k mien, 'k fyn rêst yn har minlik aard,
wurdt in nije stoarmoanfâl ynlaat.
Wûnder oerwint dy't har befocht:
wat mear hja mint, wat mear hja smaadt.

3

Dit wûnder ferstean is dreech yndied;
'k mien: Minne har nimmen en har jaan.
As hja my har fertreasting biedt,
wol frez' en skrik om 't hert my slaan.
Ik bid en moanje Minne swiet,
dat hja de eale herten riedt,
de toan fan Minne stees oan te slaan,
by lege twivel en heech geniet.

4

- 25 Troest ende meslone in enen persoen,
 Dats wesen vander minnen smake.
 Al levede die wise Salomoen,
 Hi liet te ontbindene so hoghe sake.
 Wine werdens berecht in gheen sermoen:
 30 Die sanc verhoghet allen toen.
 Die tijt daer ic altoes na hake
 Hevet in hem selven noch den loen.

5

- Haken, merren, beiden langhe
 Na dien tijt die selve es minne,
 35 Doet versmaden vremde ghemanghe
 Ende toent verliese ende groet ghewinne.
 Fierheit raedt mi dat ic hanghe
 So vaste in minnen, dat ic bevanghe
 Een wesen boven alle sinne:
 40 Die toen verhoghet alle sanghe.

6

- Die toen die alle sanghe verhoghet,
 Die meinic: minne in hare ghewout.
 Ic segs een luttel, en doech ghetoghet
 Den vremden herten die sijn cout
 45 Ende cleine om minne hebben ghedoghet.
 Sine weten niet, dat minne vertoghet
 Hare rike den fieren die sijn stout
 Ende in die minne werden ghesoghet.

4

Tagelyk mei treast wurdt wanhoop bean,
 priuwt wa't it wêzen fan Minne smakket.
 Soe de wize Salomo jit bestean,
 nea, dat er sa'n drege saak útmakket.
 Gjin preek dy't dat leart te ferstean.
 Dit liet wol bopp' alle toanen gean.
 De tiid dêr't myn hert aloan nei snakket,
 hat yn himselme jit it lean.

5

Snakje, biidzje en longerje lang
 nei de Tiid dy't selme Minne is,
 makket foar frjemde omgong bang,
 toant grut gewin jin en gemis.
 De gruttens riedt my, dat ik twang
 my hechtsj' oan Minne en ûntfang
 in liet fan wûnder heimenis.
 Dy toan riist heech oer alle sang.

6

De toan dy't riist oer alle liet,
 is dy fan Minn' yn har bewâld.
 'k Neam 't amper: sinleas is 't en spried
 foar lefferts 't út mei 't herte kâld,
 dat om Minne lijd hat lyts fertriet.
 Hja witte net, dat Minne biedt
 har rykdom wa't him dapper hâldt
 en him yn Minne' boarne fiedt.

7

Ghewout van minnen die al verwint
 50 Die es te verstane onghehoert,
 Ende bi in dole ende verre bekint,
 Ende een vrede die alle vreden stoert:
 Den vreden dien men in minnen ghewint
 Daer men hare wesen al met versint.
 55 Die wert ghesoghet in hare confoert
 Die hem met minnen in minnen dus mint.

8

Die dus in minnen wilt vervaen
 Hine sal ontsien cost noch scade
 Noch pine; hi sal met allen staen
 60 Int alre nauste van minnen rade,
 Ende met hoghen dienste sijn onderdaen,
 In al hare comen, in al hare gaen.
 Die dit op minnen trouwe dade,
 Hi soude in minnen al minne volstaen.

7

De macht fan Minne dy't al oerwint,
 dy te ferstean is wûnder grut,
 neiby yn 't dwalen, en fier bekind;
 in frede dy't alle free fersteurt;
 de fred' ek dy't men yn leavjen wint,
 wermei men troch hiel har wêzen rint.
 Mei har ferkwikking boarne wurdt
 wa't smachtsjend nei Minne, sa bemint.

8

Dy't sa yn Minne op wol gear,
 dy moat net nije skuld of skea
 of pine, mar bliuwt altyd stean,
 sels yn it nearst dat Minne gebea,
 hearrich yn nomme tsjinst om lean
 by al har kommen, by al har gear.
 Wa't trou oan Minne, dit nimt op 'e lea,
 fettet leavjend Minne oant de kearn.

LIED XXXII

I

Tsaermeer ontspringhen ons die bloemen,
Ende andere crude menichfout.
Oec salmen die edele herten doemen,
Die leven in minnen ghewout.
5 In minnen settic mijn behout,
Ende mine ghewout in hare hande;
Van hare en eysic ander scout,
Dan ic al blive in haren bande.

2

Die nu droeghe band van rechter minnen,
10 Als men wel minnen sculdich ware,
Des souden saen hen onderwinden
Die wrede vremde al openbare.
Si doen hen meneghen groten vare
Dien die staen in hoghere minnen hoede;
15 Maer wat si hen doen te sware,
God danc, dat es te clenen spoede.

3

Die hogher minnen dienen sal,
Hine mach ontsien ghene pine;
Hi sal hem gheven al om al,
20 Om hogher minnen ghenoech te sine;
Ende eest tsake dat hi iet fine,
So mach hi wel die waerheit kinnen:
Dat hi meer ne werdet in scine
Meester van rechter minnen.

LIET XXXII

I

't Seizoen sil ring it blomt' ús wekje,
en oare planten mannichfâld.
Dan sil men d' eale herten lekje,
dy't libj' yn Minne har bewâld.
Fan Minne wachtsj' ik heil en hâld,
en ik jou hâr myn foech yn hannen.
Fan har easkj' ik gjin skot of lot
as 't rjocht, te bliuwen yn har bannen.

2

Dy't wiere leafde har boeiens drage, –
allyk men Minne skuldich is, –
dy wurd' al ringen klear ferklage
fan wrede frjemden mei har gesis.
Jamk jouwe dy eangst en tsjusternis
wa't binn' yn Minne' hege hoede.
Mar al hoe swier har benearing is,
dy hâldt – Godtank! – har wol temoede.

3

Dy't d' eale Minne tsjinje wol,
dy sjocht net op tsjin lêst of pine.
Hy moat him jaan alhielendal,
wol hy foar har foldwaning fine.
En wol er him oan eat ûntwine,
hy moat de wierheid wol erkinne:
teninter sil er mear ferskine
as master fan de rjochte Minne.

4

- 25 Minne es meester meneghere dinc:
 Si ghevet ghereet suer ende suete.
 Sint ic van hare ierst smaken ontfinc
 Ligic altoes op hare voete;
 Ic bidde haer dat haer ghenoeghen moete
 30 Dat ic dore hare ere draghe
 Quale ter doet, al sonder boete,
 Ende ics den vremden niet en claghe.

5

- Die den vremden dade cont
 Wat men verdraghet om minnen ere,
 35 Hi maecte hare herte wel onghesont,
 Ende quetste hare natuere sere;
 Want sine verstaen min noch mere
 Wat men dore rechte minne moet doghen
 Avontueren ende sware kere,
 40 Ochte si in hare minne sal hoghen.

6

- Die minnen willen wel ghenoeghen,
 Ic rade hen dat si niet en sparen,
 Ende si hare wesen daertoe voeghen
 Dat si met niede in storme dorevaren,
 45 An haren danc diere mercaren,
 Die so staen na hare pine.
 Wat sise dan moghen swaren,
 Hen staet altoes vri te sine.

4

Minne is master yn folle fakken:
 hja jout jin gol it soer en swiet.
 Sûnt ik foar 't earst har tigens smakke,
 lis ik my hieltyd oan har fiet.
 Ik bid, dat 'k har foldwaning bied;
 'k woe, har ta eare, jerne drage
 in deadskwaal, dêr't gjin krûd foar tiert;
 dêr ha 'k tsjin frjemden nea oer klage.

5

Hy dy't de frjemden docht ferhaal
 fan wat men draacht om Minne' eare,
 bringt yn har hert in slimme kwaal
 en sil har wêzen fûl beseare.
 Wat om de Minn' is te fernearen,
 ferstean hja net; al wat jin treft
 oan swiere ramp, soe men begeare,
 dat Minne jin ta har hichte heft.

6

Dy't Minne foldwaning skinke wolle,
 ik wol har riede, har te warren,
 en brûk de kriich fan hert en holle
 om steech troch alle stoarm te farren,
 ta spyt fan al dy hierde narren,
 dy't jimmer nei de skipbrek stribje.
 Yn hokker need hja ek bedarren,
 hja meie stees yn frijens libje.

7

- Vriheit mach men wel bekinnen
 50 In joesten ende in hoghe daet,
 Die met fierheiden doervaert van sinnen
 Daer storm van minnen hem jeghenstaet,
 Want men in joesten prijs ontfaet
 Daer men bi minnen weerdich scine.
 55 Minne es so riken toeverlaet:
 Hets recht datmen dore hare pine.

8

- Die eneghe pine ontsien in minnen,
 Seker, sine moghen niet verstaen,
 Wat die ghene moghen winnen
 60 Die minnen altoes sijn onderdaen,
 Ende van hare sware slaghe ontfaen,
 Daer si al onghenesen af bliven,
 Ende hoghe oprisen ende neder slaen,
 Eer si der minnen ghenoech gheriven.

9

- 65 Traghe herten ende nederen sinnen
 Hen blijft verborghen tgrote goet,
 Dat die ghene wel bekinnen,
 Die leven in minnen orewoet;
 Want si doen menich scoen ghemoet
 70 In storme ende in avontuere:
 Hets recht dat si hebben spoet
 Inder minnen hoghe natuere.

7

Dy adel sjocht men alderklearst
 yn ridderstriid en nomm'le died
 fan him dy't trochset, eal fan geast,
 as stoarm fan Minne tsjin him stiet,
 omt sa'n kriich ta de eare liedt,
 dy't jin de Minne weardich wijt.
 Minn' is in sterke stip' yndied;
 't is rjocht, dat men om Minne lijst.

8

Dy't ea in muoite mij' yn minnen,
 dy kinne wiswier net betinke,
 al wat dyjingen winne kinne,
 dy't Minne tsjinje op har winken,
 wylst har har swiere slaggen krinke,
 dê't hja teninter fan genêze,
 en heech opriz' om del te sinken,
 alear foar Minne oannimlik te wêzen.

9

Foar sleauwe herten, leffe sielen
 bliuwt djip ferhoalen 't grutte goed,
 dat wol troch hárren is te fielen,
 dy't libj' yn Minne' felle gloed,
 want mannich raam mei keardelsmoed
 yn stoarm en noeden dogge hja.
 't Is rjocht en binlik, dat hja yn 't froed
 en eal beminnen foarspoed ha.

God gheve hen spoet, die daerna staen
Dat si der minnen willen behaghen,
75 Ende gherne dore hare ontfaen
Groten last ende swaren waghen,
Ende altoes vele om hare verdraghen
Dies si die minne waerdich kinnen.
Ic onste hen wel, dat si noch saghen
80 Die wise wondre vander minnen.

IO

Mei God har foarspoed jaan, dy't langen
de mylde Minne te behagen,
en om de leafde jern' ûntfange
in lêst, dy't swier op harren wage,
en altyd gâns om har ferdrage,
omt hja har dit weardich erkinne.
Ik gun 't har, dat it ljocht har dage
oer de wize wûnders fan de Minne.

LIED XXXIII

I

Die tijt vernuwet met sinen jaren;
 Die daghe lichten, die doncker waren.
 Die minne begheren ende moeten ontbaren
 Het es wonder datse niet en vervaren.

2

5 Dit nuwe jaer es comen in.
 Die hevet ghekeert sinen sin,
 Dat hine wilt sparen meer no min
 Vore minne, sine pine wert al ghewin.

3

Maer die eneghe pine vor minne spaert,
 10 Ende also sine nederheit openbaert,
 Ende in vremden ghenuechten hem zere bewaert,
 Hets recht dat hi in dienste verswaert.

4

Maer die van minnen sijn gheboren,
 Ende te haerre natueren sijn vercoren,
 15 Sine sparen ghene pine daer voren,
 Si leven altoes in heyleghen toren.

5

Dien hogher minnen natuere gherijnt,
 Hi es die altoes gherne pijnt,
 Als ane sine werken wale scijnt:
 20 Het dunct hem emmer onghefijnt.

LIET XXXIII

I

't Seizoen fernijt him ider jier.
 De donkere dagen blinke no blier.
 Dy't Minne begeare en misse har tier, –
 dat hja net ferkwin' is in wûnder wiswier.

2

It jier is komd mei in nij begjin.
 En hy dy't skrept mei warber sin,
 foar Minne nea in lêst t' ûntsjen,
 syn wrotten wurdt ta ryk gewin.

3

Mar wa't ea muoite weegr' om Minne,
 en sa syn leffens toand' allinne,
 en skûl' yn wrâldsk genot fan sinnen,
 't is rjocht, dat hy yn swierens tsjinne.

4

Mar wa't de Minne berne hat,
 is ta har wêzen útferkard.
 Hy mijt gjin muoite as it moat.
 In libben yn hill'ge smert is syn part.

5

Wa't d' eale Minne rekke ta skrinen,
 is altyd jerne ree ta pine.
 't Sil út syn dieden dúdlik skine,
 en nea sil hy 't foldwaande fine.

6

Dat ware den finen mensche scade,
 Dat hi, bi vremden nederen rade,
 Liete te werkene die hoghe dade,
 Die hongher gheven in nuwen sade.

7

25 Sat ende hongher, beide in een,
 Dat es der vrier minnen leen,
 Als ye den ghenen wale scheen
 Die minne met haerre natueren ghereen.

8

Dats sat: comt minne, menne canse ghedraghen;
 30 Dats hongher: houtse op, so eest een claghen;
 Hare scoenste verlichten sijn sware waghen;
 Hare scarpste storme sijn nuwe behaghen.

9

Hoe maect der minnen comste sat?
 Men smaect met wondere dat si es dat;
 35 Si doet besitten hare hoechste stat;
 Si gheeft hare rijcheit, dien groten scat.

10

Hoe maect hongher der minnen ophouden?
 Sine connen bekinnen dat si souden,
 Noch niet ghebruken dat si wouden:
 40 Dat doet den hongher menichfouden.

6

Rju skea foar d' eale minske wie 't,
 as, harkjend nei wrâlds leffe ried,
 hy 't heech en nommel wurk neiliet,
 dat by 't sêdzjen nije hunger biedt.

7

Sêdzjen en hunger, twa yn ien,
 sa is de rike Minne har lien.
 't Hat altyd har klear bliken dien,
 dy't fan Minne' natoer berûze wien'.

8

Dit is sêd: as hja komt, is hja net te ferdragen.
 Dit hunger: as hja draalt, dan wurdt dêroer klage.
 Har moaiste ferlichting in lêst dy't swier wage,
 en har swierste stoarm frisse fernijing dy't hage.

9

Hoe sêdet de Minne har komst ús mei swiet?
 Wy smeitsje har wêzen mei wûnder geniet,
 wylst hja ta har heechste hichte ús fiert,
 en de machtige skat fan har rykdom ús biedt.

10

Hoe wit dralen fan Minn' ús ta hunger te poenen?
 Wy kinne net fiele wat wy fiele moatte soenen,
 wy kinn' net genietsje lykas wy dat woenen;
 sa kriget de hunger steeds grutter rantsoenen.

II

Hoe maect verladen der minnen verlichten?
 Men en can ontfaen hare grote ghichten,
 Ende men en can hare gheen ghelike dichten:
 Soe en weet men waer ghedueren stichten.

12

45 Hoe doetse behaghen storm ende slach,
 Die edele minne, nacht ende dach?
 Want men niet els ghepleghen en mach,
 Dan toeverlaet op minnen sach.

13

Nu, ic bevele der heylegher minnen
 50 U allen die minne wilt bekinnen,
 Ende daer voren en spaert in ghenen sinnen
 Met nuwen vlite te wonen daer binnen.

14

Met nuwen verlichtenne hebdt nuwen vlijt,
 Met nuwen werken sat nuwe delijt,
 55 Met nuwen storme nuwen hongher so wijt,
 Dat nuwe verslende nuwe eweliken tijt.

II

Hoe is't dat har lichtsjen as ferswiering jin treft?
 Men kin net omfiemje har wiidwoeksen jeft
 en gjin ding betinke gelyk oan har krêft.
 Sa ken men gjin wiere rêst, dy't ferheft.

12

Hoe tsjoent d' eale Minne by nachten en dagen
 de stoarmen en slaggen ta nocht en behagen?
 Och, wat kin men oars dwaan as 't dapper te dragen,
 jin ferlitte op Minn' en mei har it te wagen?

13

No beswar 'k by de hillige Minne jim jerne:
 wolle jimme de seine fan Minne wier kenne,
 mij gjin muoite, mar skjinje herts hoeke en herne,
 dat mei nije flyt jim oan har ynwenjen wenne.

14

No sêdzje mei nije arbeid dyn nocht;
 no hongrje nei Minne mei kreupelsjocht.
 Ferlichtsje dyn lêst mei wat nije flyt docht.
 Mei dy nije stoarm sline wat d' iivge Tiid brocht.

LIED XXXIV

I

In allen tide, nuwe ende out,
Si hi der minnen onderdaen,
Den somer heet, den winter cout,
Die minne van minnen wilt ontfaen.
5 Hi sal met vollen dienste staen
In hogher minnen hantieren;
So wert hi minne met minnen saen;
Dat ne mach hem niet faelgieren.

2

Suer ende doncker ende overwreet
10 Sijn der minnen weghe in haere beghin;
Eer selc met minnen dienste ghesteet,
Faelgeert hi dicke ane den sin:
Daer hi waent verliesen, hets al ghewin.
Waer bi machmen dat bekinnen?
15 Dats die en sparen meer noch min
Dan al hen gheven in minnen.

3

Die meneghe twivelen ane die minne,
Dies hen die arbeit dunct te swaer
Ende si ten iersten niet en nemen inne,
20 Si dincken: soustu dolen daer?
Ware hen die loen vore die oghen clær,
Dien minne gheeft ten inde,
Ic dar wel segghen openbaer:
Si doelden hare ellende.

LIET XXXIV

I

Yn elts seizoen, is 't jong of âld,
wêz' oan de Minne ûnderdien –
yn simmer hjit, yn winter kâld –
wat op har leafde is begien.
Hy jout har alle tsjinstferlien
yn d' omgong mei de hege Minne.
Dan wurdt er ring mei Minne ien;
dat sil him nea ûntkomme kinne.

2

Hoe tsjuster, wreed en bitterswiet
binn' Minne' wegen yn 't begjin!
Ear't ien yn tsjinst fan Minne stiet,
beswike faak syn brein en sin.
Hy ferliest, mient hy, mar 't is gewin.
Hoe soed er dat ea ynsjen kinne?
Mei nea ien inkle lêst t' ûntsjen,
mar him alhiel te jaan oan Minne.

3

Gâns minsken twivelj' oan de Minne,
en d' arbeid falt har dan ek swier.
Omt hja net fan de miet ôf winne,
tinkt men: „Wat swalkje wy sa fier?”
Stie har foar eagen klear en glier
it lean dat Minne jout oan d' ein,
hja soene – 'k sis it iepenbier –
har leed ferneare ûnferslein.

4

- 25 Noch nie en wart sake in minnen verloren
 Diemen dore minne ye ghedede;
 Minne gheldet emmer, na ocht voren;
 Minne es altoes der minnen mede.
 Minne kint met minnen der minnen sede;
- 30 Hare nemen es altoes gheven.
 Minne gheeft met hare behindichede
 Wel meneghe doet int leven.

5

- Hets oversoete in minne verdolen
 Hare wilde weghe die minne doet gaen.
- 35 Het blijft den vremden wel verholten;
 Maer die met waerheiden minne ghestaen,
 Si selen met minnen in minne doregaen
 Al dat rike, daer minne es vrouwe,
 Ende al dat heerscap één met hare ontfaen,
- 40 Ende doersmaken hare edele trouwe.

6

- Die smake, die trouwe in minnen ghevet,
 Wie el iet seghet dat weelde si,
 Die hevet ye sonder weelde ghelevet,
 Na dien dat ic versinne mi.
- 45 Want hets hemelsche ghenoechte vri
 Te vollen, sonder ghebreken:
 'Du mi al lief ende ic al di'
 Daer en es gheen ander spreken.

4

Yn leafde ferlern gie jitte nimmer
 in died, omwille fan Minne dien.
 Want ier of let, Minnet leannet jimmer.
 Minne is aloan mei leafde ien.
 Minn' aard wurdt fan minners yn leafde ferstien.
 Har nimmen is aloan wer te jaan.
 Mar Minne kin mei har listen gemien
 mannich libben minsk de dea oandwaan.

5

't Is seldsum swiet yn leafde te doalen
 op wylde wegen, dêr't Minne jin fiert.
 Dat bliuwt foar 't frijemde folk ferhoalen.
 Mar dy't oprjocht yn leafde stiet,
 is 't dy't mei Minn' yn leafde giet
 troch 't ryk dêr't hja gebiedt as Frouwe,
 en mei har dielt 't bewâld oer d' ierd,
 en alhiel genietet har eale trouwe.

6

Dy't hokker oar ding sillich neamt
 as 't geniet, dat Trouw' yn leafde biedt,
 him bleau de sill'gens ivich frjemd,
 sa fier as myn begryp 't ferstiet.
 It is in himelsk, rein geniet,
 folslein en sûnder lek of brekken;
 „Leaf, dû bist mines; ik yndied
 fan dy” – en neat oars út te sprekken.

7

- Die dus in minnen sijn worden een,
 50 Ic mach wel swighen hoet hen steet:
 Noch sien, noch spreken, dats mijn leen;
 Want ict met wesenne niet en weet
 Hoe lief daer lief al omme veet
 Ende ghebruken één gheven.
 55 Wat wondere eest dat mi rouwe versleet
 Dat mi dat noch es ontbleven?

8

- Dat ic der minnen ye ure ghebrac
 Berout mi sere; dat es wonder niet.
 Met rechte doghics onghemac
 60 Dat ic mi ye so neder liet,
 Want mi die minne al goet onthiet,
 Ochtic so hoghe ghedachte
 Te werkenne int rike dat si mi hiet,
 Int hoechste van haren ambachte.

9

- 65 Dat rike daer ons die minne toe riet,
 Ende dambacht dat si ons werken heet,
 Dats minne pleghen ende anders niet
 Met alden dienste die daertoe gheet.
 Die dit met trouwen wel versteet
 70 Te werkenne in allen sinnen,
 Hi eest dien minne al beveet
 Ende hi wert al een in minnen.

7

Dy't sa yn leafde waarden ien, –
 'k moat swije wat hja fiel' yn 't hert.
 Dat sjen of sizz' is net myn lien,
 want 'k wit yn djipste wêzen net,
 hoe't de leaver dêr syn leaf omfett'
 en hja genietsje d' ienichheid.
 Is 't wûnder dat my bûtst de smert,
 dat Minne my dit lok ûntseit?

8

Dat 'k Minne ea bekronken ha,
 dat jout fansels my djip fertriet.
 Mei rjocht lij ik no leed dêrta,
 dat ik my sa ferleegje liet,
 omt Minne neat as goeds m' ûnthiet,
 as ik achte op de hege taak
 fan 't wurk yn 't ryk dat hja m' ûnthiet,
 yn 't amt fan tsjinst oan har heechste saak.

9

It ryk dêr't Minne ús ta ret,
 en de taak dy't hja te dwaan ús hiet,
 is Minne tsjinje en oars net,
 mei alle plicht dy't dêrta stiet.
 Hy dy't yn trou dit amt útfiert
 en wrot mei flyt fan siel en sinnen,
 wurdt fan de Minn' omfiem' en fierd
 ta folle iennichheid mei Minne.

IO

Hier toe manic alle die fine,
Die minne met minnen willen ghestaen,
75 Aldus in minnen dienste te sine
In al haar comen, in al hare gaen;
Hare opheffen, hare nederslaen
Si hen al even suete;
So werden si minne met minnen saen:
80 Dies ons god hulpen moete.

IO

Ik moanje d' eale lju derta,
ree om yn Minne' tsjinst te stean
fol leafde: tsjinje Minne sa
yn al har kommen en har gean;
wurdt har no op- of delgong bean,
har wêze beid' allike swiet.
Ring binn' hja dan ien mei Minne' kearn.
Dat God Syn help har dêrta bied'!

LIED XXXV

I

Die tijt es doncker ende cout:
Dies druven voghele ende dier.
Die herten doghen el menichfout,
Die kinnen hare natuere fier
5 Ende hen dan minne ontbliven sal.
Wie oprijst, ic blive in tdal,
Van riken troeste onberaden,
Met swaren waghen altoes gheladen.

2

Die waghe es mi alte swaer,
10 Die niet en leghet bi ghere noet;
Hoe mochte een herte ghedueren daer,
Die liden moet so meneghe doet
Als hi ghesmaect, die hem bekint
Altoes van minnen onghemint,
15 Ende al ontseghet wien si ontfaet
Hulpe ende troest ende toeverlaet.

3

En wilt minne mi minne niet ontfaen,
Wat soudic dan ye gheboren?
Benic vore minne dus ontdaen,
20 So benic sonder waen verloren;
So magic claghen wets na wee
Al minen tijt voert ane mee,
Sone hopic niet na gheen gheval,
Sint minne mi dus ontbliven sal.

LIET XXXV

I

De tiid is no sa kâld en skier,
dat diert' en fûgelt drôvich binne.
Gâns oare smerten lijt wiswier
it hert dat ken 't eal aard fan Minne,
dy't lykwols him ûnthâlden wurdt.
Wa't riist – ik bliuw jit yn 'e put,
en rike treasting moat ik misse.
'k Moat aloan swiere lêsten risse.

2

Te swiere lêst is my dy smert,
dy't sels net sinkt by 't slimste wea.
Hoe is 't te dragen foar in hert,
dat lije moat sa mannich dea?
It leed fan ien dy't him erkint
aloean troch Minne ûnbemind,
wylst hja wa't hja ûntfangt, ûntseit
har help en treast en feilichheid.

3

Nimt Minne my as minner net,
werta waard ik dan ea in bern?
As Minne nea my tabeheart,
dan bin ik sûnder mis ferlern.
Dan skriem en klei ik tryst en bang
tenei myn hiele libben lang.
Gjin hop' op heil dan mear op ierd,
omt Minne altyd my ûntgiet.

4

- 25 Ic toende der minnen mine pine;
 Ic bad hare dat sire hadde ghenade;
 Si dede mi met ghelate in scine
 Dat sijs en hadde wille noch stade.
 Wat mi ghesciet dats hare al een.
- 30 Hoe si mi ye in onsten seen
 Hebben mi hare vremde kere ontgheven.
 Des moetic nachte bi daghe leven.

5

- Waer henen es minne? In vinder niet.
 Minne heeft mi al minne ontseghet.
- 35 Waer mi dat ye bi minnen ghesciet
 Dat ic een ure hadde ghelevet
 In hare hulde, hoe soet mi staet,
 So sochtic ane hare trouwe afflaet;
 Nu moetic swighen, doghen ende dueren
- 40 Scarp oerdeel met nuwen uren.

6

- Die vonnessen doen mi bederven,
 Dat minne mi dus ontbliven moet.
 Al woudic om hare hulde werven,
 Daertoe en hebbic gheluc no spoet.
- 45 Mestroest heeft mi so wederstaen,
 In can confoert en gheen ontfaen,
 Die miere herten ontkeren mach
 Dien onghehoerden wederslach.

4

Ik toande Minne al myn pine.
 'k Bea har, hja soe begrutsjen ha.
 Hja liet it yn gebearten skine,
 hja hie der tiid noch wille ta.
 Wat bart mei my, leit har wol sljocht.
 Hoe nolc hja ea my lykje mocht,
 har frjemd gekriem naam wei dy waan.
 Dat 'k moat de dei as nacht ferdwaan.

5

Wêrsann' is Minne? 'k Fyn neat fan har, en
 hja hat my alle leafd' ûntsein.
 Stie ea my dit fan Minne te barren,
 dat ik ien oere wie folslein
 yn geunst by har, – hoe slim 't ek is,
 ik socht yn trou treast foar gemis.
 No duldzj' ik swijend en ik lij
 har strange oardiel stees opnij.

6

My deit it fûnis fan de Minne;
 de Minne bliuwt foar my sa fier.
 Ik woe sa graach har geunst my winne,
 mar ha dêrta gelok noch tier.
 Trystens tamptearret sa myn geast,
 dat ik fyn hielendal gjin treast,
 dy't myn hert ôfkeart fan de tins
 oan dizze tsjinslach sûnder grins.

7

- Minne, ghi waert daer te rade
 50 Daer mi god mensche wesen hiet.
 Gi meinet mi in onghenade;
 Si al u scout wat mi ghesciet.
 Ic waende van minnen ghemint zijn;
 Ic ben ontseghet, dats mi in schijn.
 55 Mijn toeverlaet, mijn hoghe waen
 Es mi te rouwen al vergaen.

8

- Soe soete natuere als minne si,
 Waer machsi nemen vremden nijt,
 Dien si alle uren sticht op mi,
 60 Ende miere herten gront met storme doresnijt?
 Ic dole in deemsterheit sonder claer,
 Buten vrien troeste, in vremden vaer;
 Gheeft, minne, den edelen fieren minne
 Ende voldoet in mi al uwe beghinne.

9

- 65 Minne heeft mi recht loes ghedaen;
 Ane wiene salic nu soeken raet?
 Dats ane trouwe: wilt si mi ontfaen,
 Dat si mi om hare hoghe daet
 Vore minne gheleide, dat ic hare mochte
 70 Mi al op gheven, ocht sijs iet rochte;
 Ic bidde hare troeste noch raet en ghene,
 Dan si mi hare bekinne allene.

7

De Minne rette my op 't stuit,
 dat God my minske skepen hat.
 Hja hat my no yn wredens bruid.
 Hår skuld is alles wat my bart.
 Ik miend' yn Minne leafde te finen,
 mar ik rûn klear in blauwe skine.
 Myn hege hoop en myn betrou
 is hielendal fergien yn rou.

8

As Minne leafd' is fan natoere,
 wer is 't dat hja de haat wei krijt,
 dy't hja tsjin my stekt eltse oere,
 en dy't myn herte fûl tesnijt?
 Ik doarmj' yn 't donker om op 't nearest
 mei frjemde frees en sûnder treast.
 Dat Minne d' eale minne skinkt
 en har begjin yn my folbringit!

9

De Minne joech my falsk fertoan
 By wa moat ik no sykj' om ried?
 By Trou! Nimt hja m' yn trouwe oan,
 dan bringt hja m' om myn nommle died
 by Minne, dat 'k mei alle macht
 my wij oan har; mûlk jout hja 't acht.
 Gjinn treast of ried bid ik har om,
 as dat hja my neamt har eigendom.

IO

- Ay, minne, doet al u ghenoeghen;
U recht, dat es mijn naeste troest;
- 75 Ic wille met al mi daer toe voeghen,
Het si ghevanghen, ocht verloest,
Uwen liefsten wille willic vore al
Ghestaen, in quale, in doet, in mesval.
Ghevet, minne, dat ic u minne bekinne:
- 80 Dats rijcheit boven alle ghewinne.

10

Och Minne, doch hiel Jo fernoegjen!
Jo rjocht is my de bêste treast.
Yn alles sil 'k my dêrta foegje
mei finzen of mei frije geast.
Jo leafste wil doch 'k boppenal
yn dea, ellind' en ûngefal.
Jou, dat 'k Jo as Minne belibje kin,
in rykdom boppe alle gewin.

LIED XXXVI

I

Hoe dat jaer hevet sinen tijt,
Die minnaren sijt
Houdet so uwen vlijt
Dat u sake en si te inghe no te wijt,
5 Maer al ghemate,
Wat minne met u doe ochte late,
Weder tsi scade ochte bate.
Want dat sijn ghelate
Daer minne omme benedijt
10 Uwe sate
In die minne.

2

Dien minne ye ure benedide,
Si als te tide
Droeve ende blide,
15 Ende emmer ane der minnen side,
Ende hi si altoes ghereet
Daer hi der minnen wille weet
In lichte, in wreet,
In lief, in leet:
20 Dat wilde wide
Hi ommeveet
In die minne.

LIET XXXVI

I

Wat ek de tiid is fan it jier,
jim, minners kwier,
bliuw sa yn 't spier,
dat jim dwaan te licht is noch te swier,
mar by de mjitte,
wat Minne dwaan jim wol of litte,
soe hja jim skea of baat tamjitte,
Wa't foechsumens witte,
jout Minne tier;
hja seinget har sitten
yn de Minne.

2

Wa't seing' ea is fan Minne swiid,
wêz' op syn tiid
rju drôf of bliid,
mar jimmer ien dy't foar Minne striidt,
stees ree op 't steed.
Hy hat fan Minne' wil wol weet,
is 't myld of wreed,
is 't leaf of leed.
Har wyldens wiid
doar er oan by need
om de Minne.

3

Die de wijdde van minnen wilt ommevaen
 Hi sal minne verstaen:
 25 Hare comen, hare gaen,
 Hoe minne minne met minnen sal ontfaen,
 Met altemale.
 Sone heeft die minne vore hem gheen hale,
 Sine tone hare wijdde, hare hoechste sale
 30 – Wet alle wale –
 Die hevet voldaan
 Met siere quale
 In die minne.

4

Dien minne sijn quale sal ghenesen
 35 Sal minnen wesen
 Na hare ghetesen
 Met toeverlate boven al verresen,
 Na minne fine:
 Hi doghet al leet wel sonder pine
 40 Om hogher minnen ghenoech te sine.
 Hi doet in scine
 Dat hi sal lesen
 Alle die vonnessen sine
 In die minne.

3

Wát Minne widens omfiemet jern',
 moat Minne ferstean;
 har kommen, har gean,
 hoe 't hja leaf ûntfangt mei leafd' as lean
 en folle ear.
 Foar him hat hja gjin geheimen mear.
 Hja toant har widens, har himel klear
 – dat witt' elts hear –
 wát alles bean
 hat mei syn sear
 foar de Minne.

4

Wa wol fan Minne' sear genêze?
 Fan har moat er wêze.
 Fan har belêzen
 ferriist er moedich bopp' alle wêrze,
 d' eale Minne benei.
 Hy draacht alle leedzje sûnder geklei,
 dat er Minne foldwaning skinke mei.
 Hy toant klear as de dei:
 hy wol inkeld lêze
 elts fûnis oer syn wei
 fan de Minne.

5

45 Vonnesse van minnen
 Gheet diepe binnen
 Met inneghen sinnen;
 Die en mach gheen neder herte bekinnen
 Die vore minne iet spaert;
 50 Maer die fierlike dorevaert
 Alder minnen aert,
 Daer minne met minnen minne anestaert:
 Om sijn verwinnen
 Blijft hi verclaert
 55 In die minne.

6

Ay, creatuere
 Ende edel figuere,
 Doghet avontuere,
 Anesiet u recht ende u natuere,
 60 Die emmer minnen moet,
 Ende mint der minnen beste goet.
 Om hare te ghebrukene doet scone ghemoet;
 So hebdi spoet;
 En spaert gheen ure,
 65 Eer ghi voldoet
 In die minne.

5

Men fielt de fûnissen fan Minne
 mei ynlik besinnen
 hiel djip fan binnen.
 Gjin sleau hert sil se fiele kinne,
 dat foar Minne 'm ûntsjocht,
 mar wa't dryst troch 't lân fan Minne tsjocht,
 oant er komt op syn tocht
 dêr't de leaver syn leaf mei leafde sjocht.
 Om syn oerwinnen
 bliuwt er yn 't ljocht
 fan de Minne.

6

O, siele, nommel kreatoer,
 eal oer en oer,
 weagje 't grut aventoer.
 Hâld foar eagen dyn rjocht en dyn natoer,
 dy't bemint Minne' gloed,
 en longret nei Minne har heechste goed.
 Toan om har te genietsjen dyn treflike moed.
 Dan giet it dy goed.
 En rêst net in oer'
 earst foldien hast oan 't fjoer
 fan de Minne.

7

Die minnen raet
 Na minne verstaet,
 Ende bi minnen anevaet
 70 Om minne meneghe rike daet
 Al sonder keer,
 Min sijn dan minne es hem groet seer;
 Dies toent hem minne hare rike gheleer
 Nu ende emmermeer.
 75 Sonder verlaet
 Blijft hi gheheer
 In die minne.

8

Maer die van minnen raet ontseghet
 Daer trouwe in leghet,
 80 Ende dien pine verweghet,
 Ic ghelove dat u noch treghet,
 Ende omme niet.
 Want ghi niene daedt dat minne riet,
 Ende minne met minnen u minne onthiet
 85 Ende ghi dat vliet,
 So blivet ontweghet
 Des die minne versiet
 In die minne.

7

Wa't Minne har wize wil en ried
 nei har wêzen ferstiet,
 en mei leavjend belied
 om Minne docht mannich nommle died,
 stânfêst ider kear,
 him is minder as Minne wêze grut sear.
 En dêrom toant Minne 'm har hearlike lear
 hieltiten klear.
 Wylst nea fan him skiedt
 syn rom, bliuwt er gear
 mei de Minne.

8

Mar wa't de ried fan Minne skout,
 – dy't trou oanjout –
 en har lêst as swier beskout,
 'k bin wis dat him dy weegring rout;
 mar te let fertriet,
 want hy hat nea dien wat Minne 'm riedt,
 wylst hja yn leafde 'm leafd' ûnthiet.
 Om 't nee fan 't beskied
 wurdt nea him betroud
 wat Minne him biedt
 yn de Minne.

9

Dien minne versiet, met wat dat si,
 90 Leve also vri
 Altoes daer bi
 Als 'ic al minnen ende minne al mi'.
 Fier ende stout
 Maent hi al minnen minne vore scout.
 95 Dies gheeft si rijcheit menichfout;
 Si es hem alles hout.
 Allene hi
 Heeft volle ghewout
 In die minne.

10

100 Die minne es bi hare selven goet.
 Wat si hem doet
 Si maectenne vroet:
 Hoe minne maket minnen hoghen moet
 Doet si hem weten,
 105 Soe dat hijs meer en mach vergheten.
 So heeftenne minne met minnen beseten.
 Wats hem gheweten?
 Bider minnen woet
 Wert hi al gheten
 110 In die minne.

9

Wát fan Minne krige in jeft sa rij,
 mei libje sa frij.
 Hy seit hieltyd opnij:
 „Ik bin fan Minne en Minn' is fan mij.”
 Sa dryst er him hâldt
 ferget hy fan Minne folle leafd' as syn skat.
 Dêrom jout hja him rykdom mannichfâld.
 Hja is hoask en syn hâld.
 Allinne hij
 krijt it folle bewâld
 oer de Minne.

10

De Minn' is yn harselme goed.
 Wát hja him stjoert,
 hja makket him froed.
 Hoe't Minne har leaf jout in eal gemoed,
 lit hja him sa witte,
 dat nea sil hy it mear ferjitte.
 Sa wol Minne fol leafde 'm alhiel besitte.
 Wat wankt him jitte?
 Troch Minne har gloed
 raant er wei yn de hjitte
 fan de Minne.

II

Ay, waer es minne dan,
 Als mense en can
 Vinden, selc man
 Die toeset al dat hi ie ghewan
 115 Ende nochtan minne niet en vent,
 Ende hem minne minne sent
 Dattene die minne in wee so went,
 Ende dat hise niet en kent?
 Maer dien sijs wel an
 120 Hi hevet saen gheent
 In die minne.

12

Minne es al daer,
 Ghinder, ic en weet waer,
 Vri, sonder vaer.
 125 Dat mi minne niet en es openbaer
 Dat doet mi anghe,
 Ende noch meer hem wee die vaste hanghe
 Ane minne in overswaren bedwanghe.
 Maer dat en duerde niet langhe,
 130 Gave minne al claer
 Hare ommevanghe
 In die minne.

II

Eilaas, wêr is de Minne dan,
 as sels neat fan
 har fynt de man,
 dy't foar har ynset ider pân,
 en dochs Minne net fynt,
 wylst hja leafde him skynt,
 sadat hja yn wee en smert him bewynt,
 omt er har ken noch fynt?
 Mar 't is de geunst fan har ban,
 dy't ring him gearbynt
 mei de Minne.

12

De Minn' is jinsen, net deunbij;
 'k wit net wat kontrei,
 sûnder frees, frank en frij.
 Dat hja net klear ferskynt oan mij,
 dat makket my bang,
 mar méár dy't fêst sit as de fang
 fan Minne yn har swiere twang.
 Mar dat duorret net lang,
 lient hja iepenlik rij
 ta peaën it wang
 yn de Minne.

13

Nu moet god die ghene beraden
 Die gherne voldaden
 135 Nader minnen gaden,
 Ende die diepe wuestine willen dorewaden
 Nader minnen lant,
 Daert dicken ten sorghen hen es bewant,
 Ende alles der minnen gaen in hant
 140 In swaren bant:
 Aldus houtse minne verladen
 In staden brant,
 In die minne.

Dats minnen pant,
 145 Daer minne met minnen trouwe in vant,
 Ende alle pine om minne verslant
 Suete ende onghehant.
 Die volle saden worden hem bekant
 In die minne.

13

Mei God no stipe jaan dyjingen
 dy't it jerne folbringe
 sa't Minne betinge,
 en troch de wide woastens kringe
 yn Minne har lân,
 dêr't faken kommer is har pân,
 en Minne alles set nei har hân
 mei har swiere bân.
 Sa wol hja mei de lêst har twinge
 fan bestindige brân
 fan de Minne.

Dit is foar Minne 't ûnderpân:
 fynt hja trouwe leafd' yn de persoan
 en nimt er om Minn' alle pinen oan
 as swiet en skoan.
 Folsleine sêdens wurdt syn kroan
 yn de Minne.

LIED XXXVII

I

Het sal die tijt ons naken sciere
Dat ons die somer sine baniere
Set op met bloemen meneghertiere;
Dies wert verblijt die meneghe fiere.

2

5 Want ons die daghe werden lanc,
Ende die voghele hoghen haren sanc.
Dien minne doet soete al sijn bedwanc,
Hi mach hare segghen lieven danc.

3

Ic dancke u oec, minne, haddijs verdient,
10 Met al also een uwer armer vrient.
Maer sint ghi mi ierst in u joc spient,
Haddi ye mijn gheluc ontsient.

4

Ghi doet goet den ghenen dien ghijs ont;
Mi scijnt dat ghijs ghedoghen en cont.
15 Dies droeft mijn herte, dies claecht mijn mont;
Dies es mine cracht wel onghesont.

LIET XXXVII

1

No is de tiid grif net mear fier,
dat ús de simmer syn banier
opsteket mei blomt fan bûnte sier.
Dat makket mannich eal hert blier.

2

De dagen ommers wurde lang;
de fûgels sjonge heech har sang.
Waam Minne swietet need en twang,
mei tank har sizz' yn leave klang.

3

Ek ik soe, hienen Jo 't fertsjinne,
as earne freon Jo tankje, Minne.
Mar ik moast yn Jo jok stees rinne;
sa ha Jo myn lok tamptearje kinnen.

4

Jo dogge wa't Jo 't gunne, goed.
't Skynt, Jo ha mij dy geunst net stjoerd.
Dus kleit myn mûl' út drôvich moed.
Myn krêft is swak yn dizze noed.

5

Waerdi minne, minne, als ghi wel sijt,
 Waer soudi nemen vrenden nijt,
 Daer ghi den ghenen met doersnijt
 20 Die u gheeft cussen in alle tijt?

6

Ja, ghi sijt al minne, ghi sijt so vroet;
 Uwe name es minne ende van prise so goet.
 Hets emmer genoegh al dat ghi doet,
 Wie dats blijft inden wedermoet.

7

25 Uwe name verciert, uwe ghelaet verscoent;
 U ophouden verteert, u gheven croent;
 Hoe sere ghi ons hebt ghehoent,
 Met enen cussenne ghi al volloent.

8

Dus es minnen werc boven al ghedreghen
 30 Ende al met haren stercken belegghen.
 Hare waghe hevet alle waghén verwegghen;
 Hare en es gheen vlien, men ga hare jegghen.

9

God moet die minne benedien.
 Die wilt, hi late hem el minne vrien.
 35 Ic en mach hare wondere noch hare loesien
 Te minen wille niet vele belien.

5

Minne, binn' Jo wierlik leafde swiid,
 wêr komt dan wei Jo frjemde niid,
 dy't wreed teskuort it hert sa wiid
 fan wa't Jo pattet al dy tiid?

6

Ja, Jo binn' leafd' alhiel en wiis.
 Jo namm' is Minne, fol lof en priis.
 Al wat Jo dogg' is jimmer wiis.
 al bliuwt troch 't ûnk men yn 'e tiis.

7

Jo namm' is sier, Jo wêzen skoan;
 Jo kâldens fjoer; Jo jeft in kroan.
 Hoe't Jo ús hun' yn falsk fertoan,
 ien pea – en Jo leanj' al ús gekroan.

8

Bopp' eltse driging stiet Minne har skâns.
 Hja is mei har sterkte elk leger oermânsk.
 Har lêst waacht it swierste yn eltse balâns.
 Gean moedich har tsjin, want op flecht is gjin kâns.

9

Mei God syn sein' oan Minne wije.
 Dy't wol, lit óárs him fan har befrije.
 Ik moat oer har wûnders en listen swije;
 net folle wille mocht ik fan har krije.

10

Sint ghi al, minne, met minnen vermoghet,
 Gheeft mi dore minne dies minnen hoghet
 Te ghebrukenne dore uwe hoechste doghet.
 40 Doch hebdi verteert al mine joghet.

11

Minne wilt dat minne al minne met minnen mane.
 Si hevet opgheset hare hoechste vane.
 Daer bi leert men hare werken ghedane
 Met claerre waerheit sonder wane.

12

45 Ghi, edele, keert u in minnen ghestichte,
 Ende verchiert u metter waerheit lichte,
 Dat u ghene demsterheit ane en vechte,
 Ghine pleecht uus liefs in minnen rechte.

13

Minne wilt al minne van edelen fieren,
 50 Ende datse hen met werken concordieren,
 Ende met memorien jubilieren,
 Ende met ghebrukenne in hare juwieren.

14

Lof si der minnen ende ere,
 Haer groote cracht, haer rijcke gheleere;
 55 Ende si moetse al troesten van haren sere
 Die gherne voldoghen in minnen kere.

10

Omt, Minne, Jo leafd' elts fermogen hat,
 gun my, troch Jo heechste deugd ferkard,
 út leafde 't geniet fan wat leavjen bart,
 want Jo ha myn jonkheids krêft fertard.

11

Minne wol, dat leafd' alle leafde frege.
 Hja stekt har heechste findel omhegen.
 Sa set hja 't doel fan har dieden foar egen
 yn klare wierheid en sûnder omwegen.

12

Eale, tsjoch nei de stins fan Minne mei nocht;
 sier dy mei de rissing fan wierheid en ljocht,
 dat net giet it tsjuster tsjin dy yn gefjocht,
 mar moetsje dyn leaf neffens Minne har rjocht.

13

Minne sil alle leafde fan d' ealen begearje,
 en dat harren dieden dêrmei akkordearje,
 en Gods byld yn harsels mei blidens ferearje,
 en mei hearlik geniet dêryn jubilearje.

14

Bring Minne dus lof en jou har rju eare
 om har grutte krêft en har rike leare.
 Mei hja treast' yn smert har dy't yn d' affearen
 fan 't leavjen jern' alle lijen ferneare.

LIED XXXVIII

I

Als ons die linten wert gheboren,
So es men scoenre tijt in waen
Dat bloyen sal ghers ende coren
Daer die meneghe op mach vervaen.
5 Selc hevet op toeverlaet ghedaen
Dies hem bleef int herte toren;
Maer die minne met minnen wilt bestaen
Hi comt ten sinen best te voren.

2

Oec bloyen inden somer bloemen
10 Vele daer clene es an belanc.
Wi willen ons vele ter minnen noemen
Die nie gherechte minne en dwanc.
Selc maect van minnen nuwen sanc
Ende wilt hem ghelucs van hare beroemen;
15 Dien minne doet goet, hi weets haer danc:
Van hare hebbic el clene dan doemen.

LIET XXXVIII

I

Wannear de maityd komt te wrâld,
wurd't nei de moaie tiid útsjoen,
dat bloeie sille gers en nôt.
Gâns hoopje heil fan dit fizioen.
Te licht betrou't faak ien de tsjoen,
sadat er wrok yn 't herte hâldt.
Mar as bêste komt de kampioen
dy't minnend tsjocht tsjin Minne' bewâld.

2

By't simmer bloeie ek gâns blommen,
wol machtich, mar fan lyts belang.
Gâns hawwe Minne namm' oannommen,
mar nea field d' echte Minne' twang.
Guon sjong' oer Minn' in nije sang,
en hawwe heech har loksteat romme.
Lit tankje wa't har geunst ûntfang';
oer mîj lit bleat hja 't oardiel komme.

3

Ay, na dien dat die minne ghehinghet
 Dat ic claghe doemen ende herten noet,
 Sone hebbic vore hare gheen ghedinge:
 20 Mijn recht es clene, haer cracht es groet.
 Men seghet, die swane, als hi die doot
 Smaken sal, dat hi dan singhet.
 Wat so ye minne van mi gheboet,
 Dat willic dat si al volbringhe.

4

25 Ay, minne, al houdi mi dus swaer
 Dat mi die tijt verswaret al,
 Ghi gheeft uwen caren openbaer
 Uwe clare wondere sonder ghetal.
 Ay, dicke en wetic wat ic sal,
 30 Als ghi mi hout so wee in vare.
 Die met u climt, ic blive in tdal.
 Mi gruwelt dicke hoe ic vare.

5

Ay, minne, die doch mochte vergheten
 Dat grote leet dat ghi ons doet,
 35 Ende wat ghi den meneghen hebdt gheweten,
 Den enen wreet, den anderen goet;
 Den selken besitti in uwe woet,
 Dat hi van binnen al wordt gheten;
 Die selke sijn sachte van u ghevoedt
 40 Ende sijn van u doch onbeseten.

3

Omt Minne talit, dat ik klei
 oer 't oardiel en myn hertewea,
 ha 'k neat dat tsjin har pleitsje mei.
 Myn rjocht is lyts, har krêft is kwea.
 Hja sizze: as de swaan syn dea
 neioan fielt, wurdt er sjongend wei.
 Wat ea de Minne my gebea,
 ik wol folbring' al wat hja sei.

4

Och, Minne, al falt Jo lêst sa swier,
 dat my 't seizoen sels bringt ta fal,
 Jo meitsj' oan freonen iepenbier
 Jo klare wûnders sûnder tal.
 Faak bin 'k myn rie tenein, as al
 myn eangst my twingt ta weeën swier.
 Wa't rize mei, – ik bliuw yn 't dal.
 Sa faken grout my myn miswier.

5

Och Minne, meie Jo ferjitte
 it grutte leed, troch Jo ús stjoerd,
 en wat Jo gân's lju fiele litte:
 de ien' it tsjoed, de oar it goed.
 D' ien is besingle mei Jo gloed,
 sadat syn hert fertart yn hjitte;
 Jo fiede hoeden d' oar syn moed,
 dochs wol er fan Jo macht net witte.

6

- Van minnen mach men wonder spreken
 Haers wonders werke wat dat si.
 Si toent met liste den selken hare treken
 Als 'ic al di ende du al mi.'
- 45 Si comt den selken saen so bi,
 Dat sine gherijnt op therte breken;
 Ende selken laetse hare al vri:
 Dus canse ontweghen ende weder reken.

7

- Te niete werden al in minnen,
 50 Dat es dat beste dat ic weet
 Van alle den werken die ic kinne,
 Al wetict mi wel onghereet.
 Ende die de minne met niede dan besteet,
 Al sonder herte ende sonder sinne,
 55 Ende minne dan niet met niede versleet:
 Dats cracht daer men bi minne ghewinne.

- Voert ane meer wien lief wien leet!
 Die de minne met niede can ontghinnen,
 Sine can verweren die storme heet,
 60 Hine wone ghelijc met hare daerbinnen.

6

Men kin fan Minne seldsums sprekke:
 har wûndre dieden dogge nij.
 D' ien wurdt mei list ta 't leauwe wakke:
 „Ik bin fan dy en dû fan mij.”
 Hja rekket d' oar fan sa neibij,
 har pylk sil him it hert hast brekke.
 En wer in oar lit hja mar frij.
 Sa lit hja dwal' en rjochtút stekke.

7

Alhiel teneate wurd' yn Minne
 dat is it bêste dat ik ken
 fan alle dingen dy't der binne,
 al wit 'k mysels dêryn in bern.
 En wa't mei kriich dan doar te tsjen
 tsjin Minne, sûnder eigenminne,
 giet tsjin har gruttre kriich ferlern,
 mar sil mei syn krêft Minne winne.

No nei gjin leaf of leed mear sjen!
 Sil ien fûl striid om har begjinne,
 syn wraam slacht har ferwar ferlern.
 Hy sil mei har de stins yn kinne.

LIED XXXIX

I

Almeest sijn alle creatueren
Bedwonghen vanden winterre cout.
Vele meer die mint es bi natueren
Bedwonghen in minnen ghewout.
5 Die van sinne ware fier ende stout
Ende al woude avontueren,
Dat suete metten sueren,
Maende minne vore scout:
Hi soude minne al met minnen berueren.

2

10 Wie mach der minnen rueren prisen?
Diet wel versteet hi ghevet haer prijs.
Den selken gheeft si al aes van sisen;
Selken maectse van aes al sijs.
Si maect den ongheleerden wijs,
15 Ende si ontwijst den wisen;
Si doet den nederen risen
Alse: 'dit es mijn soete amijs',
Ende voettene met harer spisen.

LIET XXXIX

I

No binn' de measte kreatoeren
betwongen troch de winterkjeld.
Mar hy dy't leafhat, fan natoere
gâns mear troch Minne har geweld.
Wâ't fiks fan geast, him moedich meldt
en dapper alles aventoere,
sawol it swiete as it soere,
dy easket Minn' as 't rjocht fan de held,
en sil har mei suvre leafde roere.

2

Fan wa wurdt Minne' roeren prize?
Dy't fettet, jout har d' earepriis.
Hja lit de ien' om ien each grize,
d' oar smyt wol seis, omt hja kediist.
Hja makket d' ûnbelearde wiis,
en rooft de wiisheid fan de wize.
Hja lit de earmelytse rize
en seit: „Dû bist myn leave biis,”
en fiedt him rynsk dan mei har spize.

3

Der minnen seden en can bekinnen
 20 En gheen man die nie was so vroet;
 Si wondet den ghenen therte binnen
 Die nie na minnen bant en stoet;
 Die gherne bi minnen levede behoet,
 Dien brenghet si al uten sinnen;
 25 Ende die gherne al minnen
 gebrukede, hout si sonder spoet,
 So dat hise waer en weet ontghinnen.

4

Dien dus ghedane minnen seden ghenoeghen
 Hi gripere ane ende wacht hem wel
 30 Dat hem al effenne wale voeghe
 Wat minne hem scijnt, so traghe, so snel.
 Het waent selc minnen dore sijn spel:
 Si es hem so onghevoeghe;
 Met wat wee sine sloeghe,
 35 Hine conste nochtan ghedoen niet el,
 Dan dies hem minne ghewoeghe.

5

Onere ende swaer avontuere
 Hebbic ghedoghet meneghen dach.
 Mij sijn alle die saken suere
 40 Die ic ye met oghen sach.
 Hoe mochtics hebben goet verdrach?
 Mi houdet wale wee in suere
 Die minne, suetste boven alle natuere
 Ende die al gheven mach.
 45 Mi gruwelt, hoe ic gheduere.

3

It wier aard fetsje fan de Minne
 kin nimmen, al hoe wiis hy wie.
 Hja wûnet him it hert fan binnen
 dy't nea graach Minne' boeiens hie.
 En dy't jern' yn har hoede gie,
 dy bringt hja bûten brein en sinnen.
 Dy't winske 't fol geniet fan minnen
 yn ienheid, hâldt hja fier yndie,
 dat hy kin nea har rikk' of winne.

4

Lit wa't mei sá'n aard him fernoege,
 't oanfetsje, mar betinke dêrbij,
 dat hy 'm allyk yn alles foege,
 hóé't Minn' ek blykt, is 't sleau of slij.
 Faaks waant ien leafde boarterij.
 Dy wurdt dan fan har grime tsjúge.
 Wat wee har slaggen him ek sloegen,
 hy koe dochs neat oars dwaan as krij
 't wicht dat him Minne' skaljes joegen.

5

Sa mannich nuodlik aventoer
 haw ik fernear' en folle pleagen.
 My lykje alle dingen njoer,
 dy 'k ea oanskôge mei myn eagen.
 Hoe kom ik goed troch al dy fleagen?
 My hâldt wol djip yn 't wee sa soer
 de Minne, 't swietste fan natoer,
 dy't alles jout yn grutte weagen.
 Hoe kin ik 't hurde? 't Is my oer.

6

Ic sal die minne laten wesen
 Van minnen thalven wat si wilt.
 Selc waent sine vonnessen in hare lesen;
 Si hevet saen sijn gheruchte ghestilt,
 50 Ende saen al sijn ghelof onthilt,
 Daer hi bi was verresen.
 Si can na hare ghetesen
 Wel scermen onder den scilt,
 Al en maechs niemant ghenesen.

7

55 Hoe ic in minnen el hebbe ghevaren,
 God gheve hen goet die minnen plien
 Ende die in haren lichten ende in haren swaren
 Wel connen volghen ende vlien.
 Die beiden mach na goet gheschien
 60 Ende minne nu wel can sparen,
 Si sal hem openbaren,
 Die beiden mach tote dien
 Dat minne al sal verclaren.

8

Ic weet wel, hads die minne stade,
 65 Si troeste minen droeven moet.
 Ende docht hare van mi iet scade,
 Dat si mi dus verderven doet?
 Met groten wee al sonder spoet
 Hout si mi buten rade.
 70 Sine doe mi saen ghenade
 Ende make mi haers bat vroet,
 Si comt mi lichte te spade.

6

Ik lit de Minne yn har wêzen;
 oer my beskiede nei har wil.
 Wol ien yn har syn fûnis lêze,
 hja makket ring syn romjen stil
 en oer syn lof rint ring in gril.
 Syn hite ear' is gau beferzen.
 Krankyl kin hja, hat hja dat keazen,
 skermj' ûnder 't skyld, en nimmen sil
 fan sokke wûnen ea genêze.

7

Hie ik yn leafd' in oar wjerfarren,
 mei God dochs goeds jaan har dy't minne
 en yn noflik of yn nuodlik barren
 har folgj' of har ûntflechtsje kinne.
 Dy't op it goede wachtsj' allinne
 en no nei Minne biidzjend stoarren,
 sil hja ta d' iepenbiering karre –
 wannear hja sa lang wachtsje kinne –
 dat hj' alles klearje sil oan harren.

8

Ik wit, die Minn' in lytse set,
 hja treastte grif myn drôf gemoed.
 Fûn hja yn my eat dat net heart,
 dat hja my tjirmje lit yn noed?
 Yn grut fertriet om 't wee my stjoerd,
 bin ik myn rie tenein fan smert.
 En jout hja gau har geunst my net
 en toan my wat har wêzen roert,
 dan komt hja licht foar my te let.

9

- Hoe nauwe ic dole in minnen pade
 Ende mi hare conde es al te lanc,
 75 Hoe diepe ic wade in hare ghewade,
 Ic wille hare alles weten danc.
 Want mi es mijn al an hare belanc,
 Salic volclemmen hare grade.
 Want so wat ic elre dade,
 80 Mijn hongher bleve al swanc,
 Sine gave mi vol hare sade.

10

- Dus blivic ane der minnen side,
 Wat so mi ghesciede daer na:
 Haers honghers rouwe, haer sade blide,
 85 Begheerten neen, ghenoechten ja.
 Die fiere gheve slaghe, eer minne sla:
 So comt hi scone ten stride.
 Die de minne besteet met niede,
 Hoe welt dat hem verga,
 90 Hi sal bevaen hare wijde.

- Ic rade den fieren die de minne besta
 In sinen jonghen tide,
 Dat hire niet en mide,
 Hine sie dat hise volva
 95 Eer si vore hem lide.

9

Al doarmj' ik eang oer Minne' wegen,
 en skûlet hja my al te lang,
 al gean ik yn har djipt' omlegen,
 stees tankj' ik har foar wat 'k ûntfang.
 Ik ha by har al myn belang,
 wol 'k kluuwe ta har top omhegen.
 Want wàt ik doch, sûnder har segen
 bliuwt jit myn honger like strang,
 is hja ta sêdzjen net genegen.

10

Dat ik bliuw stean oan Minne' side,
 wat lok of lot ik dêrfan ha:
 troch honger leed, troch sêdens ferblide,
 troch begeart syn Nee, geniet syn Ja.
 De dappre slacht fóár Minne ta.
 Sa komt er krigel ta it striden.
 Dy't fûl tsjin har doar út te riden, –
 al giet it skriklik om en ta –
 bestrykt hiel 't perk aanst fan dy swide.

Dappren dy't moed ta Minne ha,
 ried ik, yn jonkheid út te riden,
 en net te somjen yn it striden,
 mar har t' oerwinnen, eardat hja
 ûntglûpt troch foar him lâns te gliden.

LIED XL

I

Als ons dit nuwe jaer ontsteet,
So hoeptmen dat saen comen sal
Die tijt daer meneghe op verveet,
Die groyen doet berch ende dal;
5 Doch es die bliscap onghereet.
So es hem oec, die ghevet sijn al
Op hoghere minnen scone beheet,
Eer hi verlinghet die verheit der minnen.

2

Wie sal die snelle wesen dan
10 Die sal verlinghen verre minne?
Die fiere die nempt dies minne hem an,
Ende levet bi rade, ende werket bi sinne,
Ende toe set wat hi ye ghewan,
So dat verlichte redenne kinne
15 Dat hi vore minne niet sparen en can,
Hi sal verlinghen die verheyt der minnen.

3

Dat ons die minne so verre si
Die ons met recht soude sijn so na,
Dat scijnt meneghen ende mi,
20 Die op vremden troeste verva.
Die fiere van minnen leve also vri
Dat hise met selken storme besta,
Al toter doet, ocht na daer bi,
Ocht hi verwint die cracht der minnen.

LIET XL

I

As ta ús komt it nije jier,
wurdt hope, dat gau komme wol
de tiid dy't stipet ta plezier,
en dy't yn bloei set berch en dal.
Dochs is de blidens dan jit fier.
Sa is 't mei him dy't jout syn al –
omt d' eale Minn' ûnthjit him tier –
ear't er berint de fiere Minne.

2

Wa is dy rêde rinder dan
dy't ring berint de fiere Minne?
Wâ't nimt wat hja him gunt. De man
dy't tûk oerleit mei wiis besinnen,
en dêrta ynset ider pân.
Dan sil ferljochte Red' erkinne:
hy hat syn ál foar Minn' oer hân.
Dy man berint de fiere Minne.

3

De Minn' is sa fier fan ús wei,
wylst hja mei rjocht deun by ús heart.
Mei my fielt mannich man dat mei,
dy't him op help fan frjemden set.
Dy't dapper leavet, toane 'm taai,
dat sa fol fûlens hy har met,
dat dit om dea giet, of benei,
oant hy oerwint de sterke Minne.

4

- 25 Die dus verwint der minnen cracht,
 Hi mach wel sijn kempe wel bekint.
 Want men leest vander minnen macht,
 Dat si al andere dinc verwint.
 De vroede verghelde al der minnen pacht,
 30 Ende sie dat hijs so scone beghint,
 Altoes met storme van nuwer jacht,
 Ocht hi verwint die cracht der minnen.

5

- Dien minne verwint dat hise verwinne,
 Hem wert hare suete natuere noch cont.
 35 Als hi ghevoelt die soete minne,
 Wort hi met haren wonden ghewont.
 Als hi met wondere hare wondere kinnet,
 Sughet hi met niede der aderen gront,
 Altoes met dorste van nuwen beghinne,
 40 Eer hi ghebruyct der sueter minnen.

6

- Soe werdet utermaten goet:
 Begherde scept, ghenuechte drincket,
 Die fiere die dat sine in minnen verdoet
 Ende met woede in hare ghebruken sincket.
 45 Soe heeft hi vol der minnen spoet
 Daer minne met minnen haer minne al scincket;
 Ende so wert die minne al minne volvoet,
 Daer hi ghebruket der sueter minnen.

4

Dy't sa oerwint de Minne' krêft,
 dy moat as kamper stean bekind.
 Men lêst fan Minne' macht'ge trêft,
 dat hja elts oar ding wis oerwint.
 Lit de wize har jaan syn skuldge jeft,
 sjen dat er fraai 't gefjocht begjint,
 en stees mei faasje 'm fûl ferheft,
 oant hy oerwint de sterke Minne.

5

Wâ't fan Minn' oerwûn is, sil har winne;
 har natoer wurdt fan him fol swietens fûn.
 Mar wannear't er fielt de swiete Minne,
 ferwûnje 'm de wûnen, fan har him jûn.
 Beseft er ferbaasd hoe't har wûnders binne,
 dan sûcht er hetsich út d' ier fan har grûn.
 Mar syn toarst sil hieltyd fannijs begjinne,
 ear't er genietet fan de swiete Minne.

6

It bûtenwenstich goede bart
 – Begearte skept, Genietsjen drinkt –
 him dy't syn bestean yn Minne fertart
 en dwyl yn 't geniet fan d' ienheid sinkt.
 Dy krijt fan 't lok folslein syn part,
 as Minne har poer as leafde skinkt,
 oant syn leafde reine ripens hat
 ta genietsjen fan de swiete Minne.

7

- Der minnen ghebruken dat es een spel
 50 Dat niemant wel ghetonen en mach.
 Ende al mocht dies pleghet iet toenen wel,
 Hine const verstaen dies nooit en plach:
 Hoe minne wilt minne ende niet el
 Van al dat ie besceen die dach.
 55 Die loep des troens en es niet so snel
 So der minnen loep es inder minnen.

8

- Die loep des troens ende der planeten
 Ende der tekenne die metten trone gaen
 Machmen iet met ghelike weten
 60 Ende met maten van ghetale bevaen.
 Maer gheen meester mach hem dies vermeten,
 Dat hi minne met sinne mach doen verstaen,
 Alle die minne ye wisten ende selen weten
 Ende selen loepen den loep der minnen.

 65 Si hebben der minnen wijdde vergheten
 Die minne met sinne wanen verstaen.
 Ay, deus! wat heeft hen god gheweten,
 Die loepen moeten den loep der minnen!

7

Geniet fan Minn' is fermeits, mar wa
kin 't ea ferklearje sa't it heart?

Al sei in minner in wurd hjirta,
wa't sels 't nea hân hat, fette 't net:
Minne wol leafd' en oars neat ha
fan wat it each fan de dei ea met.
De rin fan 't swurk is rêd, mar net sa
as de rêde rin fan de leafd' yn Minne.

8

De rin fan swurk en planeten is jitte
lyk't stjert' oan de himel nei te gean.
Men kin se likernôch krekt witte
en fetsj' yn mjitt' en tal har gean.
Mar gjin master kin him 't lef oanmjitte
en lit mei 't brein jin Minne ferstean.
Dy't Minn' ea kend ha, sille 't witte,
en rinne wolle de rin fan Minne.

Dy't Minne har wide romt' ferjitte,
dy miene mei 't brein har te ferstean.
O God! wat ha Jo fierd yn fierten
dy't rinne moatte de rin fan Minne!

LIED XLI

I

Al es dit nuwe jaer begonnen,
Beide die maent ende dat jaer,
Hier es bliscap noch cleyne ghewonnen,
Want ons ghebreken die daghe claer
5 Ende andere bliscap menichfout,
Die jonghe herten blide maket.
Maer boven al heeft hi onghedout
Die minne begheert ende niene volsmaket.

2

Ay, hem vernoeit der dieper weghe
10 Die verre ellende besueken sal.
Die doelt na minne ende hevet onseghe
Hem doet wel wee sijn ongheval,
Dat hi so vele van hare niet en weet
Daer hi bi seker wesen mach
15 Wat minnen lief si ende leet;
Hi levet wel dicke droeven dach.

3

Ay, minne, u abolghe ochte uwe hulde
En connen wij onderkinnen niet,
Uwen hoghen wille ende onse sculde,
20 Waeromme ghi comt ochte vliet.
Want bi cleynen dienste condi gheven
Uwe soete wondre in claerheit groet.
Ende dat scijnt bi clenen mesdoene verdreven,
Ende dan ghefdi slaghe ende bittere doet.

LIET XLI

I

Al is it nije jier begûn –
sawol de earste moann' as 't jier, –
dêrmei is amper blidens wûn:
ús ûntbrekke de dagen klear en blier,
en blydskip om gâns oar geniet,
dat jonge herten fleurich makket.
Mar boppenal hat hy fertriet,
dy't Minne begeart en nea net smakket.

2

Och, de weazige wegen jouwe pinen
him dy't it fier, frjemd lân yngiet.
Dy't Minne bejeit sûnder har te finen,
hat om syn tsjinspoed fel fertriet.
Hy hat oer har fan gâns gjin weet,
en ken jit net de wisse wei,
wat Minne leaf is en wat leed.
Sa hat er mannich drôve dei.

3

Och Minne, Jo geunst of grimmich hearskjen
sill' nea wy ûnderskiede kinne;
Us skulden en Jo hege easken,
werom Jo komm' of ús ûntrinne.
Om lytse tsjinst ha Jo wol jûn
hiel klear Jo wûnders, swiet as mea.
Dy blik' om lyts misdwaan ferdwûn.
Dan slaan Jo ús mei bittre dea.

4

- 25 Ay, minne, hoe selen wij gheleren
 Wies ghi comt ende wies ghi gaet?
 Waer selen wi u ontgaen ghekeren
 Ende die storme daer ghi ons bi verslaet?
 Ende bi wat crachte selen ons bliven
- 30 Uwe soete wondere in wise clare,
 Dat wijt bi nederheiden niet en verdriven,
 Ocht sijn mach, dat ons el gheware!

5

- Ay, in alendeghen donkeren weghe
 Laet ons die minne dolen wel,
- 35 In meneghen storme sonder seghe,
 Daer si ons scijnt wreet ende fel.
 Ende selken gheeft si sonder pine
 Hare grote joye menichfout:
 Dit sijn vore ons wel vremde scine,
- 40 Maer hen ghenoechte die kinnen hare vrie ghewout.

6

- Ay, minne, in welken so ghi doet,
 U henenvaren scijnt abolghe.
 Maer die fier es ende vroet
 Hem es best dat hi met allen volghe,
- 45 In sueten, in sueren, in troeste, in vare,
 Tote hi vol weet wat ghi hem wilt.
 Als ghi hem toent uwe wille so clare
 So es sijn wee in vreden ghestilt.

4

Och Minne, hóe moatt' wy dochs leare
 werom Jo komm' of ús ûntrinne?
 Hoe moatte wy Jo flechtsjen keare
 of d' oanfal dêr't J' ús mei oerwinne?
 En mei wat wramen sill' ús bliuwe
 Jo swiete wûnders, wiis en ljocht?
 Lit ús troch leffens net ferdriuwe
 wat wy faaks warj' yn fûl gefjocht!

5

Och, oer ellindich tsjustre wegen
 lit Minne faak ús doarmj' yn need,
 yn mannich stoarm alhiel ferlegen.
 Dan liket hja ús tsjoed en wreed.
 Guon jout hja sûnder lêst of pine
 har grutte freugde mannichfâld.
 Dat mei wol tige frjemd ús skine,
 mar nocht wa't ken har frij bewâld.

6

Och Minne, wàt Jo ek kedize,
 Jo wiken liket sa ferbolgen.
 Mar foar de dappre en de wize
 is 't bêste dat er dochs Jo folge
 yn swiet en soer, yn hope, yn 't near,
 oant er yn allen ken Jo wil.
 En toane Jo Jo wil him klear,
 dan falt syn wee yn frede stil.

7

Ay, die verre verseylt, hi moet ghedoghen
 50 Dat hem daveruere ghevet.
 Also die mint moet nauwe poghen
 Eer hi der minnen ghenoech vollevet.
 Hi moet willen, in allen tiden,
 Haren hoghen wille ende anders niet,
 55 Ende els niet verdroeven noch verbliden,
 Wat hem anders meer ghesbiet.

8

Ay, die dus al mint der minnen wille,
 Daer mach sijn minne haer selven ghenoech,
 In hoghen gheruchte, in nederen stille,
 60 In al dies minne hem ie ghewoech.
 Dit es ene die alre staercste veste,
 Ende die scoenste were die ye man sach,
 Ende die hoechste muere ende die grachte beste,
 Daer minne meer bi ontvlien en mach.

7

Dy't fier fersylt, dy moat fan herte
 ferneare wat it lot him bringt.
 Sa moat wa't mint, te skrep him sette,
 wol hy dat er Minne foldwaning skinkt.
 Hy wit, dat hy te'n allen tiid
 har wil en oars neat wolle moat,
 en nimmer drôvich wêz' of bliid
 om wat dêrbûten jit him bart.

8

Yn wa't sa mint har hege wil
 is hja harsels genôch en goed,
 mei lûd geroft of dimmen stil,
 yn alles wat hja ea him stjoert.
 De stins fan d' aldersterkste krêft
 is dit, en d' aldermoaiste skâns;
 de heechste muorr' en bêste grêft
 jouwe Minne ta de flecht gjin kâns.

LIED XLII

I

- Comen es die drueve tijt
Van buten, ende vele van binnen meer.
Dat ghi ons, lief, ontbleven sijt,
Dat es ons een onverwinlic seer.
5 Dat goet dat ghi gaeft wilen eer,
Dat ontblijft ons bi vremden keer,
Ende uwe rike gheleer,
Ende hoe ghi u selven sijt gheheer.

2

- Wildi ons, minne, van u onterven,
10 So ne weten wij waer ontvlien;
Soe moeten wij altemale verderven,
Wine wisten onthouden sijn van wien.
Wij selen ons troesten doch in dien:
Dat ghi seidt, het es waer, zal gheschien,
15 Men en sal niet twivelen in dien:
Waerdi verhoghet, ghi soudet voltien.

3

- Ay, minne, wie sal u in hem volhogen
Dat ghine vertrect al dat ghi sijt?
Wie sal die diepe dale poghen,
20 Die hoghe berghe, die velde wijt,
Met diepen oetmoede in nuwen vlijt,
Met toeverlate in hoghe delijt
Staerc inden strijt?
Des hulpet saen, minne: die es noet, Het es tijt.

LIET XLII

I

De tryste tiid is ta ús kommen
bûten, mar yn ús folle mear.
Dat, Leaf, Jo jit ús binn' ûntnommen,
is ús in ûngenêslík sear.
It goed, fan Jo ús jûn alear,
ûntbrekt troch skerpe kriem en kear.
Ek misse wy Jo rike lear'
en 't ynsjoch yn Jo hege ear'.

2

O Minne, woll' jo neat ús skinke,
wer is ús skûl dan en ûntwyk?
Dan moatte wy yn 't djipt fersinke,
omdôch om rêding op 'e syk.
Dochs treaste wy ús hjirmei kwyk:
Jo wurd is wier en bart allyk.
Lit nimmten twivel ha oan 't blyk:
Heech lûke Jo alles út it slyk.

3

Wa hevet Jo yn him omhegen,
dêr't Jo him sizze Jo wêzen swiid?
Wa giet troch 't djippe dal omlegen,
oer bergen heech, oer flakten wiid,
mei deemoed, mar mei nije piid,
yn fêst betrouwen tige bliid,
en sterk en dapper yn 'e striid?
Help hastich, Minne! 't Moat; 't is tiid!

4

- 25 Het es ghelijc uwe hoghe name
 Als olye ute gheghoten, minne,
 Soete ende sachte, verwale bequame;
 Maer boven al sidi ghenoechte den inneghen sinne.
 Sij sijn ghesayt doch herde dinne
- 30 Die vet werden gevoedt daer inne,
 Ende die wel bekinnen, minne,
 Van uwen name die rike ghewinne.

5

- Dies, minne, u name es uutgheghoten,
 Ende met wonders vloede al overgaet,
- 35 So sijn die opwassende dorevloten
 Ende minnen in woede boven raet;
 So doense meneghe rike daet
 Ende roepen: 'al vri in toeverlaet
 Es al mijn raet.'
- 40 Ay, hoe hi tegheet daer hi volstaet!

6

- Hine vecht niet die hem niene weert.
 Die volwassen wilt, hine spare hem niet.
 Die sonder voeden wert verteert,
 Het es selden dat hem ere ghesciet.
- 45 Hi es bloede die dat vliet
 Dat hem selven jaghen riet,
 Dat es minne, die ons hare rike onthiet.
 Ay, niet min dan al en si ons iet.

4

Lyk oalje is Jo swide namme
 útgetten ta ferkwikking, Minne,
 swietrokich as in sêfte amme,
 mar 't measte treastend siel en sinnen.
 En dochts, hoe drôf minmachtich binne
 waam 't wiet ta fette balsem tsjinne,
 dy't mei Jo namme witte, Minne,
 de rykdom dy't hja dêryn winne.

5

Swiid is Jo namme, Minne, útgetten,
 dy't in wûndre floed oer alles spriedt.
 Lyksa trochstreamt jongfeinten derten
 Minne dy't ta dûme dwylsin fiert.
 Sa dogg' hja mannich mânske died.
 Elts ropt: „Myn wis betrou beskiedt
 op 't mêd fan leafde myn belied.”
 Mar sjoch, hoe't er, as er stiet, fergiet!

6

Hy fjochtet net dy't net him wart.
 Dy't folwoeks'nens wol, dy sparret neat.
 Dy't sûnder iten him fertart,
 dy wurdt mar tige selden eard.
 Lef is dy't ta de flecht him keart
 foar wat himsels ta jeien skeat:
 Minne, dy't ûnthiet har rike steat.
 Allinne alles wêze eat!

7

Mach enich dinc die herte hermaken
 50 Die selve minne niet en es al,
 Dat gheet buten dier zielen smaken;
 Want hare niet min ghenoeghen en sal
 Dan van minnen gheboerte de opwal
 Ende die grote wondre sonder ghetal,
 55 Tote dien inval
 Daer minne der minnen nie minne en hal.

8

Dat minne der minnen iet soude helen
 Dat ware der zielen een evel slach;
 Soe moeste si in honghers woede quelen,
 60 Die niet dan minne ghesaden en mach.
 Maer herte ende sin ghedoen wel el:
 In dachcortinghe ende in spel
 Ende in arm gheniet
 Verwandelen si wel haer verdriet.

7

Kin 't hert yn eat ferkwikking fiele
 dat sels net Minn' is hielendal?
 Gjin lafenis wie 't foar de siele,
 omdat har neat fernoegje wol
 as Minne, brúzjend berne, en fol
 fan grutte wûnders sûnder tal,
 oant de siele sinkt yn Minne' dal
 dêr't hja neat ferhelet foar minners gol.

8

Soe Minn' in minner eat ferheelje,
 't wie foar syn siel in slach sa min:
 it soe in fûlen honger teelje,
 dy't inkeld Minne sêdzje kin.
 Oars lykwols dogge hert en sin:
 yn tiidferdriuw, fermeits en tin
 genietsjen sûnder wier gewin
 gean hja har neazg' ûnwille tsjin.

LIED XLIII

I

- Als ons ontsteet die winter sware,
Die meneghen maect dat herte swaer,
In dien tide es openbare
Die feeste van allen heyleghen dierbaer.
5 Ic hebbe ghedoghet meneghe vare,
Maer boven al gheet mi die vaer
Hoe ic ter minnen sal gheraken.

2

- Mi en mach troesten niet die minne;
Dore hare es mi al leet ghewin;
10 Si es die cracht van minen sinne;
Want si es selve raet ende sin.
Weder ic verliese ochte winne,
Minne sal wesen mijn ghewin;
Want si es selve ghenoech in allen saken.

3

- 15 Ay, minne, docht u iet te tide,
Het ware mi wel langhe tijt
Dat ghi besaecht dat ellendeghe wide,
Dat mi te lanc es ende te wijt,
Ende ghi mijn herte maket blide,
20 Dat over selden es verblijt,
Sint ic na u ierst moeste haken.

LIET XLIII

I

As winter komt mei syn beswieren,
dy't mannich hert benearje swier,
dan is de tiid om 't feest te fieren
fan Alderheljen net mear fier.
Faak wie 'k fan eangsten yn miswieren,
mar meast nypt my de noed wiswier,
oft ik wol ea ta Minne rakke.

2

Gjin treast ûntfang ik fan de Minne.
My is al 't leed om har gewin.
Hja is myn geast krêft yn besinnen.
Sels is hja geast en ried fol sin.
Oft ik ferlieze soe of winne,
de Minn' is jimmer my gewin.
Yn elk ding is hja sels folmakke.

3

Och Minne, op Jo ha 'k sa lang tide!
It is foar my sa lang al tiid,
dat Jo myn leed sjogg' yn har wiidte,
dat my te lang is en te wiid.
Dan waard myn hert troch Jo ferblide.
Mar al te seldom wie it bliid,
sûnt ik nei Jo foar 't earste snakke.

4

Hoe gherne soudic sien die brieve,
 Hoe ghi, minne, hebt in uwen brief
 Uw overhertelike lieve,
 25 Hoe ghi met minnen mint u lief;
 Dat ic mi, minne, met hen verhieve;
 Want ic mi, minne, so niet en verhief
 Alsi nu doen die uwes ghesmaken.

5

Ay, fine minne, allene puere,
 30 Wanneer maecti mi u so puer
 Dat ic u ghenoech si in natuere?
 Want mi es al onnatuer:
 Mi sijn alle andere saken suere;
 Maer boven al es mi dat suer,
 35 Dat ic u niet en can gheraken.

6

Ay, sonder minne wasic ye node,
 Want dat es alre node noet;
 Die sonder minne leven sijn dode;
 Maer boven al es dat ene doet,
 40 Dat minne iet teghen lief es bloede;
 Want volmaecte minne en was niet bloet,
 Sine sochte hare rechte die hare ghebraken.

4

Hoe jerne soe 'k de brieven tsjeavje,
 dêr 't Jo de nammen yn ha, tsjeaf,
 fan harren dy 't Jo hertlik leavje,
 sjen hoe't Jo leafde mint Jo leaf.
 Mei har wurd 'k heve heech as skeaven,
 want nea wie ik sa'n hege skeaf
 as hja dy't Jo as Minne smakken.

5

Och, eale Minne, iene poere,
 wannear suvrje Jo my sa poer,
 dat ik Jo haagj' yn myn natoere?
 Al 't oare is my ûnnatoer.
 Al d'oare dingen binn' my soere,
 mar boppenal is dit my soer,
 dat 'k nea ta Jo folsleinens rakke.

6

Och, sûnder Minne ha 'k gjin wearde;
 dat is it alderslimste wea.
 Dy't libje sûnder har, binn' deaden,
 mar boppenal is dit de dea:
 dat eangst yn 't leavjen jin benearde.
 Folsleine leafde eanget nea,
 mar hja wol al har rjochten pakke.

7

Ay, weerde natuere, minne fine,
 Wanneer maecti mijn natuere so fijn
 45 Al uwer natueren ghenoech te sine?
 Want ic ghenoech al woude sijn.
 So waren al mine andere dine,
 Ende daertoe die uwe algader mijn:
 Ic woude in uwen brant verblaken.

8

50 Ay, minne, die sijn van uwen aerde
 Voedet uwe natuere na uwen aert;
 Die sine natuere vore u iet spaerde,
 Hi bleve vore uwe natuere ghespaert;
 Maer dien uwe natuere ie ure verclaerde
 55 Hi blivet in uwe natuere verclaert,
 So dat hi levet na volmaken.

9

Die wilt volmaket sijn, heb oetmoede
 Ende in al sinen vermoghennen oetmoet;
 So comt hem alle sijn werc te goede,
 60 Ende el en daet hem nemmer goet,
 In allen ghelijc, in crachte, in spoede;
 Want sine hadden meer ter minnen spoet,
 Die der minnen werc ane hen iet traken.

7

Och, nommel wêzen, eale Minne,
 hoe lang bliuwt myn natoer te min
 om Jo natoer foldwaan te kinnen?
 'k Wol Jo foldwaning jaan as 'k kin,
 Dan giet al 't oar' út my Jo binnen,
 wylst Jo alhiel dan mines binn'.
 'k Woe dat Jo gloed myn wêzen rakke.

8

Och Minne, elts dy't nei Jo aarde,
 fiedt Jo natoer neffens Jo aard.
 Dy't de jefte fan har wêzen smade,
 wurd' ek fan Jo natoer fersmaad.
 Mar wa't fan Jo klearens waard oerladen,
 wurdt stees fan Jo klearre wêzen laat,
 sadat er libbet as folmakke.

9

Wolstû folsleinens? Wês dimmen te moede,
 mei al dyn kinnen doch dimmen yn moed.
 Dan komme dy al dyn dieden te'n goede;
 oars docht dyn dwaan dy nimmer goed.
 Wês yn alles lykmoedich, yn tier en yn 't tsjoede,
 want yn 't leavjen giet it harren tsjoed
 dy't fan Minne' wurk as har eigen snakke.

IO

- Men sal oec inden onghevalle
 65 Dore minne kies en ongheval;
 So hulpe der minnen cracht hen alle,
 Daer si hare selven met es al;
 In hare grote wondere sonder ghetalle,
 Diere nemmermeer en wert ghetal,
 70 Mach hi met minnen in gaen scaken.

II

- Van minnen hebbic nacht bi daghe,
 Die mi bi nachte soude doen hebben dach;
 Begheerte doet mi dat ic claghe,
 Ghenoechte seet mi altoes clach,
 75 Ende redenne radet dat ic verdraghe
 Ende seghet: 'dore minne werc ende verdrach,
 Tote di dijn werc hulpt selve in wraken.'

12

- Bi redenen rade eest werken scone.
 Ic en segghe niet dat mach sijn verscoent:
 80 Die redenne ghelovet ons grote lone.
 Maer minne heeft selve te hant gheloent.
 Si toent bi uren selken tone,
 Dien sise op hilde ende hadde ghetoeent,
 Dat waren scachte die diepe staken.

10

Men moat, ek as der slaggen falle,
 't ûnk drag' om Minn' yn elk gefal.
 Dan wurdt men mei krêft fan Minne folle,
 want Minn' is fan har selme fol.
 En mei har wûnders by hûnderttallen –
 dy binne jimmer sûnder tal –
 wurdt ien dy't ynlik mint, fermakke.

11

Troch Minne haw ik nacht op dagen;
 hja moast by nacht my jaan de dei.
 Begearte makket dat ik klage,
 en Nocht liedt m' altyd ta geklei.
 Mar Rede riedt my oan te dragen
 mei: „Skrep foar Minne ferduldich wei,
 oant d' arbeid sels dy 't lean tamakke.”

12

It wurk giet goed, wol Rede jin riede.
 „Mij d' arbeid net!” dat is myn ried,
 want Rede wol grut lean ús biede,
 wylst Minne let har lean ús biedt.
 As soms hja oefte foar eagen fierde,
 en nei 't fert oan dêr net mei fiedt,
 dan wurdt men djip mei dolken rakke.

13

- 85 Fiere herte doelt na minnen gronde:
 Die minne en heeft doch ghenen gront;
 Hare darven dat es hare onghesonde,
 Dies si te spade waert ghesont.
 Alssi naest hevet der minnen conde,
 90 So wert hare minne van ierst oncont.
 So doet begherte hare aderen craken.

14

- Men sal al minne om minne begheven;
 Hi es vroet die minne om minne beghevet.
 Al eens sij sterven ochte leven:
 95 Om minne sterven es ghenoech ghelevet.
 Ay, minne, ghi hebt mi langhe verdreven;
 Maer in welken so ghi mi verdrevet,
 Ic wille u, minne, al minne waken.

- Ay, minne; wildi oec mijn sneven,
 100 Hoe node ic ye hebbe ghesnevet,
 Ic wilt al doghen om u ghenaken.

Alle die vore groetheyt der minnen beven
 Ende in hopen ute hare groetheit leven,
 Die minne sal hen wassen meer dan laken.

13

In eal hert speurt nei Minne' grûnen.
 Lykwols, it fynt yn har gjin grûn.
 Troch dat gemis net by de sûnen,
 wurdt it te let fan 't sear wer sûn.
 Hast hat it kund' oan Minne wûn, en..
 dan jout hja har fannijs net wûn.
 Sa sil de langst syn ieren knakke.

14

Men moat oan Minn' allinne klibje.
 Wiis is wa't Minn' allinn' oanklibbet.
 Sa'n ien is stjerre 't seld' as libje.
 Dyt stjert om Minn' is 't dyt lang libbet.
 Hoe lang sill' Jo my jit bekibje?
 Minne, hóe't Jo niid my ek bekibbet,
 ik wol Jo tsjinje, Minne, yn minnen.

Och Minne, woll' jo net dat 'k libje?
 Ik wol sa jerne jitte libje,
 'k wol alles duldz' om Jo te winnen.

Hja dyt foar Minne' gruttens bibje,
 en hoopfol út har gruttens libje,
 dy wasket Minne wyt as linnen.

LIED XLIV

I

Als ons die vrochten vanden jare
In sijn comen al openbare
Sonder sorghe ende sonder vare,
Dies al die werelt blide levet,
5 So hevet hi rouwe ende hongher sware
Die minne begheert ende niene volhevet.

2

Dat elc begheert, dat name hi gheerne.
Maer van minnen es dat meeste wee tontbeerne.
Daervore ic alle menschen waerne,
10 Dat siere vore hebben hoede vroet;
Al andere pine sijn te sceerne
Vore minne begheren sonder spoet.

3

Dien andere dinghen werden te goede
Dan dolen in minnen orewoede,
15 Die scinen vore die vremde vroede,
Die so in minnen niet en sijn so verdeilt.
Diet wel doen mach hi hebbe hoede:
Hine heeft gheen keren diere in verseilt.

LIET XLIV

I

Wannear de fruchten fan it gea
ynhelle binne sûnder skea,
en sûnder soarch en eangst en kwea
dan alle folk rju blidens hat,
lijt jit slim hunger, smert en wea
wa't Minne wol en komt tekoart.

2

Elk krijt sa graach wat hy begeart.
't Slimst wee is dat men Minn' ûntbeart.
'k Warskôgje elts ear't leed him deart:
wês wiis foar 't hertsear op dyn hoede!
All' oare pin' is suver neat
neist langst dy't Minne net fergoede.

3

Dy't oare dingen achtsje 't goede
as doarmj' yn Minne' gleone gloede,
dy lykje foar de frjemden froeden,
want Minne slacht har net sa wyld.
Lit wa't it wòl oandoar, him hoede:
Tebek kin net wa't hjirynd sylt.

4

Selc heeft ter minnen inden beghinne
 20 Dore spelen gheleert sine sinne,
 Dat hi so es verseilt daerinne
 Dat met hem uten spele gheet.
 Weder hi verliese ochte winne,
 Hem sijn die kere wel onghereet.

5

25 Men en mach in minnen verliesen niet,
 Al eest so dat sijt spade versiet;
 Si gout ie gherne dat si onthiet.
 Die dies gheloeft, hi wachter na,
 Dats: te verlatenne op selc gheniet,
 30 Als: 'die hanct, beide dat menne afsla.'

6

Die hangt, hoe goede beide hi hevet,
 Ende die in bant van minnen levet,
 Dats al eens, ende die als om minne beghevet.
 Ay, minne, daer siet noch selve toe,
 35 Hoe verre ghine ie in scine verdrevet,
 Siet dat hem uwe natuere voldoe.

4

Temet hat ien yn it begjinnen
 boartlik op Minne set syn sinnen,
 mar rekket op 'e doel' allinne
 en hat oan boartsjen net mear nocht.
 Hy kin, mei hy ferliez' of winne,
 net mear tebek fan dizze tocht.

5

Mar neat ferliest wa't Minn' yn giet.
 Al skinkt hja let wat hja him biedt,
 hja jout stees jerne wat hj' ûnthiet.
 Lit wa't dat leaut, betrouwend tiidzje,
 lyk ien dy't hong, op 't lêst geniet,
 en sa syn 'rêding' rêstich biidzje.

6

Wa't hingjend goede hope bout,
 is lyk wa't Minne' strûp benaut
 en dy't foar Minne alles jout.
 Kom, Minne, sels, om him te rêden!
 Hoe fier ha Jo him dreau en droud!
 Stean noed dat Jo natoer him sêde!

7

Het mach wel sijn dat minne voldoet;
 Maer die nanoet es den armen goet.
 Dat minne hare tere met minnen verdoet
 40 Dat es wel recht, si es so groet,
 Ende si ons altoes doe scoen ghemoet:
 Hare sparen es argher dan al doet.

8

Ay, minne, weder spaerdi mi,
 So sparic u, dies manic di.
 45 Mi wondert bi wat saken dat si
 Dat ghi mi dus vremde sijt:
 Ghi sijt mi verre, ende ic u bi;
 Dies lidic altoes droeven tijt.

9

Ay, minne, ghemaet uwe gheweldeghe crachte.
 50 Ghi hebt die daghe ende ic die nachte.
 Wat doedi mi jaghen uwe jachte,
 Ende ghi mi so verre vore ontvaert?
 Ghi doet mi ghelden selke pachte;
 Mi grouwelt dat ic ie mensche waert.

7

Mûlk makket Minne' natoer jin fol.
 Mar neirisping sêdet d' earmen al.
 Dat hja foar leafde foer jaan wol,
 is rjocht; grut is har majesteit.
 Wie hja foar my mar altyd gol;
 slimmer as dea is har gjirrichheid.

8

Och Minne, skouderje Jo mij?
 'k Wik Jo: dan bin 'k fan Jo ek fij.
 Ik fetsje 't net, en 't docht my nij
 dat Jo sa'n frjemdling foar my binne.
 Jo binn' my fier; ik Jo neibij,
 en dêrom lij ik drôf stees, Minne.

9

Bedimje, Minne, Jo mânske macht!
 Jo ha de dei; ik inkeld nacht.
 Werom moat ik nei Jo op jacht,
 as Jo safier binn' fan myn rin?
 Jo twinge my ta swiere pacht.
 It griist my dat ik berne bin.

LIED XLV

I

Ay, in welken soe verbaert die tijt,
En es in al die werelt wijt
Dat mi gheven mach delijt,

Dan: verus amor.

- 5 Ay minne, op trouwe (want ghi al sijt
Miere zielen joye, miere herten vlijt),
Ontfaermt der noet, siet ane den strijt;
Hoert cordis clamor!

2

- Ay, wat ic mijn wee roepe ende claghe,
10 Die minne doe met mi hare behaghe;
Ic wille hare gheven alle mine daghe
Laus et honor.
Ay, minne, ocht trouwe u oghe ansaghe!
Want mi maect coene dat ics ghewaghe;
15 Want mi ierst op uwe hoghe staghe
Uw traxit odor.

LIET XLV

I

Och, hoe't ek blike mei de tiid,
der is yn hiel de wrâld sa wiid
dochs neat dat wille jout sa bliid

as: verus amor.

Minne, om myn trou (want Jo binn' swiid
myn siel ta nocht, myn hert ta piid)
ûntfermje Jo; hear yn de striid
myn cordis clamor!

2

Och, hoe 'k myn wee útrôp en klage,
doch, Minne, mei my wat Jo hage.
Ik wol Jo al myn libbensdagen
jaan laus et honor.

Minne, sjoch myn trou dochs op myn frage!
Dêrfan te sprekken haw ik wage;
want my hat ta Jo heechste stagen
Jo traxit odor.

3

Ay, minne, ja ghi die niet en loghet:
 Want ghi mi tonet inder joghet
 Daer ic na quele, (want ghijt vermoghet),
 20 Sijt medicina.
 Ay ja, minne, ghi die als sijt voghet,
 Gheeft mi om minne dies mi meest hoghet;
 Want ghi sijt moeder alre doghet,
 Vrouwe ende regina.

4

25 Ay, weerde minne, fine puere,
 Wan siedi ane hoe ic gheduere,
 Ende sijt in minen betteren suere
 Condimentum?
 Ay, ic dole te swaer in davontuere.
 30 Mi sijn alle andere saken suere;
 Volghevet mi, minne, u hoghe natuere
 Sacramentum.

5

Ay, benic in vrome ocht in scade,
 Si al, minne, bi uwen rade:
 35 U slaghe sijn mi ghenoech ghenade
 Redemptori.
 Ay, wadic ghewat, clemme ic op grade,
 Benic in honghere ochte in sade,
 Dat ic u, minne, ghenoech voldade,
 40 Unde mori.

Amen, Amen.

3

Och Jo, dy't nea net lige, Minne,
 Jo ha my jong al toand 't gewinnen
 dêr't ik nei snak; wês omt Jo 't kinne,
 myn medicina.

Och Jo, oer alle wrâld bazinne,
 lit út geunst de heechste freugd my winne,
 omt Jo mem fan alle deugden binne,
 frouw' en regina.

4

Och Minne, nommel, kein en poer,
 Jo sjogge myn stânfêstens óér.
 Binn' Jo net yn myn bittrens njoer
 myn condimentum?
 Och, ik doarmj' yn nuodlik aventoer.
 All' oare dingen binn' my soer.
 Minne, jou m' alhiel Jo reine natoer
 as sacramentum.

5

Och, lij ik skea of kin ik winne,
 lit alles nei Jo wil gean, Minne,
 omt Jo slaggen geunst genôch my binne
 Redemptori.
 Soe 'k klimm' of yn 'e djipte rinne,
 soe 'k honger lije of sêd ha, Minne,
 och, dat 'k Jo yn folsleinens tsjinne,
 unde mori.

Amen, Amen.

NOATEN

It Romeinsk sifer ferwiist nei it nûmer fan it fers, it 2de sifer nei de strofe, it 3de sifer nei de rigel(s).

I. De Latynske wurden yn de rigels 9 en 11 fan elke strofe betsjutte: O, as ik (jim) tûzen kear lokwinske ha, is it noch net genôch.

4,5 freon=leafhawwenden, wiere minners. Frjemden binne hja dy't net libje kinne of wolle yn de leafde ta God, om't hja dêr te sleau foar binne.

7,1 De tekst dy't hjir it neiste by komt, stiet net yn de Spreuken fan Salomo, mar yn Romeinen 12:16.

II.3,1 De titels Regina et Dómina, mater virtutum (Foarstinne en Frouwe, mem fan alle deugden) binne ek oan Maria jûn. En ferl. XLV,3,5-8.

5,4 A-mor: fier fan de dea: in eigensinnige etymologyske ferklearing, foar de gelegenheid fernimstich fûn.

5,8 it libben brea; Jezus neamt himsels: it libbene brea: Johannes 6:51. Hjir wurdt de Minne, de folsleine leafde, lyksteld mei Kristus.

VI. 3,2 rym=kjeld, dus ferslein troch de kjeld.

4,12 har mei wille alhiel te oermasterjen.

7,4 myst: in myst is in tûk en gemien persoan, in skelm. En yn de folgjende rigel wurdt Minne it 'alderswietste kreatoer' neamd, n.b.

VIII.3,3 fermogen: syn kaptaal is syn ynderlike krêft.

6,3 ferl. Psalm 19:8. Mar dêr wurdt it sein fan de Wet (Toráh) fan de Hear.

IX.8,7 en yn har teneate (=ta neat) wurde mocht: liket boed-
dhistysk: selsferneatiging, sjoch ek noat by XXXVIII. 7.

8,9 de grutste krêft is 'die hoghe materie' hjir perfoarst net stof-
lik op te fetsjen, mar de oerboarne (materia hinget gear mei
mater=mem) dêr't Minne, de folsleine leafde, út berne is: dit
wiist nei Kristus, 'berne út 'e Heit (!) foar alle ieuwen'. Kris-
tus wie fôár de skepping al God en God is Leafde: 1 Johannes
4:8 en 9. Substantia is in filosofyske term út 'e Midsieuwen;
letter is by de joadske filosoof Spinoza God de iennichste
net-skepen, ûneinige substânsje.

9,7 klare Rede: net in helder ferstân, mar de personifearre
heechste Wiisheid, sa't dy sprekt yn Spreuken 8:22 ff. Der
wurdt sels in ferbining lein tusken Kristus en de wiisheid:
1 Korintiërs 1:24 en Matteüs 11:19. It Grykse wurd foar Rede=
Logos=it Wurd=Kristus (Johannes 1).

X. 5,9 Ferl. foar de hommelse omkear: Heinrich Heine: him-
melhoch jauchzend, zum Tode betrübt.

XII.2,1,2 Matteüs 11:30 wurdt sein troch Kristus.

7 1 Johannes 4:18.

9 en 10: Johannes 15:15, freonen=leafhawwenden.

3,6bff ferl. Psalm 36:9 en 10 en ferl. strofe 6 alhiel.

XIII.3,5 de frjemde wrederts is de wiere leafde frjemd en hja
skouderje en pleagje har, dy't har warre 'om Minne' tsjinst
te pliigien'. (strofe 4).

8,3 de machtge roede is de scepter. Gods Wurd: ferl. Psalm 33:6
en 9.

4 En ferl. Johannes 1: de prolooch oer de Logos=it Wurd.

5 It wie út leafde dat Kristus stoar.

XIV. 5,5 Hoe mear men begeart, hoe mear men lije moat.

XV. 2,2 gleone gloede is de oersetting fan 'orewoet', hertstochtelik begearen.

3,12 de wanhoop liedt har ta deadsferlangen.

4,5 en 6 de dûbele paradoks jout de ynderlike tsjinstridichheid oan.

4,7ff klare Rede (helder ynsjoch) moannet ta tarieden en grutte muoite.

5 striid tsjin Frijheid liedt ta in stoarm fan spanning, dy't kalm en tefreden makket. It ûnwaar suveret de loft.

6 byld fan selsfoldiene hôvelingen en ridders dy't ûntnochtere wurde. Sels de dapperen wurde bang, as hja in nije taak oplein krije.

XVI. 2 byld fan in belis, wêrby't de ik har belegere fielt troch in fijannich leger.

8,2 ferl. Job 3.

XVIII.4,5 swart: tsjuster, ferburgen.

XIX.4 en 5 Rede: is net de tsjinstelling fan Leafde, mar jout ljocht, ynsjoch, moanning en ried: Hja is in goede paadwizer op de wei fan de leafde.

wer: orewoet is oerset as: de felle gloed (brandend verlangen, De Paepe).

XX. 9,2 klerken=learden.

3 ferl. I Korintiërs 13:13 en I Johannes 4:16.

11,1 waacht=achtet gelyk.

6 lea=leafste én lichem.

XXII.4,5 Yn 'wylde woasteni' kin men in fata morgana (bedrieglijke luchtspiegeling) sjen, dy't 'inkeld skyn en skouwing' is.

7,1,2 Om ta de wiere kennis (Gryks gnosis: djippere kennis en

ynderlik ynsjoch yn minske, wrâld en godstsjinst en yn dit gefal fan de Leafde) te kommen, moat men jinsels leech meitsje, ûntromje (Gryks kenosis, ferl. Filippiërs 2:7) sadat de leafde jin folje kin.

XXIII.6 Hjir sprekt de aristokrate (myn hoghe geslachte) fan nommel skaai oer al har 'nearz'ge dieden' dy't net passe by har heech komôf.

7 delle=delling, djipte is steld tsjinoer de heechste wierde (9) =hichte of terp.

II mank=tusken; klerk=learde; werke=dwaan soe; sûnder groede: sûnder in wûne te krijen. Apart is de ferliking mei greauwen (Ing. greaves). Krytyk op de tsjerkelearden, dy't de barnende leafde (minnen orewoede) net fetsje. Klear blykt hjir wer de klam op gefoel en mystyk.

XXV. 4,8ff De hillige stilte yn de stoarm duorret mar ien amerij (fan Ave Maria, dus winlik de koarte tiid dy't nedich is om in Ave Maria te bidden). Dan komt Begear mei in nije stoarm yn de siel.

5 Nocht (personifikaasje) striidt tsjin Begear(te) (personifikaasje) en wurdt ek moanne troch Rede (personifikaasje) te groeien ta folle ripens.

De striid tusken Nocht en Rede wurdt yn de folgjende strofen 6 o/m 9 fierder útwurke.

7 Dizze strofe mei fyftjin kear lief of lieve is net yn alles dúdlik.
9 Rede blykt net allinne in wrede master en kritikus, mar ek in tûke hielmaster, in dokter dy't mei syn ûnnoflik medisyn de minner genêze kin en him de wei nei it heechste lok wiist.

XXVI.1,4 sa fier klinkt as saffier (edelstien)=de leafste of de Leafde.

7 sljocht: net allinne ienfâldich en gewoan, mar ek: dwaas.

3 Sj. 1 Keningen 10. Skeba=Sabá yn Súdwest Arabië. Neffens de Bibel kaam de keninginne net 'omt hja Salomo syn wiisheid socht', mar 'om him mei riedsels te hifkjen'. Doe't hja syn wiisheid en pracht seach, 'si affeleerde in rueken'; hie hja oerfloed fan begear (letterlik).

Willaert: 'werd ze uitzinnig van verlangen'; de NFBO seit: wie se der finaal ôf. Mar de oersetter moat ôfgean op wat Hadewych skriuwt. Hja joech harsels wei en rôve har ynderlik leech.

4,2 't sljochte folk (dat arme diede) en de earne swellen (die ghesellen) sjocht Hadewych op del. Dy kenne blykber de mystike leafde net.

Har leafde is uterlik ferstoan en hja gripe te gau nei de sinlike leafde sûnder offers bringe te wollen om de wiere leafde te winnen.

Dúdklik in utering fan Hadewych har aristokratyske libbenshâlding.

XXVII.6 dorper is boer, in boerehufter of dom. Mar elke boer hannelet ferstanniger as dat wy dogge. Wy wolle boartsje en bemind wurde as bern, sûnder ús dêrfoar yn te spannen. Sa sille wy nea de 'hege seal', it keninklik paleis fan Leafde berikke.

XXVIII.3,10 en 4,1 orewoed(e) van minnen: it lôgjend fjoer fan Minne.

4,8ff en 5: de tsjoenkrêft fan de leafde set de dingen op 'e kop.

6 orewoed is te learen, mar inkeld yn de hegeskoalle fan de leafde.

Neffens in oare ferklearring betsjutte de fjouwer slotrigels: Ferheven is it besinnen, dat de krêft fan Minn' yn him hat, sadat men út 'e krêft fan Minne jins oardielen foarmje moat.

- XXIX.1 en 2: God (of Kristus) is de folsleine leafde: 1 Johannes 4:7ff. ferl. strofe 5.
- 4 Pas Maria hat yn djippe deemoed de wiere leafde ferstien, doe't hja dy ûntfong, t.w. Jezus. De ferwachte liuw út 'e stam fan Juda blik in laam, it Laam fan God te wêzen, sj. Iepenbiering 5:5 en 6.
- 5 1,2 De ivige God hie Syn Soan, dy't leafde is, ferburgen yn Syn skerte.
- 4,6 sj. Johannes 1:18. Doe toande Maria him yn ferhoalen berte: paradoks.
- 7,8 By de komst fan de Messias sille 'alle delten ophege wurde, en alle bergen en hichten sljochte wurde': Jesaja 40:4.
- 6 Hadewych rekkenet Mozes, Salomo en Tobit ek by de seis oare profeten. Wat lêstneamde oer de Messias profetearre hat is my in riedsel. Mar sjoch it boek Tobit, ien fan de apokrife boeken. Yn Tobit 4:12 wurde ek de aartsfaders ta de profeten rekkene en sels Noach.
- XXIX.7,7 wet, sj. Johannes 1:17, mar Kristus is de ferfolling fan de wet.
- 10 sj. Lukas 1:38.
- 8 David (Psalm 77:4) blik minder sterk as Maria yn leafde.
- 9 Troch Maria kin de stream fan heil dus rinne, sj. ek strofe 12.
- 10 it âld ferbûn: ferl. Hebreërs. 8-10.
- 3 sakramint is hjir: har earetsjinst.
- 5ff Kristus is it folsleine offer: Hebreërs 9.
- 9 de brulloft ferl. Matteüs 22:4.
- 10 Minne mei it breidsklaad sierd: sj. Iepenbiering 19 :7-9
- 13 Yn de sillichheid is de ienheid berikt fan de mem fan God (Lukas 1:43) Marije mei de Soan, t.w. Kristus, in mystike ienheid (unio mystica).
- XXX. 8,4 De leafde is flechte as in dief. Dat hja my de folsleine

leafde foarspegele, blykt in mislieding te wêzen: strofe 10.
 11,14,15 Hoe wreed Rede ek liket (11) dochs is hja ûnmisber, 14
 want inkeld troch Rede kin men it wier geniet fan Minne
 winne. En hja jout it ynsjoch hoe't men komt ta it geniet
 fan de wiere minne. (15).

XXXI. 3,7 byld út 'e muzyk, dat ek neamd wurdt yn strofe 4,
 6 en 5,7 en 8.
 5,7 in liet fan wûnder heimenis. Dy toan rîist heech oer alle
 sang.
 6,1,2 de toan fan Minne yn har bewâld.

XXXII.4 de wrede frjemden meitsje mei har fenyn de wiere leaf-
 hawwers bang. Hja fetsje net dat men offers bringe moat
 foar de leafde (strofe 5).
 7 frijheid is hjir adel fan aard, heldenmoed sa't dy toand wurdt
 yn toernoaien (joesten) en striid.
 Sa'n ridder fertsjinnet de earbied fan Frouwe Leafde.
 8 Men kin yn sa'n gefjocht swiere, ja sels deadlike klappen krije:
 8, 5ff. Dat moat men der foar oer ha 9 om de Minne genôch
 te behagen. Dat sjogge inkeld de ridders yn 'dy't libj' yn
 Minne har felle gloed (in minnen orewoet)'.
 10 Dy minsken gun ik - seit Hadewych - in helder ynsjoch yn
 de wûndere geheimen fan de leafde.

XXXIII.7 de tsjinstelling sêdzjen - honger is yn strofe 8a 9,10
 útwurke; strofe 9 leit út wat sêdzjen is en strofe 10 honger.
 En yn strofe 11 de twadde helte fan 8 mei de tsjinstelling
 licht en swier.
 12 Op dy fraach wurdt winlik gjin antwurd jûn.
 14 jout ried yn de fjouwer neamde gefallen. De paradoks yn
 rigel 4 de iivge Tiid wol mooglik sizze: mei dy nije gloed fan
 Minne oerwinne de fergonklikheid, want de leafde fergiet

nea. 1 Korintiërs 13.

In oare opfetting oer de lêste strofe sjocht yn de tiidwurden gjin ymperativi (gebiedende wurden) mar yndicativi: bewearingen.

De nije flyt jout dy ferlichting sa swiid.

Nije arbeid makket oant sêdzjen ta bliid.

Nije stoarm lit fan honger dy gapje sa wiid,
dat opnij 't nije ferslynt de ivige Tiid.

XXXV. 8,1 skout=mijt, ûntrint, net opfolget.

9,6 skot (en lot) belesting, tol.

8 hoask: genegen, myld; hâld=hâldfêst.

11,9 de geunst fan har ban (paradoks).

XXXVII.12 mei de Eale is wierskynlik de siele bedoeld.

XXXVIII.3 Neffens it folksleauwe sjongt de swan koart foar syn dea. It wurd swan hinget gear mei Latyn sonare: lûd jaan, klinke. It lêste gedicht fan in dichter wurdt dan ek syn swan-nesang neamd.

De dichteresse fielt blykber har dea benei.

4,8 miswier: oanhâldend min waar; hjir figuerlik: tsjinspoed.

7 Alhiel te neate wurd' yn Minne (De Paepe: totale zelfontlediging) Hjirby moat men tinke oan de kenosis (Filippiërs 2:7, it leechmeitsjen) fan Kristus (sj. noat by XXII,7). Mar it bringt jin ek yn 't sin it boeddhistysk Nirwana, de steat fan ferlossing, dy't de minske allinne berikke kin troch de totale ûnderdrukking fan alle begearten.

Dan is in steat fan folsleine rêst en frede berikt (ûnthechting).

Mar de dichteres wit harsels dêrta net ryp en ree: rigel 4.

3 syn oanfal sil de krêft fan Leafde oerwinne.

4 hy sil mei de Leafde yn har stins wenje kinne.

XXXIX.2,3 ien each fan in dobbelstien, de leechste goai, seis

is it heechste getal. Mar dat gelok krijt er inkeld troch de Minne as Frou Fortuna.

5-9 Dy radikale omkear dy't de leafde bewurket, fynt men ek yn Béatrys: r.43-53.

XXXIX.5,5 fleagen: stoarmfleagen, mar ek weeën, pinen by in befalling.

9 oer: oermânsk, mar it is my óer ek: ik ha myn nocht derfan.

6,7 krankyl is in ferbastering fan Frânsk tranquille: kalm en beret.

9 By skermjen ûnder it skyld kin de oanfaller, (hijr de Leafde) ûnferhoeds reitsje en sels feilich bliuwe.

9,6 en 9 binne bysinnen fan betingst: as ik, en: as hja...

10,4 geniet fan Ja, ferl. Dútsk Lebensbejahung: positive libbenshâlding.

9 byld fan in striidperk.

14 ûntglûpt: manoeuvre yn it stekspul, in riddertoernoai.

XL. 1,8 berint: troch hurdrinnen ynhellet. Ferl. hjirmei de ein.

2,6 ferljochte Rede: sj. noat by XV, 4,7 en by XIX, 4 en 5.

4,2 kamper yn de striid is in foarfjochter of kampioen (earetitel).

5 paradoks (paradoxan=tsjin de ferwachting) tagelyk mei de swietens fan de leafde fielt er de pinen fan de wûnen, troch har him jûn.

7,6 it each fan de dei=de sinne, dy't yn it Yndonesysk letterlik sa hjit: mata hari (mata=each, hari=dei) Mata Hari wie ek de artystenamme fan Gryt Zelle fan Ljouwert, de dûnseresse en (deasketten) spionne.

By William Shakespeare fynt men yn Sonnet XVIII:

Sometime too hot the eye of heaven shines (it each fan de himel).

8 De banen fan stjerrebylden en planeten binne nei te gean

en te berekkenjen troch tûke stjerrekundigen: men kin se likernôch (!) krekt witte, mar de wegen fan de leafde binne net mei 't ferstan te fetsjen, sels troch de grutste gelearden net.

- 9 It byld fan it rinnen wurdt oan de ein ta folhâlden: de loop moat folbrocht wurde. ferl. 2 Timoteüs 4:7, Paulus: Ik ha de baan út rûn.

XLI. 8 Yn 'de sterkste stins, de moaiste skâns, de heechste muorre en de bêste grêft' sit de leafde opsletten troch de echte minner.

XLII.4 Lyk oalje ensfh. oalje koe tsjinje as rûkersguod (rigel 3) parfum. Ferl. ek: Psalm 133:2, dêr wurdt it fan ienriedigens sein.

5,3 Jongfeinten 'minnen boven raet' yn in soarte fan 4 ekstaze, wêryn hja dogge 'meneghe rike daet', rike is machtige of bûtenwenstige. Mar har moed blykt heechmoed en selsoerskatting te wêzen. (r.8)

6,6 skeat: oantrune.

8 eat: eat fan betsjutting.

7,5 brûzjend berne: ferl. de Venus (= Leafde)=Afrodite (út it skom fan de weagen opdûkend) sa't hja ôfbylde is troch Botticelli.

Hadewych hat it oer: it opwâljen fan de berte fan Minne.

XLIII.4,7 smakken: field en ûnderfûn ha.

5 poer: yn de âldste betsjutting: suver; soer: ûnoangenaam.

6,6 ferl. 1 Johannes 4:18: Yn de leafde bestiet gjin bangens.

9,7 snakke: sprekke, Deensk: snakke; hjir: opsprekke, swetse.

12,5 oefte: lekkernij, swiete fruchten dy't Minne foarhâlden hat, mar net te iten jûn hat (6) wat ta in (geastlike) pine laat hat (7).

13,4 it teloarstelde hert wurdt siik fan dat gemis. Yn it orizjineel

die herte, dus froulik. Mar net de Minne wurdt siik, mar it hert.

7 knakke=brekke.

14,3 en 4 wer in paradoks: de tsjinstellings wurde opdoekt.

15 wyt as linnen: ferl. Ester 8:15 en Psalm 51:9.

XLIV.4,1 Temet: Soms of miskien.

4 Wa't mient dat leafde fereale boarterij is, rekket op 'e doele.

Minne is gjin leafdesspultsje, mar earder in gefaarlike ekspedysje.

5,5 en 6: sarkastysk: in ophongen dief wachtet ek fergees op rêding.

6 De hope fan ien dy't foar de Minne alles jûn hat, is like idel as de hope fan de hongen boef; droud (r.5) drige; Dútsk: gedroht.

7,2 De earmen moatte har 'sêdzje' mei de neirisping: in bedroefd bytsje, pas as Minne werleafde ûntfongen hat, jout hja te iten.

8,2 Dizze warskôging klinkt hast komysk, mar is net sa bedoeld.

XLV. De Latynse wurden betsjutte

yn strofe 1, r.4: wiere leafde,; r.8: hertegjalp

„ „ 2, r.4: lof en eare ; r.8: (hat jo) swietrook lutsen

„ „ 3, r.4: medisyn ; r.8 regina=keninginne

„ „ 4, r.4: speserij of balsem; r.8: sacramentum: heils geheim

yn strofe 5, r.4: foar de Ferlosser, r.8: om dêrnei te stjerren.

2,7 stagen=toppen. 3,7 en 8 titels ek brûkt foar Maria.

5 Lykas wenst slút ek dit midsieusk gedicht mei in bea.

KOLOFON

Fan Klaas Bruinsma te Aldemardum, berne Easterein (L.) 1931, âld learaar Ingelsk en skiednis, ferskynden yn 'e ôfrûne fjirtich jier gâns oersettingen fan poëzij en toaniel út de wrâldliteratuer.

Bruinsma fertaalde ûnder oaren út it klassyk Gryks, Ald-, Middel- en Nijingelsk, Dútsk, Frânsk, Middelnederlânsk, Nederlânsk en Spaansk. Oarsom brocht er Fryske fersen yn it Spaansk oer. De measte publisearre oersettingen ferskynden yn de tydskriften Hjir en Trotwaer.

Bruinsma krige yn 1993 de Obe Postma-priis foar oersettingen yn it Frysk (bekroane waard syn Sófokles fertaling).

Fan Bruinsma waard earder útjûn:

Rein de Foks (oersetting Van den Vos Reynaerde) - L. Jansma Bûtenpost, 1974;

Sa Bist (oersetting fan Esopet, 67 fabels) - De Tille/Bosch en Keuning Baarn, 1985 ISBN 90-246-4537-9;

Sófokles, Trije Trageedzjes - Van der Eems Easterein, 1991 ISBN 90-800577-3-8;

Béatrys - Frysk en Frij Ljouwert, 1993 ISBN 90-73554-07-1;

In priuwke Fryske poëzy mei oersettings yn it Dútsk, Ingelsk en Frânsk, útjûn foar de FYK - Gysbert Japicx-hûs Boalsert, 1994;

Karel en Elegast - Frysk en Frij Ljouwert 1994 ISBN 90-73554-13-6;

Liudger en Gregorius, oersetting fan twa hagiografyen - Het Witte Boekhuis Boalsert, 1997 ISBN 90-7036585-5;

In namme seit mear, Fryske jonges- en famkesnammen - Gysbert Japicx-hûs Boalsert, 1998 ISBN 90-80-43-1818;

Mei-Maaie, sang fan Herman Gorter mei herdichting yn it Frysk - Utjouwerij Frysk en Frij Ljouwert, 1998 ISBN 90-73554-30-6;

Hear Gawain en de Griene Ridder - Utjouwerij Frysk en Frij Ljouwert, 2001 ISBN 90-73554-73-x.

KOARTE LITERATUER-OPJEFTE

Prof. dr. N. de Paepe: *Hadewijch – Strofische Gedichten* (Martinus Nijhoff/Leiden, 1983, Nijhoffs NEDERLANDSE KLASSIEKEN) ISBN 90-247-9140-5

M.H. van der Zeyde: *Hadewijch – Een studie over de mens en de schrijfster* (Wolters Groningen, 1934)

Prof. dr. N. de Paepe: *Hadewijch – Een bloemlezing uit haar werken*; samengesteld en ingeleid door prof. dr. N. de Paepe (Elsevier Amsterdam/Brussel, 1979) ISBN 90-10-0209-24

M. Ortmans: *Hadewych – Van Liefde en Minne - De Strofische Gedichten* hertaald door M. Ortmans-Cornet - Ingeleid door Dr. P. Mommaers S.J. (Lannoo Tielt en Bussum, 1982) ISBN 90-209-10027

G.M. Mesland: *De chronologie der Strofische Gedichten van Hadewijch en haar persoonlijke ontwikkeling*; artikel yn *Levende Talen*, side 355ff. (Vereniging voor Levende Talen Utrecht, 1975)

Dizze oersetting is makke yn 'e jierren 1981-1985, de fertaling wie ree op Krysttyd 1985.

